



Herten-
frou &

R. R. van der Leest

Skoppen-
boer



Hertenfrou en Skoppenboer

ÚTJOUWERIJ
FRYSK EN FRIJ
Ljouwert
2018

R. R. van der Leest

Herten-
frou &
Skoppen-
boer

1345 And All That

[it foarspul fan de Slach by Warns]

mei tank oan de film Monty Python and The Holy Grail

Hertenfrou en Skoppenboer

© 2018 Stichting Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert/
Reinder R. van der Leest, Haren (NB)

Foarmjouwing: Jurgen Jasper, Wychen

Printwurk: CSL, Ljouwert

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in automatiseard gegevensbestân en/of iepenbier makke troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij Frysk en Frij, Vredeman de Vriesstrjitte 59, 8921 BS Ljouwert.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any other means, without written permission from the publisher.

nur 301

isbn 978-90-8566-055-2

www.frysk-en-frij.nl

HERTENFROU EN SKOPPENBOER



Unûntheistere troch tiids stoarmen ferriist dêr de machtige boarch fan it Keningsgambyt. Wat al ûnken, fretterich as in kliber molwrotten, binne ûnder dy sâltbebiten fondaminten troch gien. Wat al pleagen, roppich as in binde wolven, hawwe besocht om by dy fochtberinge muorren lâns yn te slûpen. Wat al rampen, fûl as in flecht gieren, binne iezjend oer dy wyngisele kantielen draaid. Alle-gearre omdoch.

Grutsk wiist de pyk fan de koperen ridder op de heechste toer, de donjon, nei it westen. De punt fangt it lêste bloed fan de sinne. Skerp steane ruter en hoars ôftekene tsjin de skowende loft. Se binne ûnskiedber, dy twa. Tegearre hawwe se it wikseljend firmamint beriden. Stapfoets fan gouden himelstrannen nei blauwe lagunen, fjouwerjend troch flamjend jûnsrea, dravend oer de molkwei, stegerjend tsjin laaien wolkebergen mei wite tongerkoppen. Stânfêstich yn de ivige omgong fan de seizoenen. Fêstrustke oan de spil dêr't se om draaie moatte.

Yn de kelder fan it kastiel wurdt in lyk ûntkiste. Twa hearrigen triuwe brekizers tusken de massyf-iken planken. Spikers knerse, bliuwe as lange krûme tosken stean. Kreakjend giet it lid oan ien koarte side iepen. De kiste gappet as in drakebek. Yn deads tsjeaken leit in harnas mei delklapt fizier.

Pottelomme de Bastert knibbelt. In gril fan ôfgriis sigeseaget troch him hinne, as er it fizier iepenlûkt. It pears ferbolgen antlit dêrefter hat gjin aadlike trekken mear. De eachgatten binne leech, de noas is ôfroppe op it feltsje tusken de noasters nei, de mûlshoeken binne útskuord oan de earen ta. Ferslein stoarret Pottelomme yn de holle deaholle fan syn stamhâlder silger. Hy kin it amper op knibbels hâlde, de flikkerjende flambou ûntfalt hast syn izeren fûst. It skaad fan syn ûnbeweechlik stal dûnset oer de muorren.

Einlings ferbrekt er de gefoelsladen stilte. Hy klapt it fizier oer it slim skeinde gesicht en dekt de deade ta mei it dûkerige skyld, dat oan syn fuotten leit. Dan rinkelte er yn fol ornaat oerein, trêdet tebek, stekt de flambou yn in muorrering. Hy lûkt it swurd út de skie en set it foar him mei de punt op de flier. De hannen gearnaam op de knop fan it hânfet, lit er syn eagen en gedachten weidzje oer it blaoen fan syn lêste soan. Trochkrûpt yn de heraldyk lêst er it, as wie it in boek. Elk stik ropt in wrâld fan oantinkens op.

It fjild is yn fjouweren diel troch in azueren krukkekrús. Yn de kertieren in everswyn, in oankommende moanne, in griffioen en in skulp. Op it eareplak in sabelen striidbile, yn it hert in sinopelen bolle, op de nâle in kielen pompeblêd. Stille tsjûgen fan in oprjocht heldelibben, wreed ôfbrutsen foar't it him alhiel ûntjaan kinnen hie. It fermoarde ûnthjitten, fan syn antlit berôve.

Pottelomme grillet jitris. Ut it djipst fan syn gemoed grommelt er mei útset lûd: 'Myn hannen jokje!'

'Uzes ek!' galmet it troch de ferwulften.

In rûnte fan santjin ealmannen sjocht him striidfeardich oan. Tagedyk geane de swurden omheech, de punten reitsje inoar en foarmje

in fonkeljende stjer. Dat is syn liedstjer. Dêr leit it noarden, dêr moat er hinne. De loft skoot wer ticht en yn it roettsjuster trapet er fierder. De wyn konkelfoezet mei de iperenbeammen oan wjerskanten fan it paad. Fan fierrens spûkgûlt in hûn troch de neisimmernacht.

In nammeleaze jongfeint ûnderweis nei Ljouwert. In earme iensume skutter op 'e siik nei syn gild. As er de ploech net foar de stêd fan efteren ynrint, kriget er syn gildpenje noait werom. Dan is er foargoed wurkleas. Boppedat sil er yn in fikse boete falle. Hy suchet ûnder it jok fan syn krûsbôge, dy't er oer it skouder meitôget. Hielendal út Frankryk is er kaam. In moanne ferlyn krige er oan-sizzen om fuort. Hy moast syn penje by de oerste ynleverje. De skutters wachte in lange fuotreis. Mar doe't de ploech ôfsette, lei er mei in boerefaam yn it hea. En doe't it gild al twa dagen ûnderweis wie lei er dêr noch. Repdy-skeardy syn knapsek fol en derefteroan. By nacht en by dei hie er op 'en paad west, mar it slagge him net en kom syn maten benei. Boppe de grutte rivieren hie er him ferrûn en wie er de hiele feeljekant om reizge, foar't er te Swol kaam. Dêr fernijde in lid fan it pleatslike sekkesjouwerskorps him, dat syn gild al oardel dei earder lâns kommen wie. Sûnt hie er wer spoarbjuster west. Geandefoet hat er no al mear as 45 Frânske = 36 Hollânsk-Spaanske = 135 Romeinske = 24 Switserske = 26 1/3 Eastenrykske = 26 1/2 Prusyske = 20 Sweedsk-Noarske milen ôflein. En dat troch dizze goare Nederlannen, les Pays Bah. Ynienen bliuwt er stean. Foar him út wurdt er in readige gloede gewaar. Dat moat in fjoer wêze. Dêr wol er mear fan witte. Hy set

de stap der yn. O, soe er dan dochts noch op 'e tiid komme? As dat it nachtleger fan syn gild ris wie! Hy fierket troch it tsjuster, syn eagen trienje deroer.

Tichterby bliuwt er jitris stean. It is in fjoer! Noch kin er de flammen net sjen, dy geane beskûl efter beamkeguod. De wyn pûst sprankels omheech, swarmen fjoerflinters dwerrelje del.

Hy is foarsichtich. It soene ek kweafreonen wêze kinne. Yn dizze rûzemoezige tiden binne moard- en deaslach oan de oarder fan de dei en de nacht. Foar in duit wurdt men om 'e nekke brocht. Hy dûkt him en krûpt by it wâlhout lâns op de fjoergloede ta. Plat op it liif efter in ears hat er in goed gesicht op de trije jongkeardels, dy't om de sprille flammen hûkearzje. Hy kriget in skok fan werkenning, mar it binne syn skuttersmaten net.

De Heaven's Devils, in nije sekte. Sels yn Frankryk is der oars gjin praat. Hy sjocht it oan har klean en opskik. Dy foarmje har skaaimerke. Se sitte alhiel yn it lear. Glêde jaskes, twange broeken, koarte learzens, oerdiedich benaaid mei sulveren knoppen. Har bylkerige helms, mei in pear hoarnen derop, lizze oer de grûn. Har hyns, dy't in eintsje út 'e reek steane, binne fersiere mei in macht plakplaatsjes. Op de koppen swaaie tinne stangen, dêr't in bokkesturt oan bongelt. Tûch en seal, mei tigerfel oerdutsen, binne rynsk beslein mei fonkeljend beslach.

Oan diskant fan it fjoer leit in protte klean en lea. Troch in ferroppe himd pûdet in bebarge liif. Hy kin der net mear as in swierlidich frommes út ôfnimme. De foddebulte ferweecht noch.

Hoewol't er as skutter gjin ridderbelofte ôflein hat en dus froulju net hoecht te helpen, fielt er him moreel ferplichte om fanwegen te kommen. Motoarysk docht er it net. Syn krûsbôge is in fuotbôge. Hy moat him earst spanne troch in foet yn de bûgel te stekken en it wynwurk oan te draaien. Dat duorret fierstente lang. As er de

earste duvel rekke hat, binne de oaren al by him, foar't er op 'en nij oanlizze kin. Hie er mar in hânboêge by him. Dêr soe er fluch efterinoar mei sjitte kinne.

Stikem útwine en beare dat er neat sjoen hat? Dêr susset er syn gewisse net mei. Hy doar net iens fierder. Syn eigen hachje is him noch djoerder.

De troanjes fan de duvels gleonje yn de flammen. Se lykje wol fan hout. Skerp útfike, mei djippe swarte eagen, brede strakke mûlen en smelle bonkige noazen. In pylkich burd omslút de toangiele tsjeaken. Se ite stikjes fleis fan it spit, dat se om bar boppe it fjoer hâlde. By no en by dan nimme se in swolch út deselde krúk. It is in noflike gearsit, al seit nimmen in stom wurd.

De barbecue duorret oant fier nei midsnacht. Einlings rize se oerein, springe yn it seal. Elk jout in rouwe gjalp en lit syn hynder lûdroftich wrinskje. Se ferswine fjouwerjend yn de nacht, sûnder nei har slachtoffer, dat no deastil leit, om te sjen.

Us skutter nimt syn trekken waar. Hy krûpt efter de frou, steunt mei beide hannen de holle en lit dy foarsichtich op syn knibbels sakje. Noch hoedener wisket er it stive bluodderige hier foar har gesicht wei. De iepene steden binne net djip. Mei syn lêste skjinnene bûsdoek dipt er smoargens út de wûnen. Hy kriget syn learen wettersakje en hâldt it tsjin har spliterige lippen. Gjinn sûchje giet der-tuskentroch, de kostlike fochte gliert by har mûlshoeken del. Krekt sil er it oerjaan, dêr splyt har ferstienne mûle iepen en nipt. Ynienen begjint se te pjutskjen. As se ophâldt, is syn wettersekje wan. By it ljocht fan it smeulende fjoer sjocht er hoe't se ien amerij de teisters opslacht. In himelske tankberens strielet him temjitte. Dan falle de eagen har ta, se lûkt in skokkende sucht en rekket yn 'e sliep. Se hat derfan hân, mar se sil mei fjirtjin dagen grif wer de frou wêze.

Hy suchtet net fan ferromming, want no sit er hielendal mei har oanklaud. As se weirekke wie, hie er mei skik daliks útwine kinnen. It is in pûnich wiif. Har op syn rêch meitôgje rêdt er net iens. Fan need moat er hjir wol bliuwe en by har benachtsje. Wer kostbere tiid op syn efterfolgingstocht ferlern. Moarnier sil er har oan de noed fan oaren tabetrouwe. As har folk hjir yn 'e omkriten wennet, kriget er grif in beleanning.

Se leit der raar hinne yn in gearropsel fan trochblet ûnderguod. Har boppeklean kin er net fine. Hy bestoppet har mei de franje fan in himd. Dêrnei spraat er de raffels fan in ûnderrok oer har hinne. Se is noch by de gatten om ticht. Hy heakket syn skoudermantel los en dekt har ta. Dan wâdet er it fjoer út. Hy soe it al sa leaf oprekke wolle, mar dat is him te noedlik. It soe ûnhuere nachtrovers oanlûke kinne. Hy jout him njonken har del. Deawurch fan alle trochstiene emoasjes stoart er yn in djippe sliep en wurdt earst wekker

by

it lemieren. In ûnbekende jonkfrou, in telch út in slachte fan de leechste aadlike rang, stoarret oer de skomkoppe weagen. De westlike himel is noch bestruid mei it grús fan de nacht. Fier efter de kym leit it lân, dêr't se hikke en tein is. Tichterby, mar likemin te beëagjen, Hollân, dat se ûntflechtet.

Fiiif jier ferlyn wie se oan Willem IV, le fou furieux, útboaske. As tank foar syn help yn de seeslach by Slûs tsjin de Frânsken. Se wie út har ynleaf Ingelân nei De Haach ferfearn. Mar it houlik waard op 'e lange baan skood. Willem wie noait thús, teach fan toernoai nei toernoai. Tusken de bedriuwen troch ûndernaam er noch in fjildtocht tsjin de Moaren en in beafeart nei Jerusalem. Sûnder yn Hollân oan te lizzen sette er dêrfandinne op Prusen ta. Amper wer-

om begûn er Utert te belegerjen, dat ferdigene waard troch biskop Jan fan Arkel.

Se hie skjîn har nocht fan him en syn hiele Binnenhof krigen. Under in plezierfeart op de Noardsee foar Skeveningen kocht se de kaptein om. Nei har heitelân doarst er har net te bringen. Wol út Amsterdam wei oer de Sudersee nei Denemark. Dêr hearske in heale neef, Lathem, dy't altyd al fereale op har west hie. Sa sylt se no nei it noardeasten.

Mids septimber. Noch drúsket de simmer om syn hjerstkertieren op te sykjen. It is winich en jit noflik waar. In frisse waarmte streamt by har lâns. Se stiet, de skonken in bytsje spraak om yn lykwicht te bliuwen, op it hege foarkastiel fan de kogge. Se hat klean fan de aldernijste moade oan. In dwers útsnien klaad fan slanke goatyske sneed, dat har skouders foar in grut part bleat lit. In strak lyfke mei lange mouwen en in net al te wide rok, dy't fier oer de ankels rikt. It ljochte hier hat se flechten yn, dy't by de sliepen opbûn binne. Se kriget de wyn fan foaren. It tinne klaad waait tsjin har oan. Har ûnderliif en skonken wurde deryn taastber ôfprinte. Sinlik draait se har om. No kriget se de wyn fan efteren. De rok waait tusken har billen. Ek oan dy kant meitsje har foarmen in djippe yndruk. Se wiist te lij. 'Wat lân is dat, freonen?'

'Fryslân, juffer.'

'Dêr moat ik net hinne!'

Kaptein Slaadfink stapt foar it front fan syn mannen. 'Wy sille der inkeld bylâns, juffer. Wy folgje de Flystream, farre troch de Krûmbalch nei de Lauwers en dan by Grinslân del. Nee, yn Fryslân komme wy net. Wa't dêr bedarret stiet faai. Wy bringe jo feilich te plak yn Denemark.'

Hy slingert in flok midskips. De har oangapjende bemanning jout him mûskopjend wer oan it wurk. Sels seeskonket er nei de kam-

panje. Dêrfandinne gaffelt er syn oarders oer it dek. It is romst wyn, se kinne moai skrank sile. Al is it skip wat lijjirich, wreed op it roer is it net. As dit sa oanhâldt, binne se oaremoarn troch de Dútske Bocht. Wat in haal! Trije rêgen út ien baarch! Earst by it akkoart foar Skeveningen al in jierlean krije, dan by it útfarren te Amsterdam it dûbele fange en as er har sûnder kleanskuorren ôfleverd fan Lathem nochris it seisfâldige tabarre. Dat bedrach hie er oars in libben lang foar bealgje moatten. Wylst er him bliid tinkt, wurdt de reefskoelte in topskoelte. Dat let neat. Hy lit de reven losmeitsje. Wat earder er dit frachtsje slyt, wat better. En dan noait nei Hollân werom. As dit saakje útlekt, is der gjin rie ta. Noch nearne in skip te bekennen. Mar aanst komt er tichter ûnder de kust. De juffer stiet dêr noch stees te kyk, dat sinniget him net. Se is no genôch útwierre. It wurdt heech tiid, dat se har wer yn it foarkastiel fersteekt. Hy sil it har sizze. As er by it trepke fan de kampanje del swinkelt, besaut er him. It moat net raarder. De topskoelte is in slopseilskoeltsje wurden. Hy klaut syn woartelkleurich krolhier. Lang duorret syn ferheardens net. Hy racht it seil stiif. Dat feroft it, slop as in skûteldoek bliuwt it hingjen. De siken binne derút, de wyn is wei. It skip driuwt út en leit folslein stil. Gjin skuorke yn de blakke wetterspegel. Oan de grillkeare loft blikkert de sinne. De mannen krije it krap. Mei fjurrige eagen speure se de himel ôf nei in teken. De himel bliuwt leech. Dêr ferskynt gjin komeet, dêr wjukkelt gjin ôffallige ingel. Sirenen en nixsen leaut it seefolk net mear oan. Dus moat it in heks wêze. In heks? De eagen draaie fan it senit nei it foarskip. Dy dêr, hat dy de duvel yn har? Wa fernimt net wat beskûl giet ûnder dat tinne klaad? Fiel jitris de fersiking fan dat sinlike antlit, de betsjoening fan dy swietferiger lea. In drôchbyld út de tún der lusten.

Ynienen in tongerslach by skjinne loft. De see dunet op en begjint te âljen út wieljende djipten. Tommelweagen tuorkje omheech en stoarte donderjend yninoar. In westerstoarm touwert troch de tugen, tongergoaten en heilbuien giselje de hûd fan it skip. Tsjok en grien wurdt de loft, iepenript troch foarketinen fan wjerljocht. De fjouwer eleminten fjoer, wetter, ierde en lucht binne tagelyk losbarst. Gaos bewâldet de wrâld op 'en nij. Wettermuorren ferpletterje skipbrekkelingen, grûnseeën klappe drinkeldeaden op de kliffen del, balkebrekkers smite har it wrakhout efternei en en en

'Ho, ho, ho, Van der Leest, jo binne wer fierstente gysten, jo wolle wer fierstente hurd. In grousum lyk, in ûnhuere oantaasting, in bargestilte, in pypkenielstoarm en in skipbrek. Dat allegear yn amper tsien siden. Wêrom sa rimpen?'

'Dêrfoar ferwiis ik nei de subtitel fan dit boek. It is in histoarysk relaas.'

'Ja, wy witte wol dat jo it sa meitsje wolle. Dan moatte jo sels om-ballingen weilitte. Wat soalt ús it wjerfarren fan in nammeleaze skutter of in ûnbekende jonkfrou?'

'It sil gau genôch bliken dwaan hokker histoaryske rôl dy twa spylje.'

'Wy wolle no ynsjoch. Set foar ús sa'n wichtige figuer as Pottelomme


ris yn it ramt fan syn tiid. Doch it besteklik. Soks hat doel.'

'Net foar dizze skiednis. Mar om jim op healwei temjitte te kommen, folget hjir syn stambeam mei in koarte taljochting.'

Alle froulike leaten, útsein Rubella en Nano, binne hjir foar de

K E N I N G S G A M B Y T

OANNAAM ————— WEGERE



Kieseritzky, Mac Donnell, Hanstein, Ghulam Kassim, Allgaier, Herzfeld

klearrichheid weilitten. Dan noch ferklearret dit ûnfolsleine oerjoch fan Pottelomme's skaai mar skraachwurk syn tragyk.

De stamme fan it Keningsgambyt wie útsprantele yn twa stagen, it Oannaam en it Wegere Keningsgambyt. Doe't Rosentreter, in soan út it Oannaam Keningsgambyt, boaske mei Rubella, in dochter út it Wegere Keningsgambyt, like dy ferbyntenis de beide hartende en tartende famyljes einlings mei-inoar te fermoedsoenjen. Noch gjin moanne letter foel Rosentreter op it slachfjild. Mei grutte tûkens spile Rubella de wangeunstige famyljes tsjin inoar út. Sadwaande slagge it har om har posysje te ferstevigjen. Twa jier nei de dea fan har man krige se in soan. Wa't syn heit wie bleau in riedling. Hy waard net ferneamd, want nimmen woe sa'n genamt hawwe. Mar hy joech himsels in namme. 'Pottelomme!' flokte er krûm, doe't syn minne har boarst him ûntglûpte en de tate him om de earen spatte.

Koart foar har ferskieden ûntsprute oan Rubella har skerte noch it famke Nano, wa's ôfstamming ek healtsjuster bleau. Dat joech al gjin trelit mear, sa hie Rubella it heft yn 'e hannen. Nei har dea koe Pottelomme allinken de absolute macht fêstigje. Syn skelnamme, de Bastert, waard in earenamme. De oerwinneling wie oerwinner wurden.

Dochs mijde it needlot him net. Nano, dy't him altyd tige nei lei, wie de deis fan har mearderjierrigens spoarleas ferdwûn. Syn soannen, fan Kieseritzky oant en mei Allgaier, bleauwen allegear yn 'e kriich, har memmen oerlibben de kream net. En no is syn hope en treast, syn jongste soan Herzfeld, him ek noch ûntfallen.

Boppedat hinget him noch in oare doem oer de holle. Dat kopstik yn it westen wol syn gesach net tjilde. Willem IV docht oanspraak op Fryslân neffens de Hollânske Ferdigening, syn eigen stambeam. Mei him is Pottelomme ûnklear. Dat kin sa net duorje. Hy hoecht

gjin

noed mear mei har te hawwen. Se snoarket lûdroftich. In sún teken. No kin er moai útwine. Oaren sille wol mei har rêde. Earst har fan syn skoudermantel ûntdwaan. As wie it yn in fertrage film, sa komt ús skutter oerein, knibbelrjochtet en teantet suver sweevjend op it frommes ta. Hy kriget de seam fan syn mantel, lûkt har it guod triedsje foar triedsje ûnder 'e earms wei, teart de tippen nei it midden, tilt it pakje op. Hy hat it mei sin dien, se wurdt net wekker. Noch ien kear sjocht er op de gewûpste frou del. Dan kriemt er en set de stap deryn, syn morele frijheid temjitte. 'Nole ire, bel messere!'

Ferstuivere bliuwt er stean. Wat bargelatyn treft dêr syn ear? Is dat de stim fan syn gewisse? Dêr harket er oerhinne en dus giet er fierder.

'Nole ire, bel messere!' klinkt it noch smekender efter him. Op 'en nij stiet er stil, mar hy sjocht net oer it skouder. As er dat docht, is er ferlern. Dan moat er wol werom. Hy lûkt in swiere sike en stoarret stûf foar him út.

'Nole ire, bel messere!'

It heart sa earmoedich dat er him oerhelje lit. Tige starich kriemt er, giet op syn alve-en-tritichst werom. No swevet er net mear reklamefilmysk. Hy bjisket poepeklomperich, wylst er syn emoasjes trochslukt.

De monumintale frou sit op. Har skonken fan wyt moarmer mei blauwe ieren lizze as in pear omfallen pylders nei him ta. Se stekke út it machtige massyf fan har torso, dêr't bûk en boarsten reliëf oan jouwe. Mar op dit stuit hat er gjin each foar sokke klassike boukeunst. Se hâldt ien earm útstutsen yn in gebeart, dat net mis

te begripen is. Hy moat har oplûke. Hy omfettet har pols, set de hakken yn 'e grûn en skuort. Wûndere maklik en fluch stiet se op har fuotten. It ivich froulike. Se kinne it sels wol, mar wolle holpen wurde.

'To ti ringratio, bel messere,' seit se tankber.

Hy skokskoudert. Se kin him alles wiismeitsje. Jitris stekt se in earm út. Har delhingjende hân wjukkelt as in flerk. Ek in gebeart dat gâns seit. Hy mei opkroaskje. Dat docht er mei alle leafde. Bliid ta set er fan ein. Sisa, dy bongel oan 'e poat hat er ôfskodde. Noait, noait sil er wer yn in oar syn potten en pannen omriere. Hy hat genôch oan eigen diggelguod. Moedich skonket er op Ljouwert ta, de grûn dreunt deroer. De grûn dreunt deroer? Hy hâldt yn, skoarezet noch in eintsje fierder, stiet stil.

'Prae, sequar te,' heart er freonlik efter him. Se is him folge. Lillebiljend komt se him op 'e side. De neakenens fan har molkene hûd komt him tige oan 't moed. Se hâldt de hannen foar it liif, ien boppe, ien ûnder, en sjocht him jammerdearlik oan. No ferstiet er, wat har yn it gat om wynt. Falske skamte. Hy heakket syn skoudermantel los en langet har it stik klean oer.

'To ti ringratio, bel messere.' Se hinget it foar har froulikens en makket it yn de nekke fêst.

Dit is de gelegenheid om har plan-út oan it ferstân te bringen hoe't de sinne omgiet. Hy wiist earst op har en it plak dêr't se weikaam binne. Dan tsjut er himsels en de oare kant oan. 'Do dat út, ik dit del!' Hy telt har de wurden ta.

Se skodhollet wolberet.

'Prae, sequar te.'

Hjir helpt gjin gebeartetaal mear. Sûnder útstel nimt er de hakken op. Hy rint him út 'e naden. De krúsbôge dûnset him op 'e skouder. As fuotfeint hat er in poerbêst úthâlden. It jout allegear neat. Se

rint him oan, hy kin har net kwyt wurde. Op 't lêste keutelt er noch mar wat fuort. Poemeljend hâldt se him by.

'Festina lente,' himet se.

Hy haast him net iens starich, hy ferset gjin poat mear. Syn mûlruft lûkt krampachtich gear. Hy hat it gefoel as wurdt er midstroch knypt. Rûngear stiet er te kokhalzjen.

'Quoniam fessi sumus, sedibimus,' hoasset se oan syn side. Hy jout him yninoar en bliuwt gybjend sitten.

It duorret in hiel skoft, foar't er wer op

har ferhaal komt.

Oer de ferlittenheid fan it Marderklif klinkt skril it rouwe kriter fan ûnwaarsfûgels. Of en oan saai se, sûnder in wjuk te ferwegen. Fan de steile, troch brâningsweagen ûnderwrote kust nei it houten skipsgeramte, wêrfan't de brutsen ribben boppe it wetter útstekke. En werom oer de stripe skier strân, dêr't de oanspielde liken glêd en blauwich ûnder de skoarjende sinne lizze.

Yn 'e fierte rattelt in bolderwein mei in kedde derfoar by de skeante del. Knerstoskjend lûke de tsjillen in spoar oer it skyl. In binde strânjutten, klaaid yn jutesekken, slinger mouket efter de wein oan. Guon hawwe lange messen by har, oaren bilen, gnodzen en skeppen.

Us jonkfrou splyt de eagen iepen. Se leaut earst de wite kliffen fan Dover te sjen en mient, dat se werom is op har bertegrûn. Dan wurdt se gewaar, dat it gjin krytrotsen binne en se falt út de sânde himel. Dit is Ingellân net. Dit moat it foarberchtme fan de hel wêze. Se is al rêdbraakt. Alle bonken lizze har skean en bryk troch de lea. Giele skomslieren waaien fan in knobbel yn it sân oer har hinne. Wat in balstien like, is de rêch fan in drinkeldeade.

Plat op it liif fierket se oer it strân. Skimen komme neier, de kontoeren ferskerpje, spinachtige wêzens krije minskliker foarmen. By it foarste lyk hâlde de bûtsikers. Ien fan harren kneppelt de plasse, oant de harsens derút kwitse. In twadden ript mei syn mes it lichem fan kin nei krús iepen, in trêden strûpt linich it fel derôf en in fjirren hakket it oerskot yn biten en brokken. Dy wurde op de wein skept. Se stjert tûzen deaden. Dit is it lân dêr't de kaptein har foar warskôge hat. Hjir, oan dizze barbaarske kust, sil se in skriklik grêf fine. Se is troch seeën fan ellinde gien. Wêrom moat se dit ek noch belibje. De ein besuorret it al.

Mar se is net fersûpt, lyk as de bemanning. Wat macht hat har troch dy tommelweagen droegen? Wat krêft hat har de eagen iepene, krekt op 'e tiid foar't dy minskefilders by har binne? Is se in útferkeazene? Rêst op har, nettsjinsteande alles, dochs in segen? Dan mei se it net oerjaan. Se moat hjir mei de hiele hûd ôfkomme, sa stiet it skreaun. Fryslân sil har bonken net hawwe.

Se spant de spieren. Har liif is in pûde mei spikers. Se lûkt de knibbels op, set de teannen yn it sân, steunt op de hannen neist har skouders en triuwt harsels foarút. Sa roeiket se as in skylpod troch de woestine. De fuorge dy't se ploeget, stoot efter har ticht. As de kannibalen opsjogge om it folgjende lyk ûnder it mes te setten, leit se wer deastil. Under it strûpen skoot se fierder.

Wylst de filders de foarlêste fleisklompe flinzje, berikt se de leadrjochte wâl fan balstienliem. Se kronkelt om in opsteande richel. Yn it beskûl dêrfan komt se oerein út har appelflaute. Se klaut omraak, mar fynt nearne hâldfêst. It liem ferkrommelt har tusken 'e fingers, grint lit los en rôlet har foar de fuotten. Se doar net heal op de deldracht fan de wâl dêrjinsen ta te setten. Dan moat se efter de richel wei en rint yn 'e kikert. Wanhopich sjocht se omheech nei de rêden-de râne, noch gjin tsien jellen boppe har. De wâl is steiler as de

noardkant fan de Eiger. As dy helhûnen aanst tichterby komme en op it wrak ôfgean, wurdt se grif sjoen.

Koartby ûntdekt se in iepening. Se slûpt deropta en dûkt it gat yn. Se stiet oan it begjin fan in hoalegong. No kin se rjochtop rinne. Se komt yn in ferwulft. It is tamelik djip en heech, mar se fynt gjin oare útgongen. Oer de grûn lizze skjinwosken balstiennen, dêrtusken wringen en fingerkeatten. Se stiet yn it gat beneile. Net in flechtgong is se ynrûn, mar in bonkjeskeamer. Se hat gjin fermogens mear en gean werom.

Klappertoskjend bûnzet se de klamme foarholle tsjin de robbelige klaaimuorre, as wol se harsels dêryn boarje. Noch ien kear skuort se de earen op. Se fernimt inkeld it snuven fan de brâning en it kriteren fan de ûnwaarsfûgels. It lûd dreunt tusken har sliepen, hieltyd heftiger. It spjalt har tromfluezen iepen, se triuwt de hannen op de earen. Har lichem sakket wei yn gefoelleazens, allinnich yn har holle dindert it as in oardiel. Heal ferdôve sit se yn it twiljocht.

It wetter komt oan. It krinkelt tusken de stiennen, strûpt werom, glierket op 'en nij oan en waaiert it hoal fierder yn. De see beslikket har fuotten. As de weagen om har kûten skolperje, skrillet se op, jout har oerein, sjocht hoe't it wetter op har ta wâlet. Noch ien kear swilet se alle krêften gear. Knibbeldjip flotsket se troch de floedstream. Amper is se yn de tunnel, dêr fertsjustert in skaad de útgong. In Neandertaler keart har. Under syn lege foarholle stikelje trochrinnende wynbrauwen. Hy hat in platnoas en brede wangbonken. Syn ûnderste hoektosken stekke oer de boppelippe hinne. It ljocht skynt troch syn bjustere flapearen. Hy nokkert grimmitich, wylst er leafkjend mei in grauwe bonke op syn frije hân tikket. Se dûkt har. Foar har leit in stien. Dy slingert se nei syn troanje. De stien skampet de bonke en plompt yn it wetter. Hy wâdet op har ta, al mar nokkerjend. Se baait tebek it ferwulft yn, stroffelt oer in bal-

stien. Wyld mei de earms skaaiend, kipert se der rêchlings hinne. As se de fuotten wer ûnder it gat hat, is er al by har. Syn bonke makket in geweldige úthaal.

‘Pas op, efter dy!’ raast se.

Miskien hat se it yn de oertaal sein. Miskien is se op dit eigenste momint syn stamgenoate wurden. Yn alle gefallen, hy ferstiet har en lit de bonke sakje. Syn nokkerjen hâldt op. ‘Uh?’ seit er.

Hy kriemt preehistoarysk starich, sjocht har op ’e rêch oan. Se kriget alle tiid en til de balstien, dêr’t se oer stroffele is, boppe de macht. Mei in slingerbeweging út ’e mul wei kwakt se de stien op syn embryonale harsens. Se sûzebollet der sels fan. Hy begjint te swaaïen, komt iderkear fierder út it lead te hingjen, oant syn skonken it bejouwe. Syn gappert gjalpet fol. Brobbeljend giet er kopûnder. Hy siicht oer de boaiem del, syn kont stekt as in eilantsje boppe it wetter út.

As er net mear bûleblaast, doar se him foarby nei de útgong. Hoeden stekt se de holle bûtenhoale. Se gnúft oer it ûnderstrûpte strân. Om it wrak saaie noch ûnwaarsfûgels, mar de helhûnen binne ferdwûn. Se strûst oan de mul ta troch it wetter by de wâl lâns nei in opgong. Se eaget oer de râne fan it klif.

In gesicht fier leit it platte griene lân ferlitten. Lofts fan har ferriist in tsjuster bosk. Dêr moat se in hinnekommen sykje. Se stoot troch it weagiende gers nei de ein fan dizze sêne, dêr’t

Pottelomme

lykme-allinne yn de wynkelder sit en ferjitnis yn de drank siket. Hy treurt om it ferlies fan syn soan. Gjin leed is him besparre, gjin bern is him oerbleaun. Syn hannen omfetsje in harsenspanne, de plasse fan in fersleine fijan. Dêryn fonkelt bloedread druvesop. Hy

befingert, fier yn 'e memoarjes wei, de sliepbonken, dy't skuord binne troch kneppelslaggen. Herzfeld mortibus. Hy smyt de holle efteroer, jit de wyn yn it kielsgat en soalt de harsenspanne oer it skouder. De plasse batst tsjin de estrikken, karambolearret nei in hoeke, dêr't de bonken útinoar spatte en kletterjend delbrue. Op dat pas komt Lolli, syn steatsstiktaris, by de treppen del. Hy bringt de post.

'En?' snaut Pottelomme benijd.

'Ut it westen neat gjin nijs, hear,' suchtet Lolli. 'It âlde smoesje. Hy sjocht wol de oarsaak fan in kriich tsjin ús, mar noch gjin oanlieding.'

'Wat is it ferskil tusken oarsaak en oanlieding?' ropt Pottelomme wanhopich út.

'Dit, hear. De oarsaak is de grutte boarne fan in konflikt, de oanlieding de lytse drip, dy't de amer oerrinne lit,' redenriket Lolli.

'Hoe moat ik him fergje op in fjildtocht nei Fryslân?' graut Pottelomme. 'Want nei De Haach geane wy net, liiflik of geastlik.'

Foar dizze histoaryske wurden nimt Lolli even in stilte yn acht.

Dan fernijt er: 'Hjir is Salvio ek, hear.'

'Lit him fierder komme.'

In ridder trêdet de kelder yn. Hy hat in reafallich gesicht, omsletten troch in flaaksen ringburd. Syn mûze-eachjes flitse opnimstich alle kanten út, sûnder dat syn holle beweecht. Under de earm hâldt er in helm mei in fearren plom. Hy knikt Pottelomme earbiedich ta.

'Do moatst de moardners fan myn soan fine,' kommandearret dy.

'Doch alles, wat dy dêrta nedich tinkt.'

'Ik moat earst oanknottingspunten hawwe.'

'Wat guod?'

'Oanknottingspunten. Feiten dêr't in ûndersyk mei begjint.'

'Goed, begjin mar.'

Salvio set syn helm neist him op de flier en hellet in opskriuwboekje mei ringbân foar it ljocht. ‘Wa hat it lyk fûn?’

‘Jut en Jul, twa otterjagers.’

Salvio befochtet de punt fan syn houtskoalpypke en notearret. ‘Wat hawwe se nei de fynst dien?’

‘Seetonne warskôge.’

‘Wa is dat?’

‘Luitenant en oanfierder fan myn fiifentritichste peloton fuotfolk.

Hy hat de deade ynkistje litten en hjirhinne brocht.’

‘Wêr binne dy otterfangers en de luitenant no?’

‘Hjirboppe yn de wachtkeamer.’

‘Wêr is it lyk fûn?’

‘Yn in sompe ûnder Surhuzum.’

‘Wannear?’

‘Ferline wike tongersdei.’

‘Hoe let?’

‘De moarns betiid.’

‘Hold jo soan by Surhuzum om ta?’

‘Dat wit ik net. Hy wie in swalkjend ridder.’

‘Hiene jo dan wol geregeldwei kontakt mei him?’

‘Nee. Ien kear hat er my in brief skreaun. Hy wie jild nedich.’

‘Hawwe jo dy brief bewarre?’

‘Jawis, yn myn argyf.’

‘Wêrwei hat er dy skreaun?’

‘De postrider kaam fan Yndyk.’

‘Hoe lang is dat lyn?’

‘Hast in fearnsjier.’

‘En hawwe jo jild stjoerd?’

‘Ik haw de postrider in moai dofke foar him mejûn.’

‘Neffens myn skôging hat it lyk op syn minst oardel moanne yn it

wetter lein. Harnas en skyld haw ik sjoen, mar ik mis it swurd.’
 ‘Myn soan hie grif in swurd by him.’
 ‘Wannear is er út ’e hûs tein?’
 ‘Simmer 1343.’
 ‘As ik freegje mei: wêrom is er fuortgien?’
 ‘Hasto wolris fan it generaasjekonflikt heard?’ boldert Pottelomme.
 Salvio slacht gau syn opskriuwboekje ticht.
 ‘Dan soe ik no graach luitenant Seetonne en Jut en Jul ûnderfreegje
 wolle. Fan ’e middei noch set ik mei harren ôf nei Surhuzum om
 dêr de hichte te heljen.’
 ‘Bring him by de mannen,’ befellet Pottelomme syn steatssiktaris.
 ‘En lit my hjir fierder gewurde.’
 Lolli nimt de foarstap by de treppen op, Salvio folget

him as in

skaad. Se hat inkeld syn skoudermantel oan. Sa seksy as de pest,
 mar dy prikel is er no ûngefoelich foar. Syn sloppe mage moat earst
 stiivje. Hy hat ferlet fan in streksom miel. Syn knapsek is leech, syn
 wettersekje wan en syn ponge plat. Salang’t er syn gild net fûn hat,
 moat er libje fan jûne stikken. Hy brekt in reade surk ôf en begjint
 dêrop te kôgjen. Dat helpt in bytsje foar de toarst.
 De frou docht itselde. ‘Frugus consumeri nati,’ seit se.
 De wyn is in feger wurden. Moude bestoot syn gesicht. Skaden fan
 wolkens feie oer it gers. In gesicht fier de ûnherberchsumens fan
 it Fryske gea. In oarde sûnder ferrassings. Hy sjocht yn it foar al,
 dat elke kontrei dy’t er temjitte giet, krekt lyk is oan de streek dy’t
 er just efterlitten hat. Dy flakke ientoanigens makket moedeleas.
 Altyd deselde grienens en altyd itselde eachweid.
 Hoewol, om de bocht fan de dyk komt in âldachtich man oan

krûpen. In heareboer foar it neist. Hy hat in rûge mûtse op. Syn koart oerklaad is mei bont omseame, syn lange hoazzen binne fan brokaat, mar hy slacht gjin regaad op it teheisterjen fan syn djoe-ra-bele klaaiïng. Hy siket him in stiselbult.

‘Wat is deroan, bêstefaar?’ freget ús skutter.

‘Ik haw in gouden rider weibrocht,’ grânzget de man sûnder op te sjen. ‘In sulveren grut foar de earlike fynder. Ik bin grytman Filt-skoech,’ seit er derby, om skine te litten dat syn oanbod mienen is. De skutter byt fuortendaliks ta. Hy makket graach gading oan in sulveren grut = tolve penjes. Dêrmei soe er wer in moai skoft troch de tiid komme kinne. Hy knibbelt yn it stof om te sykjen.

De frou docht it him nei. ‘Vis unita fortior,’ orakelt se.

Mear as in oere is er op ‘e sneup. It twirjende stof ferblinet syn eagen. Hy knarseltoaket fan moude en fûlens. Hoe’t er ek siket, de gouden rider fynt er net. Dy beanning rekket er sneu by troch. Hy komt oerein en slacht syn klean ôf. ‘De segen mei it jild,’ winsket er Filtskoech ta. Hy wachtet even. Miskien kriget er noch ien penje foar de muoite. Mar de grytman sjocht him net iens oan, preuvelt wat en krûpt fierder.

Hy drost ôf. De loft griemet. Wolkens fan skaad feie oer it gers.

Syn slippedraachster folget him spontaan.

‘Debile principium melior fortuna sequetur,’ treastet se.

Nei’t er wer einleaze gelikense lânsdouwen berûn hat, poazet er. Dit kin sa net langer. Hy moat har ôfpaaije. As it net yn lilken giet, dan mar yn goedens. Hy sil har yn it moed sprekke. Froulju binne sa fynfielend. Faaks jout se dan belies. ‘Harkje,’ begjint er, wylst er melodramatyske meneuvels makket. ‘It needlot hat ús byinoar brocht, lit ús dat needlot no útdaagje. As wy noch langer byinoar bliuwe, rinne wy ús ûndergong temjitte. Elk fan ús moat op himsels gean, dat is ús lêste kâns op in minsklik bestean. Iderien

stjert lykme-allinne. Us libbenswegen hawwe mekoar krúske. Hjir en no rinne se útinoar. Frjemdlinge, wa bistu? Ik wol it net witte. Frjemd-linge, wêr komstu wei? It soalt my neat. Frjemdlinge, wêr giestu hinne? It leit my flak. As it mar net deselde kant út is dy't ik gean. Goereis!

Hy fûstket ôf. In trien kralet har yn 'e eagen. Hy hat de goede snaar rekke. Ynienen heakket se de skoudermantel los en langet him syn eigendom oer. As in byld fan molke en huning stiet se huverjend oer him. Hy skodhollet selsbewust. 'Dêr is it my net om begûn. Dy meist hâlde. Ferjûn guod is foldien guod. Goereis!'

Fluch hellet se har tichtknypte lofterhân ûnder de mantel wei. De fingers teare iepen en yn har palm leit in gouden rider.

Hy skuort grutte eagen op. 'Hasto him fûn?' hakkelt er. 'Mar wêrom hast neat sein? Dat is net earlik.'

'Primum prendere, deinde philosophari,' andert se sljochtwei.

Hy stiet fersteld. Soks hie er noait fan har tocht. Hy lûkt in meilydsum gesicht en hâldt de hân op. Mar de gouden rider jout se him net. 'Vade mecum,' seit se, syn mantel oer har skouders skaaiend.

No rint sy foarenoan. Hy lit him meitroaie. Finansieel is er fan har ôfhinklik. Hy hat syn krúsbôge noch. Sil er har it jild ûntnaderje? Gjûn stjerling dy't der hjir weet fan kriget. Hy bliuwt in bytsje be-
nefter en stekt de foet troch de bûgel om de bôge te spannen. Krekt sil er it sjitark omheech bringe, dêr draait se har om. Se winkt him en wiist. Tusken beamte ferskûle it moassige tek fan in hûs. Hy sil de útfiering fan syn goed foarnimmen even ferstelle moatte. Aanst komme se wol wer yn de ûnbewenne wrâld.

It hûs is in herberch. Op it hiem steane in stikmannich boerewei-
nen. De hyns wachtsje geduldich mei de koppen foardel en de keat fan in efterpoat knikt. Tsjin de post fan de iepen doar sit in boereknilles te sliepen. Hy hâldt de holle efteroer. De ûnderlippe

falt him yn 'e mûle. In opdrûge snottepylk stekt út ien noastergat en giet mei syn sykheljen op-en-del. Boppe him slingert in rustich úthingboerd piipjend hinne-en-wer. -YN IT STÚMSKE WIIF- is der mei grutte hoannepoaten op ferve. Ut de jachtweide dúnje lûdweagen.

'Ne timeamus,' seit se dapper. Wolberet stapt se oer de strampels fan de boereknilles. No kin ús skutter moai derút repe. Mar dan komt er har jild net benei. Dus folget er har as in hûntsje. Amper oer de drompel bliuwt se stean.

It rûchkâlt ferstommet op slach. Elkenien begappet har. Eigenhierde boeren, hierboeren, komelkers, klaaiboeren, sânboeren, grutfeynten, milfeinten, lytsfeinten, okseprippers, greidboeren, bouboeren, allegearre litte se de gaffels iepen sakje. De iennichste dy't syn ferbazing net skine lit, is de kastlein. Mei de earms oerinoar stiet er efter de taap. In bear fan in keardel, sûnder nekke, mar mei in spjochtich snoad holtsje. Njonken him in boeregredske en in boerehoatske, dy't syn betsjinsters binne.

'Wat dogge jo hjir?' freget er glûpsk.

'Ave hospes,' groetet se weardich.

Alle boerekoppen eachknipperje en draaie tagelyk nei de kastlein. It is sa stil, men kin de luzen rinnen hearre. Hy set in heech krop. Oan dit omsittend laach sil er ris sjen litte, dat er syn frjemde talen noch ken.

'Carpe diem,' groetet er werom as man fan de renaissance-takomst.

'Memento mori,' seit se as frou fan it midsiuwske ferline.

'Esne solus?' freget er.

Se docht in stap fansiden. Alleman gappet no de skutter oan. Dy syn bôge is noch spand, mar hy hat der gjin besleur oer. De foarfal- len binne te hurd en te rêd by him ynslein. Hy kin alles sa gau net ferwurkje. Hy stiet te sûzeboljen en heart net iens mear wat de frou

en de kastlein ferhaspelje. Inkeld fernimt er it starich hinne-en-werjen fan de boerehollen. Hy wurdt wat langer wat dwiler. Ynienen hâlde de hollen stil. De frou lit de gouden rider sjen. Elkenien stoarret nei har omheech stutsen hân. Eagen fersline it jildstik.

‘Da mihi quod bibam,’ ropt se.

‘Watsei?’ Fan ferheardens ferjit de kastlein om Latynsk te praten.

‘Dahi mihi potum.’

Dat ferstiet er. Hy wynt him troch it folk hinne nei har ta en lit rom baan meitsje. De útspeake skonken wurde folchsum ynlutsen. Hy konfoait har nei in lege tafel yn in apart keammerke. De skutter dreamwandelt efter har oan. It boeregreedske en it boerehoatske komme elk mei in tinnen pûle bier oan setten.

Nei’t de slimste toarst ferslein is, begjint de iterij. As foarmiel fisk. Soere Bismarck-hjerring of sâlte Beukelsoan-hjerring. Sy nimt de soere foar kar, hy de pikelherring. ‘De gustibus non est disputandum,’ merkt se wiis op, wylst se harres mei hom en grom deryn skobbet. Dêrnei brette hûnsfotsjes: stikken bôle yn molke en aai dipt, yn bûter bakt en mei sûker bestruid. Dan lollemanstip mei skiepmolke, bûter en sjerp tamakke. Slofferbeannen mei lapen trochgroeid spek. It is in hiele pree. Hy oeryt al syn kwalen. Op ’e stuit ite se noch in jonkerige patrys. Dy priuwet fier. ‘Feras consumere nati,’ haffelt se. Swijend robbet er ûnberonge troch, oant er kropsêd is. Wylst se foar neigerjocht potstro nuttigje, krôket er omraak. Hy sit grôtfol mearfâldich fersêde fetsoeren.

De útsetter is in útwrydsk slokje. Hy lûkt mei de toskende stoppe fan it nuveraardige krûkje. –Benedictine– stiet derop. Se stjitte oan. Yn ien swolch nimt er syn drinkhoarntsje út. De krasse drank set him fuortendaliks nei de holle. Nochris jit er yn. Hy bringt syn woldwaanster in heildronk ta. ‘Benedictine!’ bejubelt er har. En sy bedrinkt him wer. ‘Beatius est dare quam accipere.’

De holle wurdt him oranje. Hy sjongt mei dûbele tonge bierpsalmen

en flokt tuskentiids. 'Da jurandi venium,' ûnskuldigt er him. No kin er wol Latynsk prate.

'Hic,' hikket se.

'Hoc,' hikket er mei.

'Hunc,' hikket se werom.

'Quare?' freget er.

'Quia!' andert se.

Hy giet by har op 'e skerte sitten. 'Dulcior est fructus post multa pericula ductus,' leafket er glei. 'Quam quisque norit artem in ea se exerceat,' tutet er fierder yn har ear. Hy knypt yn har grou wyt bil. Se tikket him net te sunich op de fingers. 'Monere a me!' warskôget se, him fan har ôf triuwend. Hy moat syn lusten yntwinge. Mei-iens is er oan de ein fan syn Latyn. Hy doar har net mear op 'e lije side oan te krûpen. Hy jout him oer de flier del en stoarret sûgich omheech. Mar ynienen kriget er in fleach fan ferstânsferklearring. Dit frommes is gjin frjemdenien. Hy hat har earder sjoen. Mear as seishûndert jier letter. Yn in hynstestâl. Doe hat se him ek ôfstegere, nei't se him earst behelpsum wie. Dat mist him net. Ear't er fierder harsensskraabje kin, spraat de rûs syn tsjustere wjukken en falle him

de eagen iepen. Se leit yn in kûle op in moazich bêd middenmank bûkebeammen. Heech boppe har skolfert de wyn it bledte. Hjirûnder rêst se noflik yn de lije. Djip is de sliep har troch de lea gien. Behaachlik rôlet se har tusken de rintfearren. Har tin wyt klaad is troch it seewetter isabelkleurich wurden. It plakt oeral oan har fêst en bedekt har amper mear. De stoarm hat der in skealik

lapke fan makke. Se mei har net wer deljaan, se moat op har iepenst wêze. Fergees fjochtet se tsjin de sliep. Op 'en nij sakket se yn in neske slommer.

Kjel jout se har op. Se fielt in snút tusken har skonken. In baarch wrot snuwend ûnder har klaad. Se lûkt de knibbels op en slacht de earms deromhinne. Yn it himd benypt wachtet se fierdere oantaasting ôf. Mar de baarch skoddet de kop dat de earen flapperje en rint sturtsjegiseljend fuort.

Skril betaast se harsels. Alles sit der noch op en oan. Hoe no te wurk? Dêr't barga binne, hâlde minsken ek ta. Hjir ferdek bliuwe, of útnaie? Nei lang hifkjen en wifkjen ferlit se har skûlplak. Se bokselt troch de bosk, eagen merkbitend, earen opskuord, spieren spand. Mar alles is sa fredich, dat geandewei har freze yn ferhoping ferkeart. Se mient dat se nei al dy skriklike ûnderfinings yn in stikje paradys op ierde is.

Unferwachts stiet se foar in marke. Se falt op de knibbels om te drinken. Farsk wetter. Nektar foar har útleage lichem. Se dwelmet derfan. Tagelyk fernimt se, hoe't it har besterket. No kin se it wol wer in setsje rugje. Se smyt de holle yn 'e nekke en heint in strielebondel tusken 'e teisters. Dan eaget se oer it heldere wetter.

Gjin wyntsje tipt de blakke oerflakte, dêr't de ûnferweechlike beamtûfen yn spiegelje. Wat is it hjir lústerich. Dochs hâldt dy heimsinnigens gjin driging yn. Earder in nûgjen om noch tichter by de folsleine stilte te kommen. Itselde bieden dat fan in tún mei ûnbetrape snie út giet. Se komt oerein en dompelt ien foet ûnder. Dêrmei hat se moedwillich fersteure wat har fan wûnder ferfolle. Mar se koe it net litte. De wetterspegel brekt yn hieltyd widere ringen, dy't starichoan ûnneigeanber wurde. De boaiem fan it marke is skol en sânich. Se baait nei it midden, dêr bliuwt se stean. As it oerflak útrimpele is, sjocht se harsels. Se strûpt har klaad út en lit

it fuortdriftkje. Se slacht mei it wetter om, dat har tagelyk oanhel-
let en ûntslûpt. Kralen drippe fan har fingers en ringje op de igge-
ta. Se skoddet har lang hier, dêr't gjin flecht mear yn sit. It jout in
gefoel fan befrijing.

Fisken waaijerje de sturten troch it wetter. Dêr leit ien yn in ljocht-
plak. Har skaad falt oer him hinne, mar hy swimt net fuort. Efter
de klopjende kiuwen sjocht se reade holten. Se teart de hannen ta
in skulp en skoot dy djip ûnder syn liif. Hy bliuwt dêr't er is, mei
triljende finnen. Ynienen hellet se op. De fisk komt boppe wetter,
sulveren skobben wurde gouden. Hy wrikt him yn bochten. Se fielt
syn benaudens yn har palmen. Sa'n honger hat se net, dat se him út
'e hân opyt. Se koestert him tsjin har boarsten. In noflike gril giet
har oer de lea. Op it slotgat fan elke spien bibbet in drip en gliert
fonkeljend ôf nei har nâle. Se pimpert fan libben. Dan bûcht se har
foardel en lit de fisk slûpe. Fol oerjefte keart se har nei de sinne,
dy't op balken stiet.

De idylle feroaret op slach yn in pastorale. Gnoarrich komme
bargen ûnder de beammen wei setten en stowe op koarte fottelpoa-
ten pardoes it marke yn. It wetter spat wthoeheech witwêrsanne. Se
kin noch krekt har klaad meipakke, útnaaie en efter in strûk dûke,
foar't in opslûpen jonge tusken de stammen ferskynt. Syn punt-
mûtse saait er om in leechhingjende tûke, syn klompen skopt er út
en linich ûntdocht er him fan syn skeamele plunje. Hy spaanbillet
de bargen efternei. It wetter rikt oant syn smelle brits. Hy spielt
de oergroede fan syn skoatich feinteliif, wylst de bargen fleurich
omsparelje.

In dryst plan sjit har yn 't sin. As se har no ris ferklaait, sadat se in
hardersfeint liket. Dan hat se mear kâns om út Fryslân te slagjen. Se
bemuozzet it daliks. Under dekking fan it leaf bôget se om it marke.
Fuotsje foar fuotsje beglûpt se it plak, dêr't de jonge syn klean lizze.

Dy graapt se, ek de klompen en de puntmûtse. Sûnder opsjoch te jaan snjit se mei har hut fuort.

Oan de râne fan it wâld, tusken de úttakkele blêden fan ikebeamkes, strûpt se har om. Se skuort in stripe fan har klaad en pranget de boarsten dêrûnder. De boksen fan de flapbroek teart se om, de mouwen fan it wammes rôlet se in eintsje op. Se troppet har kljirre yn de punt fan de mûtse en lûkt dy djip oer de earen. Dêrby merkt se, dat se noch wat fergetten hat. In swinehoeder mei earbellen behongen. Hastich ûntsieret se har. No is se uterlik alhiel pastoraal, mar ynderlik net heal. It driuwt har.

Oan it sinneskieden kin se sjen wêr't it noardeasten is. Dêr leit Denemark, dêr wachtet har heale neef, de machtige Lathem. Hear fan Romö, hartoch fan Fanö, prins fan Manö. En kening fan Koresand. Moedich set se de stap deryn. Har fuotreis nei Romö begjint. Se hat gjin weet fan al it lijen dat noch wanket en fan in

sitaat út it mids-

iuwske hânskrift fan Ridener Riken van der Stele (1339 – ?):

3415 'ferklaaiïng it treflikste middel om de hertstochten op te reakeljen.

Underweis moasten jongesklean it famke hoedzje foar oantaasting, mar de travesty makke har noch helte leidiger.

Earst: foar manlju dy't fan froulju holden en ûnder de
3420 ferklaaiïng de foarmen fan it famke fermoeden.

Twad: foar manlju dy't fan jonges holden en yn it ferklaaide famke de famkeseftige jonge seagen, dy't se sa bot begearden.

Tred: foar froulju dy't har troch de klean misliede lieten en by wa't de burdleaze bekoarlike jongfeint hite lust wekker

- 3425 makke.
 Fjird: foar froulju dy't har net troch de klean misliede lieten en dy't fan jongeseftige famkes holden.
 Fyft: foar froulju en manlju dy't mei alle hout yn ljochte lôge te setten wiene.
- 3430 Sekst: foar froulju en manlju dy't gleon waarden, om't se net krekt wisten wat de sekse fan de moaikert wie.
 Sant: foar froulju en manlju dy't fan twaslachtigens holden.
 Fangefolgen wie it middel slimmer as de'

kwalik is syn mistich brein wat opskjinne, of hy kriget foar it ferstân dat it mei him wer maleur is. Hy leit yn in rûngear protsje en kin him ferreppe noch ferroere. Troch syn nekke snijt in tou, dat syn holle tusken de knibbels triuwt. Syn polzen binne oan de ankels fêstbûn en de knibbels sitte mei de earmtakken yn 'e knoop. In lapen bytling skuort syn mûlshoeken út. Hy eaget troch de tizeboel fan syn lea. Oer him in teraffele tek, dat in skier ljocht tjemzet. Foar him in weach fan planken, dy't sa bryk as fersakke grêfstiennen steane. In skelve doar hinget oan ien rustige knier. Under him bedonge strie. In stjonkhok, by de gatten om ticht.

Wanhopich docht er writen om in bytsje earmslach te krijen. Mei al syn gewraam komt er noch djipper yn de mjuks te lizzen. Hy parset in âljende gjalp út syn ferstoppe kiel, klaut om hâldfêst. Dêr reitsje syn fingerseinen wat hurds. Hy betaast it en skuort grutte eagen op. Fiel er in heft? Hy miert it omheech. In flymjende pine fernijt him, dat it lims ek yntakt is. Mei ingelegeduld klongelt er de punt rjochtoerein. Hy fimelt it heft tusken 'e fuotten. Mar it ûntslûpt him en sakket yn de striedong wei.

Us skutter stint. Hy krôlet, foarsafier't de touwen him bod jouwe. Hy kriget it lims wer boppe mjuks. Diskear slagget it him al en klamje de fuotten om it heft. Mei deaferachtinge dûkt er tusken 'e knibbels troch yn de opsteande punt. Dy pjukt in rizeltsje út de lape foar syn mûle. Jitris teart er de nekke sa fûleindich dûbel dat de halswringen knappe. Hy fiket by de fiel, brykbekket omraak. It is streepkeswurk, mar it lims ritst hieltyd djipper troch de lape, kervet syn hûd. Hy blet as in baarch. In lêste knik, it bytling sjit los. Hy hat de ein yn 'e bek. Dy spuit er út.

No syn ankels en polzen. Hy docht in byt foardel. Syn tosken klappe as in griper om it heft. Hy bringt it foar it ljocht. It is gjin mes, mar in dolk. Mei de tonge wrot er it heft dwers yn de mûle. Kiezzen opinoar begjint er kop-ûnder te skodholjen. It tou om syn polzen spjalt string nei string. Swit stjalpt him by de wangen del. It is in taaie sneed. Noch ien haal. Frij! Syn bloed kin wer streame, spjelden sjitte him troch de ieren. Hy pakt de dolk. De byntouwen om syn ankels binne yn in sucht tefike.

Hy krûpt út de prot, it wapen stekree yn de fûst. Bekakt fjocht er it hok út nei in rychje stobbewylgen, dat it hiem fan de herberch ôffredet. Healwei heart er klokken. Plat op it liif klapt er efter it ûnderstel fan in boerewein del.

Om de hoeke fan de puoskoken klompket it boeregredske. Of it boerehoatske? Hy wit it net iens mear. Se set op it bjinstap ta en klinzget in houten amer, dy't se oerrinnende fol mei weromtôget. Amper is se ferdwûn, of hy makket skonken. Hy wâdet troch de sleat en spielt sa yn 'e flecht wei de mjuks fan klean en lea. Oan de oare kant klattert er by de wâl op. Hy sleept syn bûksike liif fan it ûnheilsplak. Syn harsensbrij skoddet yn syn panne. Hy stoanet by elke stap dy't er set.

Nimmen rint op him en hy bliuwt it boerefolk út it farwetter. Gâns

in loop fierder giet er tsjin in takkebult sitten. Even linzgje. Mar hy mei him net deljaan, dan komt er noait wer oerein. Hy slikket syn wûnen en besiket oan wat noflikers te tinken. In keningsmiel hat er hân, dêr kin er yn earsten wol op tarre. Dy gedachte bringt him mei-iens de tsjinstelling yn it sin. Hy is wer skeamelruter, noch earmer as tefoaren. Gjin skoudermantel en gjin krúsbôge mear. Hy bemikert de dolk, rêder fan syn libben. In pronkjuwel. De sneden binne folslein geef, sûnder ien skurdsje. De punt fielt finer as dy fan in nuddel. It heft handicht him tige. Der binne symboalen yn gravearre. In everswyn, in moanne, in griffioen, in fûst, in striidbile, in bolle en in pompeblêd. Boppe-op it oanfetsel prielet de letter H. Wat in fynst yn sa'n stjonkhok. Hy moat net mei dit prachtige wapen te keap rinne. As immen it werken, is er it kwyt. Hy sil it inkeld yn needgefallen brûke.

Hy is sa slop as in útbonke stik fleis, mar hy set wer fan ein en knekkelt nei it noarden. It boerefolk is op hûs en hutte oan gien. As krinten yn it nimmenslân lizze de gehuchten. It grús fan de skimer ferstoot yn it roet fan de nacht.

Hy rint fan efteren immen yn, dy't noch slimmer as him knoffelt. In rûngear figuer, dat it op 'e knibbels ferhellet. By no en by dan siicht it derhinne, kriget it wer op fuotten en wjukkelt ûnder de dekmantel fan it tsjuster foar him út. Dy hat grif in stik lead op 'e holle. Dat is gjin swier partij. Lichtwol kin er dy wat drinkjild ûtnaderje.

Us skutter omklammet de dolk sa stiif, dat syn knokkels wyt wurde. Strampeljendewei ferkoartet er de distânsje tusken him en syn praai. In smûgende hûn efter in hymjend hart. Dêr fielt it syn hite azem al yn de nekke. It stoarrelt net mear, it sakket troch de knibbels en krûpt. Hy stroffelt noch hurder en jompt derboppe-op. It lichem ûnder him slacht tsjin de grûn. Hy giet boksitten, twingt

it tusken syn skonken. Mei syn frije hân skuort er de holle fan it slachtoffer efteroer en omheech. Hy set it de dolk op de kiel.

‘Oflizze!’ boldert er heas.

‘Mercy,’ snokket in deabenaude mar neske stim.

Hy sit fersteld. Hat er it misheard? Merci waard der sein. It wol net yn him del.

‘Watsei?’ stammert er.

‘Mercy,’ klinkt it wer like swietlûdich skean ûnder him.

Jawis, merci, genede, dat wie it. Al heart it in bytsje oars as wêr’t er ta wend is, hy ferstiet it. Syn greep wurdt wat minder fêst. ‘Ek in Frânsman?’ freget er ferstuivere.

‘Nee, Ingelske,’ is it antwurd.

Dûbele flater. Sûnt it útbrekken fan de Hûndertjierrige Oarloch binne Frankryk en Ingelân erffijannen. Mar dêrop slacht er gjin regaad. Hy harket inkeld op it twadde fersin. ‘Ingelske?’ seit er wanleauwich.

‘Ja-a,’ flatert de leaflike stim op ’en nij.

Hy lûkt de dolk foar de kiel wei, lit de holle los. Dy knikt slop oerside. Hy klammert syn skonken net mear sa stiif om it lichem en fernimt gjin ferset. Dan stapt er fan syn ûnderlizzer of en hûkearzet derneist. Foarsichtich rôlet er har lichem in healslach om. No leit it op ’e rêch, de earms wiid, de holle sydlings nei him ta. Op dat stuit dript moanneljocht troch in skuor yn it wolkepak. It falt op in kljirre ljocht hier. Hy strykt de lange tûfen fansiden en ûntbleatet sadwaande it antlit fan in jonge frou. It benimt him de siken.

Dit is it wêzen dat altyd yn syn gedachten wie. Nacht en dei hat er it by him hân, op de binnenkant fan syn netflues. Syn dreambyld skimert noch even oer har berûzjend gesicht. Om har mûle swevet in gelikense oare mûle, yn har eagen glinsterje deselde oare eagen. Dan falt it skynstal folslein mei har gear. Syn dream is wurklikheid

wurden.

‘Do en ik,’ prevelt er, ‘wy tegearre komme alles oer.’

In glimke drifket nei har mûlshoeken sûnder op it stee te kommen. Har strakke trekken ûntspanne. Starich slút se de eagen, twa heale fearkes strike op har wangen del. Hy bestjert it. Sy ek? Hat er har sa kjel makke, sa knoeid? Tusken de justjes iepen lippen glanzet fochte op har tosken. Hy bûcht him oer har hinne, harket. Syn earskulp heint har waarme azem. Godtank, de siken binne der net út.

Har holle is net skeind. Har liif likemin? Hy sjocht har lea ris oer. In wammes en in flapbroek. Manljusklean. Mar wat dêrûnder sit is gjin riedling. Neist har in puntmûtse en in pear klompen. Har klean binne net beblet, har earms en skonken lizze der streekrjocht by. Hat se gjin iepen steden of breuken? Hy taast har wer oan, mar diskear och sa hoeden. Syn fingerseinen dogge him dat te witten, wêr’t syn eagen net by kinne. Hy fielt gjin lekken en brekken.

Ynienen stekt it wolkepak de moanne yn ’e bûse.

Tjusternis rûnom. Hy grabbelt nei de klompen en mûtse. Dy strûpt er har mei sin oan. Hy hat by ûnderfining, wat de reden foar sa’n ferklaaiing wêze kin. Hy skoot syn iene han by har skouderblêden lâns nei har earmsholte. De oare triuwt er ûnder har hoksen. Mei syn lêste fermogens tilt er har op en draacht har yn syn earms in ein fan de dyk ôf. Efter wat strewelleguod flijt er har del. Wer moat er by in oerfallen frou benachtsje. Mar mei dizze sit er net oan-klaud. Noait wol er har slite. Syn wacht begjint. De wûndermoaie sliepster

fernijt Lolli: ‘It skuttersgild út Frankryk foar de poarte, hear. De oerman fersiket minlik oft jo him te reden stean wolle.’
‘Bring him by my.’

‘Yn oarder, hear.’

Lolli jout him ôf, bliuwt yn it portaal stean en galmet in befel dat troch trije hoflingen om bar fuortsein wurdt. Dêrnei giet er fansiden stean om de oerman trochpaad te jaan.

In langramige spikerfette man sabelskonket deryn. Spierrjocht siemt er op syn prikstokken nei de oare ein fan de seale, dêr’t Pottelomme yn syn sit sit. De úteinen fan syn snor en twapuntich burd stekke as priemmen foar him út. Hy is yn ’t brat, mar syn treftige klean skine fan slytskens. Efter him sjampert in ticht moatsje mei in bont himd oan en in klots op, dêr’t de kleuren fan skrikke.

‘Don Quickshot en syn adjudant Santsjes Panse,’ kundiget Lolli oan.

De don lichtet swierrich de helm en falt op ’e knibbels. Hy tutet de estrik, dêr’t de fuotten fan de machtige hearsker op rêste. En hy bliuwt op in rûngear protsje lizzen.

‘Kom oerein, man,’ grobbet Pottelomme. ‘Wat driuwt jo hjirhinne?’

De don rjochtet syn boppeliif. As er praat, stuitet de knikkert yn syn meagere flessehals. ‘Eala! Ik bring jo in relaasjegeskink.’

‘Fan wa?’

‘Fan mysels, rju eale.’

‘It sil my luste.’

De don djippet út syn helm in readsiden doekje op, dat er tippe foar tippe iepentart. Tusken tomme en wiisfinger, mei útstutsen pinke, lûkt er in rinkje omheech, dêr’t in popke oan bongelt.

Pottelomme skuort grutte eagen op.

‘Wat is dat?’

‘In kaaihinger, rju eale.’

Mei driigjende stim freget Pottelomme: ‘Is it in kostber relaasjegeskink?’

‘Sûnder mis, rju eale. Mei jo wolnimmen, sjoch!’ De don syn lange

wiisfingerneil tsjut op in ynskripsje ûnder it fearren rokje fan it popke.

'*Made in Taiwan,*' lêst Pottelomme. Earst is er sprakeleas. 'Dat hat in hiele gisel makke,' knikt er dan earbiedich. Hy nimt de jefte suver bedêst oan. Syn kloeren omfetsje it popke, as wie it in roazetsjellk. Syn lûd hat in oandiene ûndertoan, wylst er redenriket: 'De wearde fan in geskink fermeardert, neigeraden dat it fan fierder komt. Ferhef jo út it stof en sis my, hoe't ik it mei jo lykmeitsje kin.' Don Quickshot riist op en fertelt: 'Wit dan, rju eale, dat ik in Spanjert bin út

Madrid. Atletico hat foar de Spaanske fuotbalkompetysje yn de thúspartij tsjin F.C. Valencia mei 1-1 lykspile. By it skoft wie de stân noch 0-1 foar de gasten. Troch dy útslach stiet F.C. Barcelona no foar oan mei twa punten foarsprong op Atletico en fiif op Real

Madrid. Us heit silger hie dêr in handelshûs. Op syn deabêd joech er dizze kaaihinger oan my. Myn bruorren waarden ek handelslju, mar ik makke in militaire karriêre. Achttjin jier lang haw ik oerman fan it skuttersgild te Valenciennes yn Frankryk west,' iepenbieret de don nederich grutsk. 'Mar de tiden binne net mear wat se wiene, rju eale. It stedsbestjoer hat ús fanwegen syn belêstingskulden dien jûn.'

'Gjin ombochten,' ornearret Pottelomme. 'Wêrom komme jo hjirhinne?'

De don teart himsels yn in glimk. 'Wiisheid siert jo, rju eale. Myn karkloft fan tige motivearre skutters is wurkleas. Se witte net wat

faaleangst is, hawwe in sûne wapenhonger en gjin lêst fan identifiikaasje problemen. Moat ik sokke kriichslju no ôftankje? Moat dit potinsieel op non-aktyf set wurde? Yn West-Europa makket allinnich Fryslân gjin ekonomyske delgong mei, want it is lytsskallich en hat gjin yndustry, dat wit elkenien. Dêrom bin ik nei jo tein. Om koart te kriemen, rju eale, soene wy, fjirtich wurkroppigen, as gastarbeiders ûnder jo soldaatsje kinne?’

Pottelomme plantet de earmtakke op de lining, skoarret de hân ûnder it kin en fersinkt yn djippe prakkesaasjes. As er dêrút opdûkt, hat er in wichtich beslút meitôge. Wylst er nei it popke yn syn han stoarret, freget er: ‘Hawwe jo wolris fan de Heaven’s Devils heard?’ ‘Dy binne te uzes skean ferneamd, rju eale.’

‘Jo witte ek, hoe’t dat rosmos him klaaid?’

‘Op in prik, rju eale.’

‘Se binne no ek yn myn ryk sinjalearre. In begrutlik gefolch fan myn wolfeartssteat. Mar ik sil dat divelsbret útrûgie!’

‘Sa’t jo wolle, rju eale.’

‘En dat moatte jo mei jo skutters dwaan.’

‘Aas foar ús, rju eale,’ seit de don happich.

‘Earst geane jim nei it easten. De Heaven’s Devils binne it lêst yn ’e omkriten fan Koartswâld sjoen. Underfreegje de lju dêr. Nim elke duvel fêst. By need dea, mar al sa leaf libben. Ik wol se persoanlik ûnthalzje. Lit in pear boaden my tyнге dwaan oer it ferrin fan de aksjes. As it gebiet suvere is, bring alle finzenen hjirhinne. Dan sil ik jo in nije opdracht foar oare kontreien jaan om dêr regaad te meitsjen. Jo gild is myn mobile ienheid, dy’t ik ynsette wol op elk plak dêr’t dy satanske sekte tahâldt. Bring my alle duvels, fersteane jo, alle duvels fan hiele Fryslân!’

‘Fansels, mei minder hoege jo it net te dwaan, rju eale,’ seit de don hoflik.

‘Lolli sil jo in rojaal foarskot jaan,’ beskiedt Pottelomme. ‘En yn de ytseale is de tafel oanset. Ik haw sein.’

De don en syn adjudant bûgemintsje, oant se al lang en breed bûten

it portaal steane. Even letter marsket it gild fan ’e stap oer de slotbrêge de boarch yn. It wurdt let en set. Dêr is foar elkenien in kanfol hubert-en-wobke en in panfol

sjuddeljende oxsen. Se komme fan fierrens, mar binne noch net by ús ûnbekende jonkfrou en nammeleaze skutter, dy’t huverjend yn de moarnsdize sitte.

‘Wa bisto?’

‘Nier Hinnebruer.’

‘Wier-wier gjin Fries?’

‘Gelokkich net.’

‘Sis dat wol, gelokkich net. Hinnebruer, wat in grappige namme.’

‘In echte boerenamme. Wa hjit der no fan Hinnehuffer?’

‘Dat mei hinne bruie. Mar Nier is hiel moai. It omkearde fan rein.’

‘En rein betsjut yn it Frânsk wer nier.’

‘Seldsum. Yn it Ingelsk betsjut it leie.’

‘Wa bisto?’

‘Dynte Planteit.’

‘Planteit, dat betsjut by de rûs.’

‘Wit ik. Mar Dynte, dêr kinst neat fan meitsje.’

‘Wiswol. Dynte hat deselde letters as: dy net en de nyt.’

‘Wat in komplimint,’ laket se. Dan wurdt se ernstich.

‘Help my hjirwei.’

‘Wêrhinne?’

‘Denemark.’

‘Dat liicht der net om. Wêrom nei Denemark?’

‘Dêr bin ik feilich.’

‘Ik bring dy wêrst wolste.’

‘Lykje ik wol op in jonge?’

‘Foar my net.’

‘Hoe seachsto dat ik in famke wie?’

‘Ik fielde it.’

‘Soene oaren it ek fiele?’

‘Nee.’

‘Wêrom net?’

‘Ik lit se dy net oantaaste. Hoe is ’t der no mei?’

‘Helte better. Lit ús opsjitte. Fryslân sit fol gefaren.’

‘As ik dyn gesicht sjoch, ferjit ik se allegearre.’

‘Inkeld myn gesicht?’ Se jout syn hân in triuwke en komt oerein.

Hy giet ek stean. ‘Dat út,’ seit er moedich.

It foarnimmen is goed, mar de lea wol net. Sy is slop fan de honger en

hy falt om fan ’e sliep. As se de ôfstân nei de dyk betjemske hawwe, binne se al skjin oan ein. Gelokkich komme no de sjuddeljende oksen yn ’t sicht. Se lûke in kapwein, dêr’t yn grutte goatyske letters ~~Ðarregea-Lekkum-Moddergat~~ op skreaun is. PLM, Pour la Mort, it heart net botte útnûgjend, mar hjir wurde se foar in alternatyf set.

‘Sille wy in lift freegje? Sa berinne wy Denemark noait.’

‘Doch alles wat dy goed tinkt,’ andert Dynte, dy’t har wat beside hâldt.

Hy stekt de tomme omheech. ‘Geane jo nei it noardeasten?’ ropt er boppe it stinnen fan de tsjillen út.

De fuorman knikt.

‘Kinne wy in ein meiride?’

De fuorman hâldt syn bisten yn en springt fan de wein. Hy hat in

wreedfellich gesicht, begrize mei in stoppelburd. Syn mankelike eagen meunsterje Dynte. 'Wy hawwe inoar earder sjoen.' Syn stim is freonlik en wurch tagelyk.

Se stiet fersteld en seit neat. Der skimert har wat. In âlde kunde, dy't se al twaris yn de fiere takomst moete hat. Mar se kin him net te plak bringe.

'Stap mar yn, fanke.'

De grûn sakket ûnder har wei. 'Nee,' stjit se heas út.

'Stap mar yn fanke,' seit er nochris.

Se trillet as in espeblêd. 'Hoe sjogge jo dat?' hakkelt se.

'Ik bin heldersjende,' seit er, en se wit net wat se dêrfan tinke moat.

Hy laat har mei sêfte twang nei syn wein. Nier folget. Sân pear eagen gluorkje om de hoeke fan de kape. De swinehoeder en de skutter stappe yn, geane oerinoar op in bank sitten. De fuorman rint om de wein hinne en klimt op it foarkret. De oksen sette oan, de tsjillen kreune, de omnibus skoddet fierder.


Har meireizgers sjogge har op en del oan. It fielt as gnuve se har dwers troch de klean hinne. Har sa te ferhâlden is ôfgrysluk wurchsum. It begjint har oeral te jokjen. Se soe yn Nier syn earms weikrûpe wolle, mar as se dat docht, ferret se harsels hielendal. Ferlegen pluzet se oan har wammes om. Soene al dy minsken yn 'e smizen hawwe wat har slachte is? De hiele lange reis brâne de klean har oan 'e hûd. Soms knikt Nier har bemoedigjend ta. Einlings

is de harksitting dien. De godgânske moarn hat er no al taheard. As er net sa demokratysk wie, soe er alle harksittings ôfskaffe. Elkenien wol in stim mei hawwe, mar it is tiidfergiemen. Hy tinkt oan syn lêste soan, dy't fannacht begroeven is. Yn alle stilte, sûnder drokte. Gjûn taspraken, gjûn blommen. Hearken, dêr

komt noch sa'n sangerdoaze.

'Muzio, jo reklame-adviseur,' kundiget Lolli oan.

In weiten hin mei wjukkeljende hantsjes en op tripkjende fuotsjes poepertsjedraait jangattich de ûntfangstseale yn. Syn mûzeburd wipt as de sturt fan in boumantsje. Hy hat in stik perkamint by him, dat er ûnder de eagen fan Pottelomme iepenrôlet. Dêrop stiet, tsjin de eftergrûn fan in skyld, in beam mei trije krunen. De stam is in opheven slachswurd.



'Is dit ûntwerp foar in affysje Jo Tigens nei 't sin?' kraait Muzio lispjend.

As Pottelomme yn in kiezzich stilswijen sitten bliuwt, ljochtet er salvich ta: 'De Upstalbeam, Jo Ealstrangens. Elke krún stelt in dielsteat fan it grutte ferbûn foar. Noard-, East- en Westerlauwersk Fryslân. It swurd symbolisearret de berettens tsjin Hollân oer.' 'Alles goed en wol,' grommelt Pottelomme, 'mar dat is dûbel te ferstean. De lju kinne it ek sa tsjutte, dat de hiele Upstalbeam op in swurd pript wurdt. Soks koe krekt it tsjindiel fan de bedoeling wêze.'

'Wat tinkt Jo Trochloftigens dêrom fan ien rigel ferdútsjende tekst derby?' glaait Muzio.

‘Gjin tekst,’ skodhollet Pottelomme. ‘It folk kin dochts net lêze en ik wol net elitêr wêze.’

‘Wy hawwe in enkête ûnder fiifentweintich represintative oprjochte Friezen holden, Jo Grutmoedigens. Twaentweintich seagen daliks wat it foarstelt. Trije hiene gjin miening.’

Wylst de machtige hearsker fierder yn grouwe wurden redendielt, flintert Muzio as in mot om him hinne, út en troch in gjalpke fan meistimming jaand. Op ’t lêst is it Pottelomme nei ’t sin. ‘Lit fjouwertûzen fan dizze affysjes miele en plak se op elke doar fan alle tsjerken en iepenbiere gebouwen. Dit symboal moat ek op it efterdoek by myn redefiering komme. Libbensgrut.’

‘Mient Jo Goedwilligens it swurd of de beamkrunen?’

‘De hiele beam, fansels! En ik wol ek in eigen nammemerk hawwe foar segels en oarkonden. In keizersmonogram lykas Karel de Grutte dat hie.’

‘Mei Jo Rju Oermjittige wolnimmen, Jo Heechmeugendheid.’

Muzio groetet yn haadletters en wipgattet, fereale mei syn kolossale opdracht, efterstebek de seale

út op muorren, takkelich fan tuorren.

In skaad falt oer de kape. De wein hobbelt troch it skrokkige kielsgat fan in tsjustere poarte de stêd yn. Dêr is gâns folk op soallen. De fuorman springt fan it kret om de bisten by it helter te hâlden. Midden op in pleintsje stiet er stil. ‘Sneek, Snitsk,’ ropt er twatalich.

‘Allegear útstappe.’

Se wachtsje oant har tochtgenoaten de wein ferlitten hawwe. Dêrnei set Nier foet op fêste grûn. Dan sil Dynte. Boppe de útgong hinget in trijetalich buordsje.

Denk om de afstaptrede. Achtung Stufe. Attention à la marche. Sy, as Ingelske, dondert der fansels by del. Nier kin har noch in bytsje opheine.

‘Net sa hastich, de wrâld is net razend,’ seit de fuorman.

‘Geane jo net fierder?’ freget se, har knibbels wriuwend.

‘Aanst, it is no skoft.’

‘Meie wy wer meiride?’

‘Mei alle wille.’

‘Kinne wy dan net yn de wein wachtsje?’ stelt Nier út.

‘Om my wol,’ se stappe wer yn.

‘Mei oardel oere bin ik werom,’ seit de fuorman. Hy slacht it efterdoek ticht, de oksen út en in hoeke om.

‘No binne wy wer tegearre.’ Nier hellet har oan.

Dynte swijt. Har gesicht is belutsen, har eagen steane hol.

‘Wat is deroan?’

‘Ik bin ferroppe fan ’e hunger.’

‘Koe ik mar wat iterij foar dy keapje. Mar ik bin rut.’

‘Miskien kin it hjirfoar,’ se hellet út de bûse fan har flapbroek twa earbellen foar it ljocht.

‘Gouden,’ stelt er fêst, wylst er de sieraden yn syn hânpalm be-noasket. ‘Dêr helje ik gau in stik iten foar. Wachtsje mar.’ Hy sil him ôfjaan.

‘Ik wol mei!’

‘Do bliuwst hjir!’

Hy springt fan de wein en skonket oer it pleintsje de earste de bêste strjitte yn.

It is in gruttich stedsje, der giet hjir gâns om. Passearders en tsjinlizzers strike by him lâns. It is merk- en merkedei. In stel jongfammen gljurket nei him. Ja, syn ynnimlike uterlik hat er noch. Gjin besit dêr’t er in hap iten foar Dynte mei besette kin. Skande dat er har

djoerabele earbellen ferpatse moat. Wa wit, binne se letter noch mear as breanedich. Soe er net wat gaudievje kinne? Blinder, pas op! It hynsteferkear reaget him hast fan 'e sokken. Wa't op it skuonmakkersweintsje rydt, wurdt net teld. Oeral ferbodsbuorden, rûn en wyt mei in reade râne. Net hurder as 3 kilometer yn 'e oere. Mar gjinien dy't him oan de maksimumfaasje hâldt. Dat jakkert oan ien tried wei troch de smelle strjitsjes. Elkenien wol tsjintwurdich hynsteriden leare, it heart by de opfieding. Mear as de helte is begjinningeling. Op har hyns dûnset in blau buordsje mei in wite L. Dat binne de alderbalderminsten.

De útstalkasten fan de winkels kypje him keapsjoch oan. Dêrfoar steane kuorfolle speciale oanbiedingen. Krintebôle f0,06, mei krinten f0,08. Hy docht der gjin hantaast nei. Mar yn it foarbygean fan in opheffingsútferkeap búsket er allinnich in stik âldwiif en in pear hurdbakken. Gjienien dy't it yn 'e smizen hat. Sisa, dat hat er der knap ôfrêden. Bliid fitert er mei it roversguod werom.

In skuorrije wyn blaast flarden lawaai nei him ta. Efter de huzen tjirget de merke: syn foarstelling fan de hel. Dêr stekt er net op ta, al soe er no in see fan tiid hawwe. Hy moat no nedich werom.

Oer nedich sprutsen, hy moat nedich efterút. It driuwt. Like slim as it lichtsjen fan Dynte har hongerkrampen. Kom, hy sil mar gau, dan hoecht er har aanst net wer allinnich te litten. Hy kringt troch it folk nei in stiller plakje. Yn in efterôfstrjitsje bliuwt er stean. Dêr bespeurt er in skûle oan de oare kant fan de grêft. Hy fotteldrafket oer in barte.

It suterige húske is fan binnen ek net al te himmel. Hy skoattelt de doar net iens, foar't er sitten giet. Wat in ferromming. Mei heal-tichte eagen bekomt er even en sjocht it hear ris oer. De wenstige ynboel. In goar rôltsje sidesêft papier, in rustich buske Harpol dat tenei Harpic hjit, in begriemde kalinder mei de jierdagen fan alle

hilligen, behalven Sinteklaas, en in warich spegeltsje. As er op 'e sprong sit, fljocht de doar iepen. In pear billen ploffe him op 'e knibbels. Hy skaait mei de earms en kipert rêchlings healwei troch it spielgat. Hy omfettet in mul, syn hannen gliere nei ûnderen en hy fielt in naad

yn it efterdoek, dy't se net út 'e eagen lit. Se harket nei de lûden om har hinne. As Nier no mar gau weromkomt. Dêr wurdt it doek al iepenreage. Se sil opspringe, mar sacket like hurd yninoar.

Twa opslûpen jonges batse de wein yn. Se geane der breedút by sitten, ûnbeskoftich mei har smoarge poaten op de bank, kôgjend op in toskpluzer, dêr't se stikjes fan yn 't rûn spuie. Se binne fan it mislikste slach. In hopen poeha, frije tiid en bûsjild. Se saaije inoar in bierfiltsje ta en soarge dêrby, dat it har iderkear rekket. Wyslik komt se net fanwegen. Se lit it berêstend by har klean del glide.

Ynienen pakt de grutste snotbongel yn pleats fan it filtsje, har foet en wraamt dy oerside, sadat se wol omheech komme moat. 'Fjochtsje?' snaut er, wylst er yn bokshâlding stean giet, omraak snuwend en mei de fûsten foar syn gesicht lâns skermesearjend.

Benaudens knypt har de kiel ticht. Se slokt en skodhollet skruten. De loarm jout har in pûst mei beide hannen tagelyk. Se falt efteroer tsjin syn maat oan. Dy triuwt har fan him ôf, sadat se foaroer tsjin de bokser op bruit. Se fiere har in setsje hinne-en-wer. Dat lit se ek noch gewurde, al stjerket it har foar de eagen. Dan skuorre se har de puntmûtse fan 'e holle. It lange ljochte hier streamt har wyldich by de skouders del.

No wurdt de bokser in judoka. Syn kloeren gripe har by de klean. Se ferset har mei hannen en tosken. It jout neat. Hy ript har it wam-

mes fan it liif. Se spinfuottet mei alle geweld, mar hy strûpt har de broek ek noch út. Pas dan beseffe de snotnoazen, wat dêr yn it lask stiet. Se litte los en stoarje har ferheard oan. Dit giet opslûpen jonges noch boppe de klep. Dêrom begjinne se te skelden. ‘Kwyn, kwyn, skytfenyn!’

Se nimt har trekken waar, lit har gewoan bûtenwein falle en nagelt út. Se stoot tusken it folk, dat troch de strjitten kriolet, kringt har middenyn dy kloften. De minsken rinne sa ticht opinoar, dat der gjin romte om te sjen oerbliuwt. Dat komt har te pas. ‘Kwyn, kwyn, skytfenyn!’ klinkt it efter har. Noch flugger wynt se har tusken it folk troch. Se slagget fuort, de jongesstimmen fersmoare yn it stedslawaaï. Mar se hat har te foarbarich bliid tocht.

Geandewei besaut se har deroer, dat se it paad wat langer wat mear rom kriget. De lju bôgje om har hinne. No is der wol romte om te sjen. De minsken rigelje by de stoepen op, gapje har oan. Elkenien sjocht niget oan har. Se snjitsket troch Snitsk.

Skram folget har bedaand klaadsje, dat gâns mjitten krompen is, de bewegingen fan har lea. Dêrby is it, om’t se der fan ûnderen in stripe ôfskuord hat, fierstente koart wurden. It komt har net iens oant healwei de billen. Se bleatskonket sa hurd as se kin. Mar se bylket sa goed, dat alle modale wurknimmers stean bliuwe en har neieagje. Ek de echte minimumleaners, dy’t by it wâltsje lâns moatte, en de útkearing-trekkers freegje net mear. Sels de hegere ynkommens en de wurkjouwers geane der net op foarút, mar krieme as se foarby komt.

Al docht it minyjurkje sines dêrta, har útskriptich figuer is de grutste trekpleister. It sûcht de loaitsen fêst. Boufakkers, op stegers dwaande mei in tsjerketoe, sjogge net from omheech nei de himel, mar profaan nei ûnderen en fluitsje skril. Se hâldt har Ingelsk doof. It is in tastân. De tûkste koalplanter hat gjin beroai mear en skrept

bochtsjendewei nei de útgong fan syn folkstúntsje. In lange tre-winkel fan seksslije sensaasje-slynders slingert op in hoannestap efter har oan. Soks hawwe de Snitskers noch noait sjoen. Se rept har.

‘Wêrom komme jo, Van der Leest, no mei sa’n koalplanter op ’e proppen? Dy stiet ommers fier bûten, wy soene hast sizze: boppe, jo ferhaal. Wy merkbite gedurich, dat jo jo mar min oan jo ûnderwerp hâlde. Jo reitsje gauris de trie kwynt en moatte dan alle war dwaan om it rjochte paad wer te finen. Jo binne krekt in bern, dat ûnderweis hieltyd stean bliuwt en om him hinne sjocht, mar dêrby syn boadskip ferjit.’

‘Ik hie op syn minst trije redenen om fan dy koalplanter gewach te meitsjen. Foarst: ferbylding befleach it ferstân fan de taskogers, twad: Dynte har klaadsje wie teheistere, tred: it spile him ôf yn Fryslân.’

‘Larykoek! Hoe hat dat yn ’e frede ferbân mei in koalplanter?’

‘Ik sitearje in part fan it fiifde diel, haadstik LXII, side 202, út: Het Leven en de Gevoelens van den Heer Tristram Shandy, door Laurence Sterne. Uit het Engelsch vertaald door M.P. Lindo. Tweede Afdeeling. Bibliotheek van Buitenlandsche Klassieken. Haarlem, A.C. Kruseman, 1852.

‘... , en waar, bij elken stap, dien men neemt, het verstand door de verbeelding overrompeld wordt; zet ik het -(in weerwil van alles, wat in verschillende delen van dit werk over de regte lijnen gezegd is), -zet ik het, den besten koolplanter, die ooit bestond, hetzij hij achteruit of vooruit plant, want dat doet weinig tot de zaak af, -(behalve, dat hij in het ééne geval meer te verantwoorden zal hebben, dan in het andere), -zet ik het hem, zeg ik, om koelbloedig,

critisch, volgens de regels der kunst, voort te gaan met zijn kool, één voor één in rechte lijnen te planten, op stoïcijnse afstanden van elkaar, -vooral als de scheuren in de vrouwenrokken niet toegenaaid zijn, -zonder dat hij tusschenbeide uitglijdt, of inzakt in de eene of andere bastaardachtige afwijking. In Vriesland, Mistland, en eenige andere landen, die mij bekend zijn, -zou zoo iets kunnen gebeuren;- ...?

Jim sjogge: sels Laurence Sterne oerskatte it Fryске folk.’

‘Jo ferneamde sisman woe perfoarst útwrydsk wêze en dêryn kinne jo it mei him lyk fine, fansels. Mar wy hawwe gjin nocht oan sokke pitertuerlikheden. Jo tropje jo ferhaal fol mei snypsnaarderijen. It knapt derfan

út ’e naden rept se har. Se slacht mei foarsprong in hoeke om. Gelok boppe wûnder berint se sûnder fierdere klean-skuorren in stille bochtige steech. Tusken twa bline muorren is in smelle groppe. Se fljocht dêryn en komt op in hofke. In gammel húske hinget oer in goare grêft. Se hoart de doar hast út de hingen, kriemt, gjin efterfolgers te sjen, glûpt deryn, ritst de skoattel ticht, falt del. Klauwende hannen gripe har by de bûk. Se sjit sa fûlbandich oerein, dat se har oantaaster meisleept út it spielgat. Tagelyk jout se in freeslike gûl. It lûd smoart yn in kloer, dy’t har foar de mûle slein wurdt. Eangst ferblinet har. It hier stiet har rjochtoerein as in reagebol fan skriktrie.

‘Dynte,’ seit Nier, wylst se har yn ’e knipe hâldt. Se werkent syn lûd. Noch ien lange gril en se hinget him as waaks yn ’e earms. In roffel fan hastige fuotten. Rammeljen en bûnzjen, it húske skoddet op syn grûnfêsten. Hy loert troch it hertfoarmige gatsje fan de

doar en stiet each yn each mei in skierkert. Efter de man stampfuottet in rige needdriftigen. ‘Beset!’ ropt Nier.

‘O, nim my net kwea of,’ seit de man fatsoenlik en lichtet de hoed. ‘Hawwe jo faaks ek in faam foarbykommen sjoen?’ freget in fint út syn gefolch. ‘Se hat gjin miter om it gat.’

‘Ja,’ andert Nier, ‘se is krekt oer dy brêge gien.’

‘Tige tank!’ ropt de fint, wylst er fuort stoot. De oaren sette him nei, ek de fatsoenlike man dy’t sa nedich moast. De barte kreaket ûnder har stampfuotsjen. Oan de oare kant fan de grêft wurde se wei yn de kloften.

Se bliuwe tegearre op ’e skûle sitten om te bekommen. Gâns in skoft sprekke se gjin sprek. Nier jout Dynte it stik âldwiif en de hurdbakken. Dy skobbet se deryn. Se oeryt har senuwen, mar is amper springsêd. Dan ferhellet se him, wat se meimakke hat. ‘De klean waarden my fan it liif roppe.’

‘Moatst dy wer ferklaaie.’

‘Wêrmei?’

Hy strûpt syn boesgroen út. ‘Hjir.’

De kile past har wêr’t er har rekket. ‘Sa better?’

Nier is earlik. ‘Net folle.’ Har foarmen tine der noch trochhinne.

‘Do bist te froulik.’

‘Kin ik it helpe?’ fersuchtet se. En dêrnei in slier út har kljirre omheech hâldend: ‘Fykje myn hier derôf.’

‘Dat jout neat. Dan bisto in punkfamke. Doch myn broek mar oan.’

‘Dan bisto in spaanbil.’

‘Gjinien dy’t dêr nocht oan hat.’

‘Se pakke dy op fanwegen neakenrinderij.’

‘Lizze dyn klean noch yn de wein?’

‘Wit ik net.’

‘Daliks sjen!’

‘Ik kin my ommers sa net fertoane.’

‘Dêrom gean ik allinnich.’

‘Alwer? Dat oerlibje ik net.’

‘It moat.’

Der is gjin oare útwei as in tydlike skieding. Nier ferlit yn broek en boesgroen it jan-poeepsplak en Dylte skoattelt de doar efter him.

Dan dúkt se del yn it healtsjuster.

Hy fitert oer de barte nei it pleintsje. Dêr stiet de wein. Hy springt tusken de flappen fan it efterdoek troch. Gjinn kleen, gjinn reizgers.

Hy sjocht ûnder de banken. Inkeld twa ôfkôge toskpluzers en in dûbelteard bierfilsje. In misrekkening. Hy strûst werom. De loft walget. It hellet en skuort om de hoeken fan de strjitten.

Oan it begjin fan in gloppe bliuwt er stean. De sydmuorren fan de beide hoekhuzen is in grutte pylk op kalke. –TSJETTELSTIEN, EDEL-, HARNAS- EN WAPENSMID– docht it opskrift te witten. Dêrtroch kriget er in ynjouwing. Mei in hân yn ’e bûse lit er Dylte har earbellen troch de fingers gean. Hy folget de rjochting fan de pylken.

Efter de iepen doar fan in smidte sit oan in wurkbank in man te izerfyljen. Hy hat in skoatfel foar en in learen dopke op. Syn hiele winkel sjocht der rustfrij en sûkerskjin út. Alles leit kreas te plak en fonkelt fan glandernijens. Wapenrêstingen, fan kurassen oant en mei ridderspoaren, binne oersichtlik by de muorren lâns útstalle, sûnder priiskaartsjes deroan. Dit is dúdlik in elitesaak. Mar de ûnskeamele hat it tredde diel fan de wrâld. Mei de earbellen yn de hân stapt er op de man ta. Syn dolk hâldt er noch as reserve. Hy hoecht him net daliks hielendal wei te jaan. En wa wit, heart de eigner dêrfan wol ta de man syn klandyzje.

‘Ruilje?’ ropt Nier boppe it skrilke skraabjen út.

Unfersteurber filet de smid troch. Einlings gunt er de earbellen ien each. It oare bliuwt by it wurk, dêr't er oer gear is. 'Gjin spek oan spinnen,' seit er twang. 'Al wie it in keningskroan.' Hy filet wer troch.

Fluch kroasket Nier ôf. Hy sil in sljochtere izerhannel opsykje moatte. Dêr bylket wer in reklame. –BLIKSLAGGER. JO ADRES FOAR TIN IZER. FOLSLEINE SNEED. – Dat treft. Nochris lêst er it gevelopskrift. Blikslagger. Dy hat fêst belang by de ruil. Hy strykt op de winkel ta.

Efter de rútsjes fan de útstalkast hingje trochkykmaliënkolders. Fierders metalen boarsthâlders fan sizelfoarmige skyfkes en ferliedlike keinensgurdtsjes sûnder slot. Wer sa'n sekswinkel. Wat in ôffaller. Gjin gaadlik plak foar syn behoefte. Hy hat neat fanneden dat Dynthe har froulikens noch mear feil jout.

Hy kringt tusken it folk op de merk troch en bedarret sa foar de rommelhaven fan útdrager Waffelizer. In allegaartsje fan wrakguod yn hout en metaal. De meubels draait er gjin eagen nei, it is him begûn om de izeren dumpklean. Allegear útsjouwers fan eallju, ta de rotsfotsen út. De rust sit der by dik en by tin op. Hy klaut yn de heap skouder-, bil-, knibbel-, skynbonke-, fuot- en earmtakke-platen om en fynt ferdeald in pânserjak en in pothelm. Se binne dúdlik healsliten. Ek in fersliten wapenrok is fan syn gading. Moat er foar dit riprap twa skoandere gouden earbellen jaan? Dat begruttet him ta de teannen út. Ien is genôch.

'Foar dit soadsje loarren en âldrust,' biedt er de keapman, in learachtich baaske mei in sangene dranknoas.

Waffelizer beplueret de earbel. It ynternasjonale goudmerkteken-tsjje oertsjûget him fan de echtens. Mar dat is net genôch. 'Allinich de helm en de rok,' krast syn ek al rustige stim.

'Wat moat ik mei in heale útrissing begjinne?' ropt Nier út.

‘Likefolle as ik mei ien earbel.’

Nier hat gjin tiid mear en kom te loof en te bod. Tige tsjin ’t sin jout er de twadde earbel.

Nei’t dy wer wiidweidich ynspekterre is, knikt Waffelizer. ‘Sa binne wy lyk,’ raspet er.

Nier pakt helm en jak yn de rok en haast him op it húske oan. De earste slingerdrippen petse him al op ’e wangen. It snijt daliks ta. As er foar de doar mei it hertfoarmige gatsje stiet, giezet it. Hy kloppet trije kear, sa’t se ôfpraat hiene. Der gebeurt neat. De siken stúkje him yn de kiel. Hy kloppet nochris, wer fernimt er neat. Dan skuort er de doar iepen, de ring om de skoattel knapt midstroch. Gelokkich, Dynte sit noch yn ’e hoksen op ’e skûle. Kjel mar geef. ‘Wêrom hast net iependien?’ raast er.

‘Ik hearde dy net,’ skreaut se.

Dat is wier. De rein op it sinken dakje oerstjalpet alle lúden fan bûten. Hy makket de wapenrok los en lit har de ferklaaiïng sjen.

‘Dyn plonje wie der net mear. Wat seist hjirfan?’

‘Ik moat der even oan wenne.’

‘Yn dit izeren pak mei tichte helm bist ûnwerkenber.’

‘Fierste grut.’

‘Dat moat krekt. Strûp no oan.’

In wynpûst klapt de doar iepen. Fluch lûkt er dy ticht.

Gjinien hat har sjoen, it hofke leit ferlitten.

‘Dan hoecht dit ek net mear. Ik smoar.’ Se set de tommen efter de knipende larp, dy’t har noch altyd in plat foarkommen jout, en wrikket. De knotte strûpt neat lossen. Se keart him de rêch ta. ‘Wolsto it even dwaan?’ Hy poattert, mar kriget der gjin finger tusken. Syn dolk moat helpe. Redsum fiket er de knotte troch. Har gearprange boarsten springe foar it ljocht. Sjendereach wurde se grutter. De dolk raant him yn ’e han. ‘En dit ek noch. It krimp my de lea

stikken.’ Se heupwevet út har klaadsje, dat no net mear as in lyfke is. Hy moat syn lusten bedimje. Dêrom hâldt er de doar stiif ticht. Wylst se har oanklaait, kriget se wat mear fidúsje yn har gedaanteferwikseling. De wapenrok fersûpt se yn, dat is nammerste better. De ploaien fertsjustermoanje alles fan har mul of nei ûnderen ta. Ek har bleate fuotten binne net te sjen. It pânserjak hinget as in tonne om har hinne. De útskulpe râne komt har oant healwei de knibbels. Under de bolle boarstplaat wulvet ûnsjenber har froulikens. Hy makket de heakken op de rêch fêst en omgurdet har koarte ribben. No hat se gjin figuer mear. De pothelm ferberget har holle hielendal, op in smelle skreef foar de eagen nei. De ljochtynfal is sa lyts dat har gesicht tsjuster bliuwt. Se begjint dochs in bytsje yn harsels te leauwen. As se yn it warige spegeltsje sjocht, knikt se tefreden. Jawis, gjinien sil har werkenne. Se fielt har letterlik fyftich pûn swierder, mar figuerlik hûndert lichter.

‘Ik bin folslein emansipearre,’ seit se moedich.

‘Kom, fluch nei

‘Underbrek jo húske mannepetear, Van der Leest, en harkje even nei ús, as jo wolle. Wy bliuwe skeptysk, dat moatte jo ús neijaan. Jo beskriuwe ien lange rige fan oerflakkichheden. Al dogge jo writen en bestammerje by no en by dan it sielelibben fan de haadpersoanen, it hat neat om ’e hakken neffens de uterlike aksje. De psychology wurdt troch jo slim ferwaarloaze. En dan sa’n wichtich man as Pottelomme. Jo meie fan him tinke wat jo wolle, mar hy bepaalde it gesicht fan in tiidrek. Yn jo brollich ferhaal komt er inkeld nei foaren as in figuer út in janklasjespul.’

‘Marx hat ris sein: – *Alle grutte wrâldbistoaryske feiten en persoanen komme twaris foar: de iene kear as tragedy, de oare kear as klucht.* –

Lês dat mar ris!’

‘Iderkear as wy kriticke hawwe, helje jo, alhiel út ferbân, sitaten fan autoriteiten oan. Bliuwe jo tsjin ús beswieren net sûnder dy papieren stipe

oerein! Kom mannen, risselwaasje meitsje!’ Berettens stiet breed oer it spitse gesicht fan Don Quickshot skreaun. De skutters fan Sint-Joar sitte te popeldrukken en ferfriskje har deldrachtige fuotten yn in feanpet. Underwilens ite se greaupankoek út it hantsje. Se hawwe gâns in distânsje berûn. No kinne se wol wat stouwe. De don sacket troch syn meagere knobbelknibbels, follet syn helm mei grobbejak en drinkt. Nei’t er syn snorpunten skjinfage hat, ropt er: ‘Mannebruorren, yn ’e rige!’ It reisdokumint dat er fan Pottelomme krigen hat, kin er neat mei wurde. Hy bestudearret nochris dy alfabetyske ôfstântabel foar Fryslân, gelokkich yn kilometers:

Abbegea	Westhim	2
Dedzjum	Hieslum	2
Droegeham	Stiensgea	3½
Fagmarup	Terkaple	1
Ferwâlde	Gaast	2
Ferwert	Marrum	2½
Gaast	Ferwâlde	2
Haskerhoarne	De Ower	4
Hieslum	Dedzjum	2
Marrum	Ferwert	2½
Moddergat	Peasens	½
De Ower	Haskerhoarne	4
Peasens	Moddergat	½
Skarl	Warns	1½
Smelle Æ	Wylgen, De	1
Stiensgea	Droegeham	3½
Terkaple	Fagmarup	1
Tirns	Tsjalhuzum	2½
Tsjalhuzum	Tirns	2½
Warns	Skarl	1½
Westhim	Abbegea	2
Wylgen, De	Smelle Æ	1

Koartswâld stiet der net iens op. En dêr moat er no krekt hinne om de Heaven's Devils benei te kommen. Efter him sjocht er noch de toer fan Earnewâld. Skean links kin er dy fan Sigerswâld befierkje. Al dat gewâld, der is hjir gjin bosk te sjen dat makket.

Foar't se ôfmarskje, moat er earst syn deistich kolleezje yn kriichstaktyk noch jaan. Hy giet nei in boerd, dat op in peal oan de kant fan de kleauwei stiet.

'Wa wit wat dit is?' freget er.

Syn ûnderharrigen sjogge nei it ferkearsteken en pinigje har de rudimintêre harsens. Ien fan harren stekt in finger op.

'Sis it mar, Wynjammer,' nûget de don freonlik, bliid dat teminsten ien lonte jout.

'In oanwizingsboerd,' ferklearret de oansprutsene.

'Presiis. En wat docht it ús te witten?'

'DOODLOPENDE WEG,' lêst Wynjammer haperjend.

'Justum.' De don dûkt him en faget mei in stive wiisfinger oer de grûn. De kwak klyn dy't dêroan hingjen bliuwt, smart er ûnder de fjirde grimelige letter op it ferware boerd. 'En wat stiet der no?'

'DOORLOPENDE WEG,' stavert Wynjammer feardich.

'Prima,' seit de don tige yn 't skik.

Gelokkich dat ferkearsbuorden net yn it Frysk stavere binne, oars kaam dy mislieding net út.

'Wa sei dêr wat?' freget de don strang.

Syn mannen sjogge inoar net-begripend oan.

'Dan freegje ik dy no,' fersettet de don, 'as de fijan dy efterfolget, wat kant soesto út flechtsje?'

Wynjammer wiist daliks yn de rjochting dy't it boerd net oanwiist.

'Wêrom?' wol de don witte.

'Wel, myn efterfolgers soene tinke dat is in trochwei en wylst se har dêr ferrûnen, hie ik al in feilich hinnekomen oer it oare paad fûn.'

De don skodhollet dat syn eachpûden bibberje. ‘Mis, folslein mis! Ik warskôgje jim altyd foar ûnderskatting fan de fijan. Dy sil grif op slach merkbite, dat der op it boerd fersalske is. Dat dwylspoar folget er net. Nee, krektoarsom, hy giet itselde paad del dêrsto miendest datst feilich wiest. Dêrom hiest de kant fan de dearinnende wei út flechtsje moatten. Noch fragen?’

Santsjes Panse stekt de fûst omheech, it teken dat er wat sizze wol. Syn adjudant hat altyd in dwerslizzer west. De don fronselt by foarrie de wynbrauwen. ‘Ja?’

‘It giet my te heech. Earst in list optinke en dan dy net benutsje. Wêrom it boerd dan feroare?’

‘Do moatst dy net mei moderne kriichstaktyk bemuoie,’ set de don him te plak. Hy fjurret in kommando ôf. Tagelyk wurde de krús-bôgen oer it skouder slingere, de hoarnblazer toetert en it gild

ferlit

it húske kreakjend ûnder it geweld fan wyn en wetter. Nier fiert de doar iepen. Se gean de skûle út en sette op de barte ta. Dynite is besteld mei de oertocht. Helm en harnas meitsje har topswier. Se glispert oer de glêde planken. Under har brobbelje bellen yn de swarte grêft.

It eazet. Poffen wetter falle út de ferstoppe, grienige loft. Yn in geizige skimer siket elkenien in hinnekommen foar dizze sûndfloed. Keaplju hûkearzje neist har handelswaar yn lekkende kreammen, merkereizgers skûlje ûnder har gammele weinen de stjalprein ôf, it folk flechtet op hûs en herberch yn. It wetter spielt by de muorren del, skolpert troch de smelle strjitten, strûst nei de lege wiken fan de stêd. Unbidige kraalgerdinen rôlje út de loft en spatte yn glânzjende stringen op de ierde stikken. Kolkjes guorrelje, goaten oargelje, dak-

ken tromje, buizen fluitsje. In wetterkonsert, mar net fan Händel. Se wâdzje troch de blauwe brij fan ûnbepune strjitten. De seeklaai is peisk. It harnas reint yn. It wetter komt har boppe buozzempeil, it set oan op har lippen ta. Se is krekt in gatsjepanne. Oeral spuitet it út har pânserjak. Noch heger stiicht de need yn har pothelm. De earen sûzje har fan de druk. Se tilt it haaddeksel op, in flodze snjit bûtengat. Gau lûkt se it wer del. Blynwei lit se har liede, kramp-eftich hâldt se Nier by de hân. Nei elke stap út it lead swaaiend, peazget se mei de moed fan 'e wanhoop fierder.

In benearjende gedachte komt by har op. Is dit faaks wer in besiking, har fan hegerhân taskikt? Bart dit allegearre om har te hifkjen? Wurdt de útferkeazene gjin leed besparre? Dan moat se, al rint it har oer de fûst, dizze wetterproef trochstean en gjin belies jaan. As de foarsjennichheid har genedich is, sil se út Fryslân slagje. Ferfolle fan dit muorrefêste betrouwen stuitelt se troch de wetterhoas fan Snitsk.

Op it pleintsje dêr't se útstapt binne, wachtet harren in nije ôffaller. De oksewein stiet der net mear. Nier rint nei in stal, dêr't ljocht yn brânt. Troch de besleine rûtsjes kin er neat sjen. As er de doar iepen-docht, slacht in damp fan wiete klean him oan. It is sittend fol. Karriders dy't oan it dobbeljen en kaartspyljen binne.

'Is de fuorman fan Parregea-Lekkum-Moddergat hjir ek?' galmet er oer it gearsittende folk hinne.

'Ofset,' seit in bast, dy't tusken de poaten fan in ezel oan it ien-en-tritigjen is.

'Mei dit waar?' ropt Nier ûnleauwich út.

'Hy moat him oan de tsjinstregeling hâlde,' is it kâlde antwurd.

'Hoe lang is er al fuort?'

'In healoere sawat.'

Nier giet werom nei de spuitsjende fontein, dy't op him wachtet.

Wat in maleur. De oksewein helje se net mear yn. It harnas hat in miskeap west. Wa hie sa'n wolkbrek foarsjen kinnen? Dapper hoait Dynte fuort, mar se slacht algeduerich oer de wjuk.

Se sjompe by in lattestek lâns, wêrop't it sweeft fan fjouwerkante blauwe oanwizingsboerden mei in wite P. In parkearplak, dêr't foar betelle wurde moat. De tagong is tichtset mei in kjiirrewirre en in slachbeam. In pear hûndert hyns steane, yn rigen fan tsien, fêstbûn oan peallen. Mei de moannen as in swabber foar de eagen, litte se dizze wetterfloed by de rêch delglide en winskje har op Elyseeske Fjilden. Elk stiet netsjes yn in fek mei in spierrjochte wite streek deromhinne en hâldt de poaten binnen it perk. Twa blaupette parkearwachters hokje ûnder in ôfdakje mei de rêch nei de tagong. Se meitsje it hert ris kjel. In fesse fladderak leit foar har.

Nier tinkt in huzarestik op. As hy en Dynte de hoeke om binne, bûten it eachweid fan de wachters, triuwt er har efter in fûgelkouwe, dêr't snotbongels fan wiete, skuorde oanplakbiljetten yn hingje.

'Noch ien kear,' seit er.

'Wat?' bringt se brobbeljend út.

'Wachtsje!' leit er har op.

Hy rept him werom nei it parkearterrein. De wachters pimpelje dat it in leafhabberij is. De sûpkes binne hertferwaarmjend. De mannen sitte oan de lijside fan it skud. Tsjin de oare kant slacht de rein manselheech ûnder it ôfdak troch. Hy dûkt him en strûst mei in grutte ombocht op de slachbeam ta. De pin, dy't de beam yn de gaffel fan de steunder hâldt, sit wol in ketting oan, mar gjin slot. Foarsichtich skoot er de pin safier tebek, dat inkeld de punt noch yn ien gat fan de gaffel stekt. As er de beam loslit, bliuwt dy lizzen. Hy hifket it ding, oant er fielt dat it fansels troch it tsjinwicht fan in balstien fierder iepen swaait. Dan lûkt er it werom yn de gaffel, dûkt derûndertroch en slûpt nei it ôfdak. Efter it tuskensket

weidûkt, heart er it slokjepraat fan de oppassers in wurdmannich oan. It is wer ryklik fryksinnich.

‘It wurdt heech tiid, dat der Fryske ferkearsbuorden komme,’ dauwelt ien fan de mannen. ‘De P fan paarden, dêr ergerje ik my al den dei oan. It moat net raarder. Wêrom net de H fan hyns?’

‘Dat kin net mear,’ eamelt de oare, ‘sa’n boerd is der al, mei de H fan hospitaal.’

Hy harket it petear net fierder ôf. Parkearwachters hat er altyd it mier oan hân. Hy bôget op de rigen hyns ta. In see fan bealgen en in wâld fan poaten jouwe him dekking. Alle merken, alle typen, in geniet foar it each. Hy glûpt de paradehynders bylâns en ferjit suver wêr’t er foar kommen is.

Dêr bylket de waarmbloedige HOLSTEINER AUTOMATIC, KARTHUZER VARIOMATIC, LIPIZZANER TRANSFORMATIC en OLDENBURGER MULTIMATIC, de FRYSKE TURBO BREAK, EAST-FRYSKE BUGGY SPECIAL en EASTPRUSYSKE SEDAN COUPÉ, de ORLOV SPORT, ANGLO-NORMANJER SPORT EXTRA, ARABIER SPORT SUPER en ANGLO-ARABIER SPORT EXTRA SUPER, de CAMARGUE TOENDRA, KNALSTRUPPER OASE en PINZGAUER DELTA, de healbloedige HANNOVERAAN MOESSON en TRAKEHNER PASSAAT, de kâldbloedige ARDENNER MISTRAL, CLYDESDALER TYPHOON, SHIRE TORNADO en PERCHERON CYCLOON. Fierders de lytskes, sunich en sterk, dy’t hast gjin plak ynnimme: de IISLANNER LPG 12, HALFLINGER DIESEL 2914 S en CONNEMARA TL 651 F 17a § 4½ (=).

As er de rigen flechtich ynspekterre hat, docht er syn kar. De SHIRE TORNADO is de gelokkige. In hoars fan je heisa mei fiterlokken oan de skuilige poaten. Dit represintative hynder biedt

alle komfort foar twa beriders en is dykfêst, aërodynamysk en net wyngefoelich. De wat trage akseleraasje en minder hege topfaasje sil er mei de grutte swaaisirkel op 'e heap ta nimme moatte.

De leien binne mei in Gordiaanske knoop oan in peal fêstbûn. Dêrom nimt er syn dolk en hakket de knotte troch. Folchsum lit it hynder him fan 't stee lûke en by de ôffreding fan it terrein lâns fiere. It rint suver lûdleas. Hiel wat oars as sa'n pofferich sportmodel. De parkearwachers fernimme net wat der efter har rêgen bart. Se seupelje mar troch. Nier lichtet de slachbeam safier, dat it hynder der krekt ûndertroch kin. Fluch lit er de beam wer sakje en triuwt de pin dêroerhinne yn it twadde gat fan de gaffel. Alles is wer as foarhinne. Bûten sicht fan de wachers baggert er nei Dynte. Dy is ûnderwilens troch poelen fan ellinde gien en stiet dêryn ûngeduldich op him te wachtsjen.

'Ingelsk fabrikaat,' seit er grutsk.

Hy set him tsjin de guds te skoar. It dier stiet as in rots. Hy docht de hannen gear en foarmet sa in opstapke foar Dynte. Se wrakselt har yn it seal. Heech en wiet sit se te pearde, har skonken spagaat oer de brede hynsterêch. Har stive fingers kramje om de sealknop. 'Mear nei foaren ta,' hjit er har. Hy set in foet yn de stiichbûgel en hiset him efter har. Syn earms stekt er by har lâns, hy kriget de leie en fitert de SHIRE TORNADO oan.

It dier poemelt troch slyk en slam. Kwakken klaai kletse tsjin harren op. Dynte skoddet as in lege molkbus op in oanhingwein. Wetterfallen kletterje fan dakgoaten en luiven. Lege kuorren driuwe harren temjitte. Streamop wjirmje se troch godferlitten strjitten. Lang om let berikke se deselde poarte, dêr't se earder ûndertroch gien binne. Dy tsjustere bek spuit no tsjok wetter en de wyn gûlt út it kielsgat.

Dan krije se de romte en de breedte. Se hingje foardel yn it seal, de

eleminten raze oer har hinne. Mar de guds ferset der gjin poat mear of minder om. De hege dyk is foar him noch rydber en slingert troch it treasteleaze leechlan nei it noardeasten.

Se komme oer peiske wegen by útstoarne lannen lâns As de dei ferdrinkt yn de nacht, hâlde se by in ienber tsjerkje. In frijplak. It hat hjoed moai genôch west. Se binne ôfgisele en ferklomme. Hy lit him út it seal glide en helpt har by it ôfstiigjen.

It godshûs is ferlitten. As fandalen stâlje se har hynder yn de tsjerke. Dêrnei strûpe se de wiete krous út, bewuolje har yn de alterdoeken en krûpe inoar oan.

Wylst se fiif kertier yn 'e oere sliepe, skuort it reingerdyn fansiden. Ynienen binne de buien útwoede, flybkje wat nei en hâlde har koes. De loft wurdt tinder, in sterke ferskynt heech yn de spitsbôge fan it tsjerkefinster. Oer it wetterwyngbiet reaget noch in kerbûstige feger, mar ier yn 'e moarn jout dy him ek del. De natuer ûntspant

har en sit útsakke foar him oer. In toatebel mei it bliere gesicht fan in âlde breedbekkikkert. Se wennet op 'e romte west-noardwest fan Koartswâld. Hy hat har duchtich tante, sûnder in sprút wizer te wurden. Se wit fan oere noch pompstok, mar dat wol him net oan. Sa'n âldfaam soe in boarne fan ynformaasje wêze moatte.

Don Quickshot jout him oerein, sadat syn helm suver troch it tek fan har skeamele klinte stekt. Hy priemket syn stielen yn har waaksen loaits en konkludearret noartsk: 'Dus jo hawwe hjir noch noait Heaven's Devils sjoen?' Hy lûkt in swiere sike. Mei tûk psychologysk ynsjoch giet er, no't de ynformaasje mislearre is, op de formaasje oer. Hy docht in taast yn syn helm en hellel in rinkje foar it ljocht, dêr't in popke mei in fearren rokje oan bongelt.

Eabeltsje Smelbil ferlûkt gjin spier. Hy hâldt it rinkje omheech en beweecht it starich hinne-en-wer. It popke slingert har foar it gesicht. 'Foar jo!' presset er oan. Se sjocht der wol nei, mar net hypnotisearre. En se seit gjin stom wurd, mar is net sprakeleas. De earm begjint him lam te wurden. 'Witte jo wat dit is?' freget er op 't lêst heimsinnich.

'In popke oan in ring,' andert se braaf.

'In kaaihinger!' skúnt er har yn.

'Soa,' seit se sûnder niget.

'Tink ris ta, in kaaihinger!'

'Ik tink al ta, mar ik haw gjin kaaien.'

'Dêrom kinne jo noch wol in kaaihinger brûke.'

'Wat moat ik dan mei sa'n ding dwaan?'

'Us heit hat it fan Marco Polo krigen,' fernijt er proastich.

'En jo hawwe it wer fan jo heit krigen,' follet se skrander oan.

'Witte jo wol wa't Marco Polo is?' freget er retoarysk.

'Jo pake,' ornearret se wiis.

'In ferneamd wrâldreizger,' ferbettert er. It troevet net ta. Se is like-min begearich nei kennis as nei besit. Mar hy bilet troch en wiist op in ynskripsje ûnder it rokje. 'Wat stiet dêr?' As er gjin wjerwurd kriget, lêst er foar: *Made in Taiwan.*

Se swijt noch altiten en hy ferfettet: 'Wat betsjut dat?' No wachtet er net op har ynbring, mar om de spanning te ferheegjen.

'Dat it te Taiwan makke is!' docht er einlings fol fjoer te witten.

'Wêr leit dat?' kweaket se ûnferwachts.

'Foar de kust fan Sjina!' ropt er bliid út.

'En wêr leit Sjina?'

De don kin him bedimje, mar hy moat syn behearsking foar de helsdoarren weihelje. Hy byt him op 'e ûnderlippe, dat it bloed dernei rint. Hy kin mar better opstappe, foar't der ûngelokken fan

komme. It popke giet yn de helm werom en hy dûkt him nei de doarsiepening.

‘Dogge Tselzer hat se sjoen,’ seit se ynienen.

De don syn stap stúket. ‘Wa?’ freget er, wylst er de siken ynhâldt.

‘Dogge Tselzer.’

‘Wêr?’ Hy doar har mar ien wurdsje ta te pijen, bang as er is om de reachfine trie fan kommunikaasje te ferbrekken.

‘By Bouwekleaster.’

‘Wannear?’

‘Earjuster.’

‘Hoefolle?’

‘Trije.’

‘Wat mear.’

‘Nee, trije.’

‘Ik bedoel, wat witte jo noch mear?’

Dat binne tefolle wurden tagelyk. Se fersfalt yn in apatysk swijen.

Har bliere gesicht skoot wer in wâle fan staffens foar. Mar ynformaasjes hat er dêr krigen. Hy ferslacht der hast yn. Hy sil har net fierder nei de ljirre tingje. Dochs moat er noch even it moed romje.

‘Wêrom hawwe jo dat net earder sein?’

Se kriget de priemmen op en breidet fierder oan har broddellape.

Twa rjocht, twa naadsje. De don siemt op syn prikstokken nei syn mannen, dy’t mei spande krúsbôgen om har spinhutte stand

in gat

yn ’e dei sliepe. Ferskrikt en ferkwikt wurde se wekker. Sa let al? It tsjerkje hat in feilich stee west. Gjûn ûnheil is harren benei kaam. Hastich ferlitte se it gastfrije godhûs. Nimmen dy’t harren dêrby merkslacht. In bleke sinne miezelt oer de dampende fjilden.

Nier fitert de guds oan en lit him út 'en trijesprong rinne. It davert fier yn it rûn. Dynte klammert har oan de sealknop fêst. Se sit mei de honger yn 'e hals en de brân yn it liif. Op 't lêst kin se it net mear rugje. Har greep fersloppet, oersidich skoddet se tusken Nier syn earms. Sels hat er de mage ek op 'e side hingjen.

As in klobke huzen yn 't sicht komt, hâlde se. No moatte se har ûnder de minsken jaan. Hoe sille se ynslach meitsje?

'Dievje,' stelt Nier út.

'Opeaskje,' wol Dynte hawwe. 'Ik bin ommers in ridder.'

Dat liket de baas. Hy stapt ôf en skonket as in skyldfeint neist it hynder. Sy docht alle war om ridderlik yn it lead te bliuwen. Geafolk komt fan alle kanten. It liket wol oft it út de grûn omheech sjit. Ferbaasd wykt it fansiden. Sokke ridders komme hjir seldom.

Ytbere waren fine Dynte en Nier yn in kommenyswinkeltsje, it gruthannelssintrum fan it gehucht. Hy helpt har om ôf te stiigjen. Steatlik trêdzje se oer de útslipen drompel. Troch de flearmûseftige skimer hearet in soere lucht. By de muorren lâns steane sypjende fetten, skimmelige kisten, beringe sekken. Op planken rustige trompen, stoffige flessen, dûkerige bussen. It is gjin ferlitten sels-betsjinningsaak. Boppe de bekleimde toanbank driuwe in pear grutte wytberâne famkeseagen.

It muoit Dynte dat se de sjamme spylje moat.

'Is jim heit thús?' graut se mei in basstim.

It bange bern knikt earst, skodhollet dan.

'En jim mem?'

Earst skodholjen, dêrnei knikken.

'Helje har op!'

It famke ferrept har net. Nier docht in pear stappen en stekt de earms nei har út. De famkeseagen skrilje tebek en wurde wei yn in tjustere gong. Dêrút komt eefkes letter sjoelfuotsjen. In kwabbich

frommes mei in lûkskonk stelt har ûnderdienich op. De tsjokke fingers lizze as wiete woarstjes op de toanbank. Har polzen lykje rolladen, dêr't al de ynriuwingen, mar net de toutsjes fan te sjen binne. Har gesicht glimt as in oaljekoek, dêr't, as besleine rezinen, dofbrune eachjes yn treaun binne. Har noas is in blier en har mûle in skuor yn it fette, okeren baksel.

Ien momint twivelt Dynte oan harsels. It is safier kommen dat se in meiminske inkeld as in hap iten sjen kin? Mar dan kriget har goed oardiel wer de oerhân.

'Ik foarderje wiet en drûch,' snaut se. 'No fuortendaliks.'

It frommes hâldt de holle foardel, miket har as in skuldige fan ûnderop oan. 'Myn man komt anst thús,' bringt se út.

'Wiet en drûch,' seit Dynte nochris sûnder moederaasje.

'Hy is even mei de hûn in slach om,' besiket it frommes noch.

'No fuortendaliks,' hâldt Dynte fol.

'Ik wit net wêr't alles stiet. Hy kin jo better betsjinje.'

It baarnt Nier yn. It spilet krekt moai dat de man mei de hûn fuort is. Mar as skyldfeint moat er syn hear in steil wurd fiere litte.

'Wy sille sels wol krije wat wy nedich binne,' snuorret Dynte.

'Us dochter hellet him al op,' tiidwint it frommes fierder.

'Gjin wurd mear oer jo man!' gebiedt Dynte.

'Wa kin ik dan sizze dat der west hat?' tiemt de frou. Dy fraach is Dynte mei oan. Se wit sa gau gjin Fryske riddernamme op te tinken. Nier springt har by. Hy lûkt de dolk ûnder de klean wei en staat it wapen yn de toanbank. 'Dizze hat der west!'

It frommes springt efterút, as wie se der sels mei stutsen. Se skrik-eaget nei it triljende heft. Starich sakket se om 'e puddingknibbels gear. Se skuort harsels oan it hier en slacht de holle foardel yn it túch oer de flier.

'Nim alles,' jammert se, 'mar sparje my.'

Dynte en Nier grape wat har foar de hannen komt. Jan-yn-de-pûde, skroeid moal, raasdonders, bjist, balkenbrij, sinhjerrings, beisop. As se in sekfol hawwe, nimme se de hakken op. Yn it foarbygean stekt Nier de dolk by him. It frommes leit noch altyd foar munt. Mei de sek oer it skouder, de leien yn de hân en Dynte te pearde efter him, kroadet er it gehucht út.

Fier bûten de streek falle se op it iten oan. Al by de earste hap makket Dynte rare minen. Fan adellik hûs út hat se in fyn feltsje op 'e tonge. Mar honger makket soere raasdonders swiet. Se daget der wat yn, al kokhalzet se by no en by dan. Nier nimt in priuwke balkenbrij. It smakket sa rânzich, dat it maachsoer him om 'e tosken stiet. Hy sjocht in stimpeltsje op de ûnderkant fan de ferpakking. –UTERSTE FERKEAPDATUM 25-6-44–. Gjin niget, dit bocht is al mear as in jier âld. Se hawwe wer ris in miskar dien. It hynder hat dêr gjin hinder fan. Dat begersket him fan gers. 'Hast sjoen hoe't ik dy fimeltryn even de skrik op it liif jage?'

'Snij mar net sa op,' timpert se him. 'Se wie net bang fan dy, mar fan dyn dolk.'

'Dat is itselde.'

'Om 'e deale net.'

Se hawwe gjin tiid foar har earste strideraasje, want se moatte fierder, as se by ljochtskynde noch in bytsje tichter by Denemark komme wolle. Se trapje de lêstjes en rêstjes fan it mindersoartige iten dochs werom yn de sek. Wa wit hoe faak se noch klikjedei hâlde moatte as se

oan it skimermismiel sitte. 'Allinnich dy sappe smakket poerbêst,' haffelt Dynte.

Dêryn stimt er har folmûlich mei. Mar ynienen sjit it lekkers him

yn it ferkearde kielsgat. Hy fljocht oerein en wiist hoastjend nei it westen. Trije ruterskaadbylden steane tsjin de bluodderige loft ôftekene.

‘De Heaven’s Devils,’ bringt er út.

‘Moai gewurde litte,’ seit se sûnder niget.

‘Ja, mar se sille us hoffenje!’

Se springt knersend en piipjend op en fierket oer it skiere leechlân.

‘It binne ommers gjin ridders.’

‘Se binne noch folle slimmer!’

‘Do hast dyn wûnderdolk.’

‘Dêr kin ik no neat mei wurde.’

It wol noch net yn Dynte, mei har beskerme opfieding, del. ‘Se sille my foar heger as harsels oansjen en har tebekhâlde.’

‘Dan kensto de Heaven’s Devils net. Dy skodzje elkenien út sûnder har om rang of stân te bekroadzjen.’

‘Wy binne al útskodde.’

‘Ik haw it sels sjoen. Se martelje manlju, ferkrêftsje froulju.’

‘O, godskes, gau hjirwei.’ Se hat de helm al op en merakelik fluch rammelt se nei it hynder ta. De sek meislepend strûst Nier by har lâns en giet te bok stean. ‘Ik foar, dan kinne wy hurder!’ Yn in wip sitte se beidegearre te pearde en halje-trewalje skrept de SHIRE TORNADO bûten it sicht.

Wat in maleur. De Heaven’s Devils draaie yn it seal, bespeure de proai, boeie om, prykje har sporthyns oan en geane moartsjend fan ein. De SHIRE TORNADO set de hiele bealch derop. Feanflodders flappe him om ’e earen, reekplommen spuitsje him út ’e noasters, skomslieren wapperje him fan ’e bek. De kop stekt fier foarút yn in rjochte streek mei hals, bealch en sturt. Streamline sjit er oer it ûnbepune paad troch de warren. It kreilguod is te leech om him beskûle te hâlden. Nier leit op ’e noas tusken de moannen. Lyk

as in hurdfytser foar de einsprint syn leech drinkfleske fuortsoalt, om in pear gram lichter te wurden, sa docht hy it mei de wanne sek. Dynte hat him by de mûl beet en slingert horizontaal efter him oan. It rimmetikige harnas knechtet yn de knieren.

Jinsen leit it ûnlân fan De Leien. Dêr groeit de els by boskjes. It iennichste beamte fan de hiele omkriten dat makket. Hy berydt it mei in strjitlangte foarsprong. Mar de jacht giet fierder. De sport-hyns winne de fracht guds yn. Efter him heart Nier it hoaljen fan de duvels. Hy fljocht oer in ril. Oan wjerskanten spatte manselhege wetterrêgen op. It bochtet omraak. Hy doar it smelle paad net te ferlitten, bang as er is yn dizze sodze wei te sakjen. Ek syn efterfolgers bliuwe op de ril. Under in gerdyn fan modderspatten komme se neier. De trochgong wurdt in prikkewei. Hy stojaget by elzen lâns. Tûken skramme syn gesicht, fingers kramje yn syn liif. It tsjustert moai oan, sûnder dat it helpt. De nacht falt te let. It brekt de SHIRE TORNADO by de poaten om ôf. It trouwe dier begjint de knikkebiljen. De fermogens binne derút. It hat de ein yn 'e bek. In wasprong. Dat út. In ferware boerd mei skulferige letters. DOORLOPENDE WEG. Gelokkich, hy sit goed. Roerdelings sjit er by it boerd lâns, syn earmtakke skaaft deroerhinne. Nei twa, trije bochten skuort er de leie stiif. De wei rint dea, hy is ek noch ferkeard foarljochte. In swarte feanpet belet syn ûntwyk. Sil er mei syn leafste de ferdrinkingsdea temjitte ride? Tegearre djip yn dûnkere wetters? Net botte dapper. Of sil er stean bliuwe en har beide deaslaan litte? Tegearre read tusken de reiden? Hy kriemt sa koart, dat Dynte in gisel makket en him yn har fal meiskuort. Noch kin er it hynder in klap foar de kont jaan, sadat it útmjirket. Noch slagget it him en dûk mei Dynte efter in elzeboskje op in úthúlke. Dêr wachtsje se klappertoskjend de romleaze ein ôf. De trije duvels fjouwerje op de wasprong ta. Yn folle faasje remme

se. Gierend bliuwe har sporthyns stean. Ferskuorrend sjogge de duvels om har hinne. Bloed dript har fan 'e tosken. It binne deselden, dy't Nier earder yn oare kontreien bestrúnd hat.

'Wêr binne se bedarre?' freget de earste satan oan syn maten.

'Stil, ik hear wat!' warskôget de twadde. It doffe lûd fan hoeven dy't oer peazige grûn drave. De SHIRE TORNADO hat it begrepen.

Dy flechtet, fan syn fracht befrijd, foar syn eigen hachje.

'DOODLOPENDE WEG, bline wei,' lêst de tredde duvel yn goed Frysk fan it boerd.

'Dan de oare kant út!' balt de earste.

Se traapje har hyns oan en jakkerje werom nei de twasprong. Dêr slaan se no loftsôf. Boerd en hoefslach hawwe har op it ferkearde spoar set. Prikken knappe ûnder har as binne it bonkjies.

As it lawaai fan de spûkriders weiwurden is, stekt Nier de holle troch it bledte. Hy mikert de wei ôf, dy't mei twiljocht tichtset is. Fan de koarthakken gjin spoar mear. No kin er him om Dynte bebroadzje. Se leit langút op 'e rêch. Foarsichtich lûkt er har yn sitten-de hâlding. It giet nuvere stiif, krekt oft se in metalen mummy is.

Even bliuwt se rjochtop, dan sacket se starich oerside. Hy knibbelt

en wrot har wer omheech. Ynienen hinget se him om de hals,

triuwt de pothelm tsjin syn gesicht, dat er de rust op 'e tonge

priuwt. Alle opkroppe emoasjes moat se kwyt. Hy heakket de

hannen ûnder har earmsholten troch om har izeren skouders. Sels

docht se har potdeksel ôf. Se hat it bleke gesicht, mar net de bedêste

eagen fan in Madonna. Ynmoedich ljochtet se him oan. Nei in

skoft seit se mei in stim fan fierwei: 'Wy moatte fierder.'

Se jout har oerein, ferhellet it op hannen en fuotten. Se set de stap

derûnder en trûzelt yn har útgongshâlding werom. Jitris docht se

writen om de skonken ûnder it gat te krijen. Mar de koördinaasje

tusken de ferskillige parten fan har lea roait nearne nei. Se is in

toutsjepoppe dy't troch nimmen stjoerd wurdt.

'Alles út, behalven de wapenrok,' hjit Nier har ûngeduldich.

Hy helpt har om helm en harnas ôf te skypien. It is in swierwichtich beslút om sûnder ferklaaiing fierder te gean. Se soale it âld izer yn it wetter. It sakket brobbeljend nei de boaiem. Dêr kin it trochrustkje.

Ferlichte sette se fan ein. De eangst jout harren wjukken.

Yn it foarby sjocht Nier op it boerd. Wrachjes, DOODLOPENDE WEG stiet der no op. In merakel. Hy hat niis mei de earmtakke de poaten ûnder de fjirde letter weireage. De R is in D wurden. Der barre noch wûnders tusken himel en ierde.

Se fokselje as fan âlds. It is har twadde natuer wurden. De wei dy't de Heaven's Devils út gien binne, doare se net heal te nimmen. Dus strûze se oer it paad, dat se te pearde earder ôflein hawwe, nei it begjin fan it ûnlân werom. Dan rinne se mei in ombocht by in mar lâns.

De moanne lit har net sjen. Dy leit ûnder de wolkens.

Dat komt moai te pas. Se waarûlje noch oeren troch. Folle brui-fuort sit der op 't lêst net mear yn. Nier rint te knikkeboljen, wylst Dynte al sliepwandelt. Se swije yn alle talen.

By neare nacht, pongeljend oer in heide, steane se ûnferwachts foar in skieppeskuorre. Gjûn hûn dy't har oanblaft. Nier taast nei de yngong. Gjûn skiep dat dêrefter rêst. De skuorre is leech. Se waggelje deryn. Se binne beide sa striemin, dat se fuortendaliks op it strie delsigje. Nier leit direkt op ien ear.

Dynte kin gjûn strie mear brekke en dochs rekket se net yn 'e sliep.

Stoaregjend leit se yn it tsjuster. In mannichte gedachten mealt yn har om. In tizeboel fan ferstân en fieling. Lathem leit har kâld. Pronkje as syn oarehelte, wylst de eallju fan syn hofrûnte as motten om har hinne dûnsje? Se moat der net oan tinke. Mar krekt by him is se har libben feilich. Se wol by Nier bliuwe. De iennichste fan

wa't se hâldt en altyd hâlde sil. Dat beseft se ynienen nei't se op dy úthúlke de lytse dea mei him sjoen hie. Lykwols, by him fynt se gjin rêstplak yn har jachterich bestean. Wêr is it stee, dêr't se mei him yn frijheid rjocht en sljocht troch de tiid komme kin? Hat it eins noch wol doel om nei Denemark te gean? Lathem sil noait duldzje, dat se it mei Nier hâldt.

Geduerich ridelt se om. Uterlik sit se net mear yn it twangbaitsje fan it harnas. Ynderlik hat se it noch folle krapper as doe't se ridder wie.

It tek is fan de healmoanne ôf waaid. Kâld strieljend stiet de nachtkeninginne yn de doarslist, dy't in rjochthoeke út himel en ierde snijt. In rútfarmich ljochtflak falt op it striematras. Se sjocht it traach mei de oeren ferskowen en smeller wurden. Nier leit mei ien earm rjocht útstutsen, de hân iepen, palm nei boppen. Se skoat harres derhinne. Se soe syn fingerseinen even oanreitsje wolle, in lytse bemoediging yn har selsstriid. Se docht it net. Dit moat se lykme-allinne útfjochtsje. Se wol sterk en flink wêze. Sa is se makke. Dynte en Nier lizze op itselde leger, mar genietsje net deselde rêst. Wylst de ien slept, woelet en suchtet de oar en har bliedend hert wurdt midstwa ript. As de slommer al by no en by dan de eachlidden ferswierret, is dy koarte lichting fol koartsige dreambylden. It stille ûnderkommen, dat har ûntlinzgje moast, wurdt in oarde fan kwelling. Dizze sliepleaze nacht komt earst in ein oan as de moarn

‘Wêrom knippe jo, Van der Leest, dizze ferhanneling yn biten en brokken? It soe helte better te lêzen wêze, as jo de wenstige ferteltrant oanhouden. Wy hawwe gjin ferlet fan dat keunstmjittige, it is klearebare komkak. Jo hoege net wer nei jo earste ferantwurdiging te ferwizen, dy hawwe wy yn 'e rin fan dit boek al fjouwer

kear lêzen. Jo roppe dêryn ferwachtingen op dêr't jo hein ofte nei net oan foldogge. Nammerste mear steure wy ús oan de fersnipeling fan jo bryk relaas, dêr't soks folslein ûnnedich is. De lêste twa fragminten ferhelje fan de beide haadpersoanen, dy't byinoar binne. Wêrom moatte dy stikken skaat wurde, ynstee fan se as ien gehiel te presintearjen?'

'Dan sil ik jim wer in sitaat út it midsiuwske hânskrift fan myn liiffilosoof Ridener Riken van der Stele (1339 - ?) foarlizze moatte:

1070 'sil it boek wêze lyk as in brânskildere rût yn in goatyske katedraal. Net inkeld de kontoeren fan de figueren wurde markearre. Hjir snijt it lead dwers troch in bleate muontsefoet, dêr splyt it de segenjende hân fan in hillige, oarsearne ûnthalzet it in skare fan ingels.

1075 Wa't der op de noas by stiet, sjocht gjin ferbân en wimert it foar de eagen. Mar as er it op distânsje beskôget, foarmje dy diggels en leadstripen ien gehiel en flonkert it yn alle hearlikheid. Sa ek by it boek. Blank papier omslút elke episoade, elke foarstelling dy't de skriuwer markearje wol. It hat deselde funksje. Wat it lead is foar it rût, is it wyt foar it boek: it skiedt en ferbynt de parten.'

My tinkt, dêr hawwe jim genôch oan.'

'In boek is hiel wat oars as glês-yn-lead. In skriuwer moat oarder en regelmjittigens yn syn relaas bringe, gjin abrupte oergongen, dat is in teken fan ûnmacht. Dan falle de hiaten yn syn ferhaal ommers noch mear op.

In betûft auteur sil der krekt op út wêze om it iene part ûngemurken yn it oare oerfloei te litten. Sjoch dêr, Van

Surhuzum is

Salvio weromkaam. Hy wie dêrhinne gien om de hichte te heljen, mar dy hat er net krigen. Der waard grute dat Dogge Tselzer, in skeper te Bouwekleaster, koartlyn de Heaven's Devils sjoen hie. Dat soe fansels mei de moard op Herzfeld te krijen hawwe kinne. Mar de skeper wie poater, syn skieppeskuorre stie leech. Dêrom hat Salvio luitenant Seetonne opdracht jûn om it gebiet mei syn fiifentritichste peloton fuotfolk út te kjimmen. Ek Jut en Jul, de twa otterfangers dy't it lyk fûn hiene, binne yn Achtkarspelen bleaun. Salvio is no allinnich ûnderweis nei Yndyk. Dêr kaam de postrinder wei, dy't de brief fan Herzfeld oan Pottelomme besoarge hat. Wylst er, fertiisd yn nammen en feiten, troch Eagum rydt, begjint him de mage te jokjen. Dêr sjocht er in kommenyswinkeltsje. Hy lit syn âld brik hâlde, bynt him oan in peal en rinkinket ta de iepen doar yn. Syn helm set er op de toanbank en hy dipt syn bekobbele foarholle. Yn de healtsjustere romte binne trije minsken oan it balânzjen. In daaifet frommes, in bienbitige hurdfeger en in famke mei in jiskich gesichtsje. Hy is de iennichste klant yn de winkel, mar botte nearingswiet binne se net. Iendrachtich balânzje se troch, altemets skruteleagen op him smitend.

Salvio kriget syn nocht fan it wachtsjen. Is dit in betsjinning? Hy slacht mei de fûst op de toanbank. 'Wiet en drûch!' wol er.

De man makket him los út it gearhingjende trijetal. Hy skoffelt tichterby.

'Asjeblyft, hear, net wer,' jammert er.

'Wat net wer?' prottelt Salvio.

'Us plunderje.'

'Man, wa praat oer plunderjen? Wat ik hawwe moat, betelje ik foar.'

'Nim my net kwea ôf hear,' stammert de man. Têd hompelt de frou him op 'e side. It famke sjocht oer it skouder en byt op 'e knokkels

om. Noch binne se erchtinkend.

Salvio klappt in botsen op de toanbank del.

‘Dêr! In pûn potstro en in mingel sûpe.’

Op slach is der leven yn it winkeltsje. De man klimt op in trepke en giet alle planken bylâns. De frou wrot har tusken de houten stellaazjes, it famke krûpt dêrûnder. De rispinge is in benaud bytsje. Oardel striebokkem, in kûmke prippert, in potsje skomhuning, in stik luorremanstsiis en in pegel waai.

‘Mear kinne wy jo net mei skewiele, hear,’ sjampert de man. ‘Al it oare hawwe se meinommen.’

‘Rovers?’

‘In ridder mei syn skyldfeint, hear.’

‘Yn hiele Fryslân binne gjin rôfridders.’

‘It wie in Fries, hear. Ik seach it oan syn dolk!’ barst de frou ynienen út.

‘Stil, wiif!’ warskôget har man noch, mar it is al te let.

No wol Salvio mear wiis wurde. ‘Hoe seagen jo dat?’

‘Op it heft stie in pompeblêd.’

‘Wat noch mear?’

‘In bolle en in fûst.’

‘Fierders?’

‘It oare is my fergetten. O ja, boppe-op stie in H.’ Salvio springt út syn hingelhâlding oerein. Syn eagen sjitte pylken en hy hat de stim fan Grutte Pier mei in mûlfol moalkoekjes.

‘Binne jo dêr abslut wis fan?’

‘Dat mist my net hear.’

‘Hoe seach dy ridder derút?’

‘Hy hie in tichte helm op en in âld harnas oan. Syn wapenrok wie ek net folle mear.’

‘Hie er in swurd by him?’

'Nee, neat.'

'Inkeld dy dolk?'

'Syn skyldfeint hie de dolk. Hy helle him ûnder de klean wei.'

'Hoe koene jo dat heft sa goed sjen, as er de dolk yn 'e hân hold?'

'Hy stiek him lyk foar my yn de toanbank en liet him doe los. Hjir, hjir sit de sneed hear, hjir.'

Salvio benoasket it oanwiisde plak. De keep is noch farsk. Hy kriget syn opskriuwboekje en houtskoalpypke derby en makket in situaasjesketske.

'Dus hy bedrige jo. Sei er ek wat?'

'Jawis. Hy prate Frysk. Mar it hearde hiel nuver.'

'Hoe dan?'

'No, oars as oars.'

'Wat sei er?'

'Dizze hat der west! En tagelyk stiek er de dolk yn de toanbank.'

'Mei deselde wurden?'

'Wis en wrachtich hear.'

'Wannear wie dat?'

'Justerjûn om slutingstiid hinne. Kertier foar seizen.'

'Ried dy ridder op in hynder?'

'Ja hear,' hakkelt de man ynienen in duit mei yn it ponkje. Syn wiif is lang genôch útkloarke. No't er it ferhear dochs net opkeare kin, mei er sels ek wol ris oan bod komme.

De eagen fan Salvio trochdolgje him.

'Hoe'nien?'

'In hiel grut hynder hear. In appelskimmel.'

'Wat foar merk?'

'Grif in Amerikaan. Miskien in Japanner.'

'Koene jo dat hjirwei sjen?'

'Ik haw se allinnich fuortgean sjoen. De kant fan Warten út.'

‘Hoe witte jo dat?’

‘Ik wie krekt mei de hûn in slach om.’

‘Dan moat ik no jim nammen noch even hawwe.’

‘Greuns Slappeterp,’ stammert de man.

‘Lits Slappeterp,’ seit de frou.

‘Tronde Slappeterp,’ flústert it famke.

Salvio rept him de winkel út. Hy tsjitsket om syn âld brik oan te fiterjen en set de koers deryn nei Warten.

Hy is al foarby, ear’t it lânfolk fan Eagum him ôffreegje kin:

‘Wa

hawwe wy dêr?!’

It strimet troch de skieppeskuorre. Se lizze gleon oaninoar smeid. Hy lûkt syn sabel út har skie. Drippend fan leafde komme se oerein. Mar it is al te let. Don Quickshot skuort him by de strôte fierder omheech. ‘Us deserteur,’ swoeget er fan razernij, ‘ús deserteur! Fuort, nei bûten ta! Dy belle ek!’

De don skopt Nier eigenfuottich troch de doarsiepening foar it front fan de skutters. Dynte komt hannen te koart om har froulikens te bedekken. In pear fan de mannen pakke har oan en hâlde har omklampe. De oaren sjogge grien fan jaloerskens. As se út de skimerige skuorre yn it folle deiljocht komt, giet in gril fan genot troch de rigen. Ek de don wurdt yn ’e libido taast. Mar dy is út militair hout fike.

‘Loslitte en opstelle!’ boldert er. De skutters foarmje in karree.

Pimelneaken en poeskebleat steane Nier en Dynte yn it midden fan it fjouwerkant. ‘Wat dochsto hjir?’ racht de oanfierder.

‘Op jim wachtsje,’ is it noatige antwurd.

‘Yn it strie lizze te flikfloaien, dat kinste, smoarge deadling! Wêr

wieste, doe't wy út Frankryk teagen?'

'Yn it hea.'

'Ik sil dy dûbelgear slaan, smearlap! Kom hjir!'

De skuldige skytskoarret tichterby.

'Wêr is dyn unifoarm en krúsbôge?'

'Ik wie alfêst foarút gien,' keart er de net te ûntrinnen bekentenis noch ien klaus op.

'Wêr is dyn unifoarm en krúsbôge, swankebast?'

'Yn Frankryk, oerman.

In húnsk laitsjen stiicht út de rauwe skutterskielen op.

'Santsjes, pak dy belle fêst!'

Dat is syn adjudant wol tabetroud. Hy gloeit fan beropsiver. Mei earms en skonken hâldt er Dynte derûnder. Nier hat de koeke hân, foar him binne de krommen. Hy sil se allegear oppikke.

Earst kriget Nier in nust mûlparren en earfigen. Dan wurdt de grûn mei him oanfage. Hy sjocht alle hoeken fan it karree. Dêrnei tongert en wjerljochtet in skeldkanonnade oer him hinne. Mei it melodramatyske gebeart fan in beropsfuotbalder, dy't foar iepen doel de kâns fan de dei fersitten hat, lit er him troch de knibbels sakje en grypt nei de plasse. Hy slacht de eagen jammerdearlik nei syn gildmaten op. Gjinien dy't dat merkt en him meifalt. Se ferklearje har allegear de eagen oan Dynte. Dy fernimt dat net iens. Se kin fin noch fear ferreppe, gjin kik jaan. Mar har loaiten ferropje de don oant yn it djipst fan syn siel. Dy merkt dat wer net. Syn eagen binne inkeld op Nier rjochte. It is in fisieuze sirkel.

Einlings ferbrekt de don sels dy needlottige ring. 'Jim hawwe sjoen,' himet er, 'wat der foar rinkelroaiende deserteurs wankt. Lit dit in eksimpel wêze. Smetten op ús blaoen wurde net dulde. Ik skop se de machten ta de strôte út.'

Machteleas sacket Nier yninoar. Pas no sjocht de don mei sân pear

eagen nei Dynte. It fielt oft him dêryn lij wetter getten wurdt. Hy set him yn postuer en kommandearret: 'Lit my har gesicht sjen.' Santsjes lûkt syn kloer foar har mûle wei, se begjint mei-iens raar guod te spuien. Har gesicht is dat fan in fuery. Mar de don sjocht dwers troch har lilken hinne. 'Ja, in belle biste,' redendielt er. 'Yn de Frânske betsjutting fan it wurd. De moaiste belle dy't my ea ûnder eagen kommen is.' Har roppen en razen heart er net iens. Hy ferpoazet yn it lusthof fan har lea. Mei lijen slagget er dêrút. Hy rjochtet him wer nei Nier. 'Hjirsa!'

De deserteur kriget syn gildpenje yn it gesicht slingere. 'Bin ik dan net ûntslein?' besaut dy him dêroer.

'Ik soe graach dien krije.'

'Do wurdst de boantsjelap fan ús gild,' blaft de don him grutmoe-dich ta.

'Mar kin ik dan net ferfoarlike útrêdzje mei ferlies fan traktemint?' bidt Nier noch. 'My tocht.'

'Poets dyn penje!' falt de don him yn 'e bek.

De opnijbakken skutter klaut it tinnen plaatsje út it sân, azemt derop en wriuwt it soarchfâldich oer de bleate earm skjîn.

'Opspjeldzje!' gebiedt de don.

'Wêr?' doar Nier te freegjen.

'Strûp earst dyn klean oan.'

It karree waaiert iepen. Hy krûpt nei de skieppeskuorre. Dynte wol him byspringe.

'Do hjir bliuwe,' hjit de don har.

Nier wrot him yn syn foddën. De dolk moffelt er ûnder Dynte har wapenrok. Hy spjeldet syn gildpenje op. Dan sleept er him werom. Syn flardeguod mei de don net rûke.

'Foerier, jou him in rûmsek en in seilbroek!'

'Net mear yn foarrie,' klinkt it oer de mannen hinne.

‘Wat dan wol?’

Earne út it karree wei wurdt him in skoudermantel tasmiten. Dy slacht Nier om.

‘Yn ’e rige, mars!’ beart it kommando fan de don. Hy trapet Nier oerein, dy’t slingerjend stean bliuwt.

Dynte docht in stap nei foaren.

‘Ik gean ek mei!’ ropt se kibich.

‘Wat soesto, sniggel,’ gnaut de don har ta.

‘Ik kin foar jo gild itensiede, waskje, bêdmeitsje, sokstopkje, naaie.’

‘Hoe doarst it te bestean,’ wurdt se ôfringe. ‘Ast tinkst datst my weak meitsje kinst, hast in ferkeardenien foar.’

‘Ik wol alles dwaan, as ik by jim bliuwe mei,’ presset se fierder oan.

‘Yn ’e rige!’ boldert de don oer it skouder syn mannen ta, dy’t de earen opstekke en net mear rigelje.

‘Gjin wurd mear, of ik sil dy omstean leare.’ seit er Dynte it manne-
waar op.

Se set de hannen yn ’e side, bûcht it boppeliif in bytsje nei foaren en knypt de eagen healticht.

‘Witte jo eins wol wa’t ik bin?’

‘De moaiste belle dy’t ik ea sjoen haw.’

‘Ik bin in heale nicht fan Lathem, hear fan Romö, hartoch fan Fanö, prins fan Manö.’

Dêr harket de don oerhinne.

‘En kening fan Koresand!’ bilet se troch.

De don brommet wat yn syn twapuntich burd.

‘Myn heale neef sil jo neef hjitte!’ byt se him ta.

Don Quickshot hat syn nocht. Oan alle lusten komt in ein. Hy dwerset ôf en stompt Nier foar him út.

Dynte fljocht de oerman oan. Hy slacht har fan him ôf. Se falt foardel, omklampet syn ankel, sadat er har oer de grûn meisleapt.

Hy stiet stil, stekt syn frije foet troch de bûgel fan syn krúsbôge en spant it tou.

‘No hawwe wy de hichte!’ tjiiget er him. Hy roait mei in pylk op Nier, dy’t noch waggeljend ûnderweis is nei de brike rige fan skutters.

‘Foar elke tel dy’tst my fêsthâldst, sjit ik him ien yn syn bast. By need meitsje ik in stikelbaarch fan him. In deadenien.’

Dynte sjocht dat it mienen is. Se lit syn ankel slûpe.

‘Goereis nei Denemark, ik sil dy noait ferjitte,’ seit Nier heas oer it skouder. Hy kin it lûd hast net fuortkrije.

Wer húnlaitsje de skutters, mar Dynte kriget de triennen yn ’e eagen. De don bonkelt nei syn mannen.

Noch steane se net te plak. Hjir moat efkes duchtich drild wurde.

‘Healslach oarsom!’ knettert syn befele. Hy sil se efterstebek rinne litte. Goed foar de kondysje en it moreel. Sa wurde mooglike spionnen ek noch op ’e doele brocht. It is in âlde kriichstaktyk fan de Yndianen.


‘En do, stik ûngelok, efter my rinne, dan kin ik in each op dy hâlde!’ snaut er tsjin Nier.

Touslagersgong, katsje efter katsje, yn ien lange rige, set it gild út ein. Dizze nuveraardige wize fan gean komt der foar Nier dûbeld op oan. Slein en brutsen kloatsekket er troch doarn en hage.


Kadaverdisipline foar de rest fan syn bestean. Him wachtsje ferhuning, oerwurk en liifstraffen. It is him likefolle, no’t syn libben sûnder Dynte gjin ynhâld mear hat. Hy stuitelt mar blynwei fierder, lit de holle hingje en stoarret

fan Pottelomme nei de ûntwerpen fan Muzio, syn reklame-adviseur. Ta in fergeliking hat dy earst


de keizersmonogrammen fan Karel de Grutte (742-814) en Otto de Grutte (912-973) tekene:



Dêrûnder stiet it earste ûntwerp foar in eigen nammemerk:



'Mmm,' oardielet Pottelomme, 'in bytsje simpel.' Muzio rôlet it papier fierder út en komt by it twadde ûntwerp:



‘Dat liket derop,’ seit Pottelomme tefreden. ‘Ek net sa nearzich as dy oaren. Sa’n ien moat ik hawwe. Lit in lakstimpel en in segelring mei dit keizersmonogram meitsje. Set fuortendaliks út ein-

lings jout se
har oerein. No’t Nier foargoed fuort is, hat se gjin kriich mear om tsjin it needlot te striden. De rest fan har jierren sil se oan de side fan Lathem slite moatte. Sa hat de foarsjennichheid it wollen. In skrale treast. Har earmtakken en knibbels prykje. Smertlapen, mear net. De tiid helet alle wûnen. Behalven hertsear. In iepen steed dat noait tichtlûkt. Al har libben sil se dat fiele.

Mismoedich giet se nei de skieppeskuorre. Yn de fierste hoeke leit har wapenrok. As se dy oanstrûpt, ûntdekt se de dolk. Ta in oantinken hat er har syn wûnderwapen jûn. Se stekt it by har, deun tsjin it hert oan. Poerallinnich bjisket se op leaden fuotten troch de lêste

útrinders fan Pottelomme syn machtsgebiet nei Denemark. Elke pas bringt har fierder fan Nier. Se telt har stappen en begjint nei elke tûzen op 'en nij. Se hat gjin oandacht foar de wite skearwollen skiep, dy't, sûnder skeper en hûn, yn 'e fierte oer de heide hobbelle. It tierelierjen fan de ljurken, heech ûnder de watsjewolkens, heart se net iens. De jimmerlike moarn rint se yn trânse fierder.

Se komt foar in boerd, dat tusken twa beammen spikere is.

–WARSKÔGING! JO FERLITTE WESTERLAUWERSK FRYSLÂN!– Se stekt de holle op. Mei de hiele hûd is se út dizze hel slagge. Se stiet oan de grins fan Grinslân. In stienwerp fierder hinget noch in boerd. –LÊSTE WARSKÔGING! HJIR-

EFTER HÂLDT WESTERLAUWERSK FRYSLÂN OP!–

Gjin wachtposten springe op har paad, gjin slûpskutters sjitte pylken ôf. Dizze buffersône is ûntfolke. Der leit gjin stikeltrie, der binne gjin falkûlen. Noch ien kear draait se har om en stoarret oer it lân dat se efterlitten hat. It gea driuwt har foar de eagen.

In lichte dûst yn de rêch. Mei in gjalp kriemt se. Dêr stiet de SHIRE TORNADO, kopknikkend en har mei de blibze oer de wangen streakjend. Se slacht him de earms om de hals. 'Bisto dêr jonge, bisto dêr?' reauntet se. In jefte út de himel. In teken dat se net alhiel oan har lot oerlitten wurdt. Se leit in hân op syn fang en giet him ris bylâns. Hy is ervich, der mankearret him neat. Sels it seal en it túch binne noch ûnbeskeadige. Se wrot har op syn rêch. Jinsen leit it noardeasten, dêr't Lathem har bidet. Dêr is it súdwesten, dêr't Nier neat mear ferwachtet. Sy is frij frou. Wat blinder, soe se har leafste yn 'e stiik litte? Se hat no in dolk en in hynder. It harnas kin se opfiskje. As ridder sil se Nier werom krije. Se fielt har sterker en flinker as Jeanne d'Arc. Se set de SHIRE TORNADO oan en draaft mei deaferachting Fryslân yn.

It ûnlân ringsom de mar leit der ferlitten by. Sûnder lijen fynt se

de tagong. Mei de losse leie rydt se oer de ril. Dan de prikkewei, de twasprong, de úthúlke. Hjir moat it wêze. Se springt op de grûn en kuert yn de dûnkere djipten. Ja, dêr skimert it pânserjak en de pot-helm. Mar se kin der net by. Se fiket in fikse tûke fan in elzebeam-ke. Se gnûft om har hinne oft der gjin potkikers binne. Yn de fierste fierte sjocht se in pear otterfangers. Dy farre noch fierder fuort. Se fisket op har tij. Ien foar ien hellet se de stikken izer nei har ta en boppe wetter. Op de úthúlke lûkt se it harnas oan. It falt net ta om sels de heakken op de rêch fêst te meitsjen. Dêrfoar moat se har linige lea yn de brykste bochten wringe. It opsetten fan de helm is net mear as in hântaast, it bekladderjen fan de SHIRE TORNADO in heikerwei. Se rept har út it ûnlân nei de skieppeskuorre. Dêrfan-dinne sil se de befrijing fan Nier begjinne.

Op in smelle omlizzing fan de haadwei fjouwert har in ridder tem-jitte. Hy set syn âld brik dwers en dammet har paad. It blau fan de loft spegelt yn syn harnas en de fearren plom fan syn fizierhelm wi-uwyt yn de wabberwyn. Hy hâldt in spear mei beide hannen stevich beet. 'Jo hynder is moaier as jo harnas,' ropt er Dyntaxe ta.

'By jo is it rjochtoarsom,' andert se dapper.

'Sa'n steil wurd fiere en noch net iens it manljuslûd hawwe,' smeelt er. 'Dat sit heech op it hynder.'

'Net sa heech, dat it my te leech is om jo minlik om trochpaad te fersykjen.'

'Jo mûle is ryp, mar jo dieden doge net,' seit er skerp.

Noch rekket se net fan 't hynder. 'Dat bettert mei de jierren wol.'

Hy klapt it fizier omheech. Syn gesicht is reafallich, omsletten troch in flaaksen ringburd. Hy liket op in krystman mei de fûle kraaleachjes fan in fret. 'Ik bin Salvio,' makket er him bekend.

'Wa binne jo?'

Diskear is se net om in namme ferlegen. 'De Rustige Ridder,' docht

se him sûnder berie te witten.

‘De Rustige Ridder? Noait fan heard. Komme jo om utens wei?’

No moat se har net fersnakke. It is de wiiste wei om foar in lânsman út te gean.

‘Ik bin in echte Fries,’ seit se sa kalm mooglik.

‘Jo spraak is oars. Gjinn rôfridder?’

‘In echte Fries,’ seit se nochris.

‘Fryske ridders prate altyd mei iepen fizier. Of kin jo gesicht it deiljocht net ferneare?’

It bekrûpt har. ‘In pothelm hat gjinn fizier,’ merkt se noch neffens wierheid op.

‘Dus jo witte wat dat betsjut?’

Se jout gjinn azem. Fol bang foarfelen wachtet se op syn beskie.

‘Set de helm ôf!’

Dêr binne de rapen al gear. Se ropt binnenmûls alle hilligen yn ‘e himel oan.

‘Wurdt it ek wat?’

It wurdt neat. ‘Ik sil wol weromgean, in oare kant út,’ prebearret se nuet.

‘Om de bliksem net!’ Salvio lûkt in izeren want út en smyt har dy ta. It ding kletst tsjin har boarstplaat, bliuwt op de brede rêch fan har hynder lizzen. Mar se kriget it net op. Se sil wol wizer wêze.

Dan moat se fjochtsje.

‘Jou myn want werom!’ gebiedt Salvio.

Se docht it net. It helpt har likemin as om sizzen jaan. Se moat him foar wêze. Har SHIRE TORNADO kin syn brik út ‘e wei rame. In tank tsjin in pânserwein. Se set har te skoar. Hy klammet de spear ûnder de ears, rjochtet de punt, ree foar de sjarzje. Mei de fuotten twingt er syn brik yn stelling. Te let foar in wraam op de sydkant. Miskien kin se noch by him lâns sjitte. Hy hat yn ‘e

gaten wat se fan doel is. Iderkear as se fansiden stapt, docht hy it ek. Tsjin inoar oer hinne-en-werje de hyns in setsje. Se doar it net op in frontale botsing oankomme te litten. Yn in flits skuort se de dolk foar it ljocht. Se hâldt it lims tusken tomme en wiisfinger, klear om te smiten.

Salvio skuort syn eachjes meunsterlik grut op. ‘Moardner!’ filet er. Fluch klapt er it fizier del en stoarmet op har yn.

Dêrmei begjint wat yn de Fryske annalen optekene stiet as de Slach fan it Fiiifûbelde (krekter soe wêze: Fiiif-fâldige) Tafal. Needlots-oere foar Fryslân! As Dynte Salvio net yn ’e bek rûn wie, as Nier net troch Don Quickshot oer it mad kommen wie, as luitenant Seetonne net op jacht nei de Heaven’s Devils west hie, as de otterfangers Jut en Jul dy deis net útfearn wiene, as de skieppeharder Dogge Tselzer net út syn skûlplak krûpt wie, en dat allegearre op in foech tal fjouwerkante kilometers, dan hie de histoarje in hiel oare draai krigen. Mar skiednis bestiet út feiten, net út spekulaaesjes, of it wurdse ‘as’. As de hel losbrânt, hawwe wy allegear reade sokjes oan. Se sjocht de flimmerjende punt tasjitten, dûkt har, hinget oan de moannen fan it hynder, de spear reaget roerdelings oer har hinne. De SHIRE TORNADO nimt de guit, dindert troch in knikspoar yn de omlizzing. Se skokt fierder foardel, wurdt topswier, rekket it hâldfêst kwyt, trûzelt oer de kop út it seal, bliuwt mei ien foet yn in stiichbûgel stykjen. Rêchlings wurdt se troch it hynder meisleept, kin har los skoppe, jout har oerein. Salvio, ûnderwilens koart kriemd, stoot mei de spear omheech tichterby. Fluch hantet se de dolk om, giet yn ’e hoksen sitten en as er mei alle geweld op har yn stjit,

‘Wêrom, Van der Leest, litte jo jo daliks wer meitroaie troch de

uterlikheden fan sa'n banale fjochteraasje? It like der even op dat jo in bytsje fet op jo ûnderwerp krigen, doe't jo hjirboppe gewach makken fan in histoarysk feit.'

'Wêrom falle jim my iderkear yn 'e mûle, sûnder jim om de gearhing fan myn ferhaal te bekroadzjen? Ik moat mar wer soargje om it wyt, dat elk fragmint ôfslút, mei in gaadlike sin te oerbrêgjen. Ik lit my net wer ûnderbrekke. Dat jim sa goed binne om dochs noch troch te lêzen, wol noch net sizze dat jim ynspraak krije. Dit is myn tekstboek. Jim rêde der mar mei.'

'Wês net ûnreedlik, Van der Leest,

heint se de stjit op, dy't har foar dizze ynterrupsje tabrocht waard. De spearpunt skampet de dolk, fonken spatte, se skaait it wapen omheech, it lims ritst oer de rêch fan syn bleate hân, bloed springt yn de skras, foarby is er al, syn brik daliks omboeiend. De SHIRE TORNADO hâldt út himsels om, komt har op 'e side, stiet ien amerij, se hinget al dwers oer it seal, wrot, klaut, spinfuottet, earmswaait, wrot jitris, leit, knibbelt, sit te pearde, mar net ree foar de raam fan de spear, skokt oerbek

by syn

slipesteed tusken in tropke beammen. Sûnt him ûntfallen is dat er de Heaven's Devils sjoen hat, libbet er yn tûzen noeden. Dy smjuntjen binne it grif wiis wurden en hawwe it no op him begrepen. Earjuster fûn er syn hûn ûnthâlze. Oare kear is er sels oan bar. Hy hat syn skiep efterlitten en ûntskûlet de duvels op 'e siik nei in feiliger kontrei.

Dogge Tselzer jout him ôf

fan har harnas. Hierfine skuorkes knappe ta brede barsten, metaalwurgens befalt it hiele pânserjak. De izerplatten ûntrûgelje har lea, inkeld de pothelm stiet noch oerein. Salvio set har nei, roppend, razend. Wêrom moatte manlju altyd ynhelje en fjochtsje? Swymhollich stuitet se op-en-del, by elke jomp sakket in swart waas har djipper oer de eagen. Se falt der-

hinne en bliuwt mei de hannen op 'e knibbels stean. Foar syn fuotten leit in izeren fingerwant. Dogge Tselzer besteksjocht de fynst. Nee, sokke hawwe de duvels net. Stil lizze litte en wer ûnder it beskûl fan it beamte fierder gean. Loslippich hat er west, no is er ek noch nijsgjirrich. Twa otterfangers stappe út de houtwâl. Gelokkich gjin

besef fan wat har oerkomt. Se leit derhinne, neist har hynder. Salvio makket koarte metten. Sûnder omslach bynt er har oerdwers op syn brik. Blyn fan woede sjocht er net har smedige lea. De dolk stekt er by him, de pothelm lit er har op hâlde. Hy bestiget de SHIRE TORNADO en jout him de

bloedspoaren yn it sân, de grûn is ferwâde. 'Wêr lei dy want?' freget Jul. Dogge Tselzer wiist. 'Hy is fan ridder Salvio,' seit Jut. 'Syn wapen stiet derop.' 'Hy hat fochten,' stelt Jul fêst. 'Mei ik no fierder?' suchtet Dogge. 'Jui, jui, jui!' moartsje de oanstoarmjende duvels, dy't

luitenant Seetonne mei syn
fuotfolk ûngemurken be-singele hat. Sa binne se op gjin fjilden of
wegen, sa springe tusken it kreilguod hellebaarden, moarns-
stjerren, striidbilen op. De ring fan blanke wapens strûpt snijende
hurd om

de swurdhouwen te ûntrinnen. Dogge Tselzer syn fûsten
oan flarden, Jut en Jul fan efteren ynriden, delslein, sa plat as in
otterfelsje. Ien bloed, allegear bloed. De Heaven's Devils

tsjinkeard,
ynsletten, oantaast troch it fiifentritichste peloton, besykje in bres
te slaan. Heech steigerje de hyns, djip hakje de swurden. De muorre
fan lânsfeinten wankelt

efterút it gild fan Don Quickshot temjitte,
dat no foarút strûst nei it kriichsrumoer en byspringt

dêr't de
slaggen falle. Flitsen út krúsbôgen sjitte de hyns ûnder de duvels wei

it fuotfolk sil him op har stoarte, hy moat it foar wêze

skutters weagje oer de duvels hinne

de

weromdreaun troch de opkringende soldaten

wêr is de oanfierder?

‘ik moast se sparje’

‘ik moast dit gebiet útkjimme’

‘dan hawwe wy beide ús plicht dien,’ konkludearret Don Quickshot. Luitenant Seetonne giet nei syn eigen ûnderdiel werom en lit gearkommen blaze. It gild nimt in strategyske posysje om de trije finzene en blessearre Heaven’s Devils yn.

‘Knap wurk, mannen,’ priizget de don. ‘No moat Pottelomme noch tyngje hawwe fan ús slagge operaasje. Teffens moatte wy him te witten dwaan, dat wy mei dit wrede ies foar him kommandeweis binne. Dêrom freegje ik trije feardige keardels dy’t reprinders nei Ljouwert wêze wolle. Net allegear tagelyk. Wa?’

Net ien, behalven Wynjammer.

‘Op dy kin ik altyd rekkenje,’ knikt de don tefreden. ‘Wa noch mear?’

Syn priemkjende loaits trochfisket it gild. De skutters bûgje de hollen en tielje kwânskwiis wat mei har sjitark om.

‘Hawar, wa byt it spit derôf?’ klinkt it minder hoflik. De wapenbruorren piele troch.

‘Frijwilligers foar!’ ropt de oerman grimmitich.

Nimmen ferset in poat.

‘Dan sille wy derom lotsje. Skriuw jim nammen op!’

De don partet stikjes perkamint en kleurkryt om. Elkenien skriuwt, it tipke fan ’e tonge tusken de lippen. De kladsjes wurde tichtfrommele en yn syn helm deponearre. Hy skoddet it haaddeksel, draait de holle oerside, grabbelt, hellet ien kladsje foar it ljocht, teart it iepen. Der stiet in krús op. Nitelich docht er wer in taast yn de helm. It twadde kladsje is ek in krús op kwattele. Op it tredde, fjirde en fiifde allyksa. Hy skonket de rige bylâns en triuwt de skutters it krústeken ûnder de noas. ‘Wa syn krús is dit?’

Gjinien jout beskie.

‘Dan sil ik sels it goeie foarbyld jaan,’ snúft er. ‘Santsjes, kom hjir. En do ek, huorreboek Hinnebruer!’

Skytskoarjend skowe de útferkeazenen foar it front.

‘Oan jim draach ik dizze earfolle taak op. Santsjes, do bringst dizze brief, Hinnebruer sjout dit swurd en Wynjammer soarget foar de begelieding. Noch fragen?’

‘Ja,’ begjint syn adjutant, mar dêr harket de don oerhinne. ‘Dit prachtige swurd hie ien fan de duvels by him. Grif de oanfierder. Jou it as bewiis fan ús oerwinning oan Pottelomme,’ bestelt er. Hy triuwt Nier in geweldich slachswurd ta, sa swier as in ploechizer. De kling hat ien lyts skurd. It hânfet binne symboalen yn gravearre. Presiis deselde as by de dolk, dy’t er fûn hat. Boppe-op stiet deselde letter. De H fan Heaven’s Devils. Foar’t Nier dêrby stilsteankin, moat er meikomme. Hy kriget in pomp yn de ribben.

Mei it gestin fan in gewichtheffer lûkt er it swurd oer it skouder.
'Opsjitte,' trunet de don it trijetal oan. 'Jim reppe, wy rinne.'
Nier tôget syn fracht, wylst de bonken him brekke en it him

foar de

eagen wimert. It snijt swarte flokken. In wynpûst blaast se fuort.
Springerige grimeltsjes yn de snie foar har finster. Gjûn snie, in
bline, wite muorre. Gjûn finster, de skreef fan har pothelm. De
wrâld is net grutter as in kier. Dat is ek mar goed, oars soe se dwyl
wurde en derhinne sige. Dit formaat is al amper te befiemjen. Se
kin hân noch foet te war slaan. Har holle wol net draaie, se hat in
stive hals. Steandewei fernimt se lûden, dy't út 'e tiis reitsje en twa
manljusstimmen wurde. De iene ken se Salvio oan werom, de oare
heart noch ferwoester. Ynienen brekke wurden troch, as by in radio
dy't net earlik op in stasjon stiet en bysteld wurdt.

'Lit my no allinnich.'

Izeren fuotstappen oer in stiennen flier. It iepenknersen en ticht-
kriezjen fan in swiere doar. De stilte dy't tûkert.

Skeuveljen neist har. It gromjen fan in rôfdier. Pjukjen yn har hals.
Yn spiralen gliere byntouwen by har del. 'Dat in mânsk himd sa
froulik wêze kin,' grollet in stim. De helm wurdt har fan 'e holle
skuord. In prongel hier falt har foar it gesicht. Se gloereaget der-
tus kentoch.

Tsjin har oer stiet in opsnolke bast. Hy hat in baret op, dêr't in
reagelfear oan bongelt. Om syn roppert spant in koarte jas mei
pofmouwen. Dêrûnder stekke útboeide strampels yn wollen hoaz-
zen. Neist syn lobben leit har dolk. Hy hâldt de hannen op syn
pampes, de tommen by de brede gurl yn. Syn foarkommen is helte
ysbaarliker as dat fan de rûchste Noarman.

‘Wa bisto?’ spuit er har ta.

Dynte trillet as in reid, mar hat noch bestjoer oer har fermogens. Mei har heale neef Lathem hoecht se net wer op 'e lappen te kommen. En te sizzen dat se in echte Friezinne is, jout ek gjin sprút. Se aventoeret de lêste útwip. ‘Ik bin de breid fan greve Willem IV fan Hollân,’ andert se wis.

De tsjeaken fan Pottelomme readzje fan grime. Hy komt in stap tichterby, bûcht de holle nei har ta en stekt it dûbeld kin foarút. Ut syn hierrige noastergatten strike gleone smûgen oer har stienkâlde wangen.

‘Wat seist dêr?’ racht er.

Se kin oars net as har eardere antwurd, diskear ûnwis, wersizze. Syn eagen wjerljochtsje, syn fingers kromje ta klauwen, hy stiet op 'e sprong om har oan te fleanen. Mar hy krôlet starich de fûsten en ûnferwachts spjalt de gaffel him waachwiid iepen. Hy skattert syn toskformule bleat.

$$\begin{array}{r} 0.0.0.1.0. \\ \hline 0.1.0.0.0. \end{array}$$

De grize giet har oer de grauwe.

As er hikjend útlake is, begjint er earst te hoastjen en dêrnei te racheljen. Syn froalikens slacht om yn razernij. ‘Do hast myn stamhâlder fermoarde!’ Hy pakt har wapenrok mei beide kloeren by de halsiepening beet en reept it guod yn ien haal fan boppen nei ûnderen. Dan docht er in snap nei de dolk oer de flier.

‘Dit stiel sil rustkje yn dyn hert!’ Wylst er oerein komt, fertroebelje syn eagen. Syn greep fersloppet, it wapen ûntfalt him. Hy hifket har glânzige beukelaars.

Se skrillet tebek. ‘Net sa wraamsk,’ gnaut er flybjend. Hy omfiemet har mul, heakket de earms om har koarte ribben, plantet in slaai tusken har skouderblêden, de oare op har stút en twingt har stiif tsjin him oan.

Se kin inkeld de holle ôfdwersje.

‘Do hast Herzfeld fermoarde!’ raast er har yn ’t ear. ‘Foar’t ik dy deastek, moatst my earst in soan weromjaan. By nacht en by dei sil ik dy ride, oantsto swier bist fan in troanopfolger. As it in dochter is, begjin ik fan nijs oan. Dyn libben sil bernheljen wêze!’

Se fielt syn skepter tusken ’e skonken. Dêr swaait de doar iepen. In frommes as in stins stapt it fertrek yn. Pottelomme lit los. ‘Nano,’ stammert er. Neaken flechtet Dyntaxe efter in pear rigels wyt

en komt der klaaid wer efter wei. Ungemurken is se by draaitreppen op flein. Heger as it toerkeammerke koe se net. Oer in stoel neist in spinwiele lei in lange kapmantel. Dy hat se oantein. Mar se fynt hjir gjin needútgong. Dat se sil werom moatte. Se giet op ’e teannen stean en eaget troch it kykgat yn de muorre nei ûnderen. Allinnich in pear downen tripkje oer it binnenplein. In hynder wachtet op syn baas. Se kin in gjalp fan ferrassing amper ynslokke. Har hynder, de SHIRE TORNADO! Dat strykt har moedfearren op. No of noait!

Se fiert de doar súntsjes iepen en teantet by de treppen del, sûnder it tou fan de lining te reitsjen. Underoan gnúft se om de hoeke.

Oan de fierste ein fan de lege gong is in seale. Dêr tjemskje in protte minsken en klinkt oerallich praten. Twa wachtposten steane,

mei de rêch nei har ta, yn de doarsiepening ek drok te petearjen. Se stekt dwers oer nei in smellere gong, slûpt efter in rige pylders lâns en komt troch in kjiirrewirre út op it binnenplein. Noch nimmen te sjen.

Se strykt op it hynder ôf, it ferrin fan de muorren folgjend. Yn in sucht hat se de leie los fan de stange tusken twa peallen. Dêrop steunend sit se mei in rep yn it seal. It trouwe dier set it fuortendaliks op in draven. De hoeven klikkerje, it wjerlûd slacht by de muorren op. De planken fan de slotbrêge rattelje as in rige trûzeljende dominyhoutsjes.

Mar har flecht wurdt net achtslein. Yn it kastiel is wat oars te rêden en it ferkear troch Ljouwert jachtet al den dei. It stedfolk, dat himsels de soallen út 'e skuon rint, ergert it net iens mear. Boppedat is it spitsoere. Lânfolk dat har wenten op it boerelân hat, skrept by kloften nei hûs ta.

Se rydt ûnder in poarte troch de stêd út. Mei de toaljende sinne yn de rêch strûst se it easten temjitte. In sigentsje waait tusken har healiepen lippen, wisket har switterige wangen. De SHIRE TORNADO wrinzget him it skom fan de blibze.

Foarby in tolhûs, dêr't se gelokkich sûnder belet trochride kin, komme trije finten oan skiten. Efterinoar, mei grutte tuskenromten. De foarste knekkelt by har lâns, in brief yn 'e hân. De middelste bûkelt ûnder it gewicht fan in ûnbidich swurd.

Dynte dikert, sjocht se it goed? Dikert wer, skuort de eagen op, docht se ticht, knippert. 'Nier!' gjalpt se en hoart de leien snarestiif. De SHIRE TORNADO lûkt in djip remspoar oer de dyk. Se bûcht har fier foardel. 'Nier!' Hy bliuwt stean. Mei lijen hevet er de knikte holle, skynmoannet, sjocht har oan. In glimk brekt it stjurre bloed op syn gesicht. Se moat it oanreitsje, kin it net leauwe. Hast skruten stekt se in hân út. Hy omslút har fingers. Dy lichte triuw

seit mear as de ynlikste omearming. Dream is it libben. Mar lang kinne se sa net poazje. De tredde fint is kommendeweis. Mei it lêste bytsje furt dat noch yn him is, ljept Nier, it swurd as pols brûkend, op de hege rêch fan it hynder. Krekt foar't de SHIRE TORNADO gong set, skuort er de punt fan it wapen út 'e grûn. En as Wynjammer syn krúsbôge útsteekt, feecht er deryn. De foarbyldige skutter sjit rojaal mis. Razend set er de efterfolging yn, earmswaaiend as in reizger dy't de bus foar syn noas fuortriden sjocht. Mar hy hellet him net yn. De distânsje wurdt sjendereach grutter. Op it lêst is de SHIRE TORNADO op gjin fjilden en wegen mear te bekenen. Dynte ment it hynder, oant it rûnom tsjuster is. Dan giet it even stapfoets.

'Net nei it easten,' warskôget Nier heas. It sit der tsjok op, dat it gild of Seetonne syn peloton harren dêr benei komt. Dus drave se fierder mei de poalstjer yn 'e rêch nei it suden.

Se binne al lang en breed oare kant Snitsk as se pleisterje. By it bleke moanneljocht wurdt Dynte in wjittering gewaar. In streamke tusken reidkragen. Dêr kinne se laavje en boarne. As de slimste toarst ferslein is, Nier syn seare steden dipt binne, it hynder him deljout, bejouwe har de lea. Se rydholje tsjin wurgens en slommer, de fellen falle har oer de eagen, se sliepe troch de moarnsdage hinne. En wer lit it tafal har net mei frede.

'Hoe is 't yn 'e frede mooglik!'

Tagelyk skrilje se wekker. In âldachtich man sjocht op har del. Hy hat in rûge mûtse op. Syn koart oerklaad is mei bont omseame en syn lange hoazzen binne fan brokaat. Syn wanten hawwe gatten foar de ringen oan syn fingers. Oan syn fuotten knipskuon mei sulveren gaspen. Nier ken him fuortendaliks werom. Grytman Filtskoech. Oan wjerskanten fan him steane mannen dy't elk in striidkneppel, mei izeren punten beslein, slachree yn de fûst hawwe. Ien

hâldt de SHIRE TORNADO by de leie.

‘Deselde skoelje dy’t myn gouden rider troch it kielsgat jage hat,’ grânzget Filtskoech lûdop. ‘Doe hie er trouwens in oar frommes by him, dat mist my net. De kastlein mistroute it saakje: sokke neakene swellen mei sa’n jildstik. Hy hold har beide fêst. Mar doe’t ik by de herberch kaam, wie it stee kâld. En sjoch ris oan, hjir snap ik him ûnferfalst mei myn skoander hynder, dat er fan in parkearplak dieve hat! Dêr sil er foar bliede moatte!’ De grytman bespeurt it swurd dat yn it gers leit. ‘Ek roversguod, fansels.’ Hy set it rjocht-oerein. ‘It hat de keninklike tekens!’ ropt er ferheard út. In amerij stiet er yn berie. ‘Wy bringe dit span nei Pottelomme sels ta,’ beslút er wylst er him ta syn liifwachten keart. ‘Dy sil har wol hoffenje. Grif sit der foar my in promoasje yn.

‘Foar de alderlêste kear, Van der
Leest, wolle wy mei jo

nei Ljouwert. No marsjearret it gild tusken dûbele rigen kastielwachters it binnenplein op. Don Quickshot oan it haad, de trije blessearre duvels op berjes yn it midden. Lolli lit alinnich de don en de dragers fierder komme. Hol galmje de stappen troch de skimerige gongen. Yn de grutte seale is it minder tsjuster. Pottelomme troanet op syn sit. Heech út in gat yn de muorre wei streket in baan sinneljocht him skean oer it wrede gesicht. De don tutet de estrik foar de fuotten fan de tiran. ‘Eala! Ik bring jo Heaven’s Devils, rju eale. Har libben is sparre, dat jo se sels in kop lytser meitsje kinne, sa’t it jo hage. Us ekspedysje hat fertuten dien. Fansels, rju eale, dat wisten jo al fan de trije reprinders dy’t

ik foarút stjoerd hie. Se hawwe jo myn missive en it swurd fan de oanfierder oerlange.’

‘It berjocht haw ik krigen,’ graut Pottelomme, ‘mar net it swurd.’ ‘Unmooglik,’ bringt de don sprakeleas út. En nei’t er oer syn stommens hinne is, freget er benaud: ‘Nim my it net euvel, rju eale, hoefolle boadskippers wiene der dan?’

‘Twa,’ wurdt him tasnaud.

De knikkert yn de don syn flessehals sjit nei boppen en bliuwt dêr. Hy kin gjin lûd mear jaan.

Pottelomme lûkt de mûle yn fâlden. ‘Wat tinke jo wol, ik lit my gjin earen oan ’e kop naaie. Likemin bin ik der wiis mei, dat jo yn kostbere relaasjegesinken grossierje.’ Hy kriget út de binnenbûse fan syn mantel it popke mei it fearren rokje en kwakt it oer de flier. ‘Made in Taiwan, hie ik tocht,’ seit er ferachtlik. Hy tegruzelt it ûnder de hakke fan syn lears.

De don stiet mei it mes yn it liif. ‘Alles berêst op in begrutlik misferstân, rju eale,’ hakkelt er.

‘Ik haw rûnom myn ferklikkers,’ racht Pottelomme him yn it gesicht. ‘Eabeltsje Smelbil is der ien fan.’

De don makket mei beide hannen tagelyk in symmetrysk gebeard. Hy spraat de fingers en leit se, tommen boppe, as waaiers oer it boarst. ‘Mar, rju eale ...’

‘Offiere!’ slacht Pottelomme him oer de bek. Efter pylders wei sjitte in stikmannich wachters ta, dy’t de don en syn mannen yn ien smook oermasterje. Wylst se fuortbrocht wurde, kinne se al net mear protestearje. Pottelomme komt út syn sit en giet tusken de berjes stean. Hy siedt. Skombekjend ûntbleatet er syn swurd. Hy lichtet de doek fan in helhûn. Djippe swarte eagen yn in bonkige, skylde troanje ljochtsje him fol hate oan. Moai sa, dit libben is noch net útdwêst, hy mei it sels dien meitsje. Hy jout in japs troch

de kiel fan de finzene en lit him deabliede. Ek de twadde duvel slachtet er ritueel. Bloedslj skuort er de doek fan de tredde ôf. Syn swurd klettert oer de flier, de knibbels bejouwe him, hy sakket neist de berje del. 'Wee my, wee my,' stoanet er. Hy stoarret in tiidlang wezenleas foar him út.

De fêstbûne jongkeardel tilt justjes de holle op. 'Heit,' seit er swiermûlich. En as Pottelomme ridderslein sitten bliuwt, nochris: 'Heit.'

De grutte hearsker komt einlings yn it ferset. Hy ferrept him wer, krûpt tichter by en seit mei in fersmoarde stim: 'Herzfeld, myn soan, bisto it echt?'

'As heit my genedich wêze wol al,' andert syn stamhâlder sûntsjes mar dúdlik.

'Ik miende datst dea wiest,' stjittert Pottelomme. 'Wat komt my no oer?'

'Dyn ferlerne soan keart werom. Deemoedich en beroufol.'

Dy wurden komme Pottelomme oan it moed. Syn ferbjustering feroaret yn soarch.

'Hawwe se dy slim tatakele?'

'It gappet wider as it byt,' seit Herzfeld manhaftich. 'Myn bonken binne noch hiel.'

It herte tilt Pottelomme. Fan ferromming lûkt er in swiere sike. Hy hoecht net foar it libben fan syn soan te freezjen. Syn noed begjint oer te hingjen nei selsbeklach. 'Do by de Heaven's Devils,' fersuchtet er. 'Hoe hast my dit dwaan kinnen?'

'Ik wie alles ba,' bychtet Herzfeld op. 'Ik woe wat oars, wat folslein oars. Dy duvelssekte wie myn sin. Wylkjeje troch Fryslân, gefaarlik wêze sûnder konsjiinsje. Dêrom moast ik foargoed brekke mei myn ferline, oars waard ik net yn dy rûnte opnommen. Yn in bargehok efter in herberch te Kofurderrige fermoarde ik de postrider fan

Yndyk. Hy hie myn postuer en ik skeinde him ûnwerkenber. Om neisykjen troch syn folk foar te kommen, brocht ik him temûk in hiel ein fuort, nei Surhuzum. Dêr die ik him myn harnas oan en lei him nochal gapsk yn in somepe, op hope dat er mei gauwens fûn wurde soe. Doe bestie ik net mear, sa koe ik in nij libben begjinne. Myn maten en ik bekroaden ús om god noch gebod. Wy waarden wat langer wat dryster. Mar altyd sochten wy lju út, dy't gjin partij foar ús wiene. No't ik sels troch in oermacht ferslein bin, besef ik hoe ferkeard ik west haw. Ik bin ta yntinken kommen. Myn libben of dea lis ik yn heit syn hannen.'

Pottelomme strôtskrabet. De bekentenis troevet wol ta mar oandienens ferlammet net mear syn tinzen. Hy hat himsels wer yn 'e stokken. 'Wêrom wiene dyn swurd en dolk net by it lyk?' frege er. Herzfeld slokt. 'Dan like it in rôfmoard. En it swurd woe ik hâlde om te fjochtsjen. De dolk koe ik nei de moard yn it tsjustere hok net mear fine.'

No oppenearret him de betûfte politikus, dy't nei it eigenbelang jimmer oan dat fan it lân tinkt.

'Nano is hjir ek,' fernijt Pottelomme.

Herzfeld skuort grutte koartseagen op. 'Nano? Dy hat hast tsien jier fuort west. Ik wit net iens mear, hoe't se derút sjocht. Ik wie noch mar sa'n jonkje, doe't se ferdwûn.'

'Dat is dyn gelok dan,' seit Pottelomme grimmich.

'Trije Heaven's Devils hawwe har diskant Jistergea heislik oantaast.' Herzfeld hâldt him wyslik stil.

'Se is ûntkommen út de abdij foar aadlike froulju te Rijsboarch by Leien yn Hollân,' ferfettet Pottelomme. 'Sy woe ek wat oars, krekt as dy. Mar sy wachte oant se mearderjierrich wie en wynde doe stikem út. Se socht it ek net yn moard en deaslach, mar yn godsfreze. Gelokkich waard de ûnwennigens har op 't lêst ûndrachlik. Se

kearde nei har honk werom. As troch in wûnder binne wy mei ús trijen feriene. No moatte wy soargje foar in krêftich neiteam, sadat ús skaai net útstjert. Dêrta silsto Nano boaskje.'

'Mar sy is myn muoike,' protestearret Herzfeld. 'Dat soe bloed-skande wêze.'

'Net by keninklike famyljes,' ornearret Pottelomme. 'De bern sille alle goeie eigenskippen fan jim ervje.'

'En alle minne,' haspelt Herzfeld tsjin.

'Hast har oantaast, kinst har ek boaskje,' smyt Pottelomme him foar de skinen. 'Meist bliid wêze dat se dyn duvelstroanje net werkend hat, oars hie se it wol sein. En gjin gemier mear! Ast net om lyk wolst, giest no om in luchje.'

Herzfeld bynt him yn. 'Meitsje de touwen los,' seit er, 'dan kinne wy it ôffûstkje.'

Foarsichtich snijt Pottelomme de byntouwen troch. Herzfeld byt op 'e tosk en bliuwt even lizzen, oant it pimperjen fan it frijút streamende bloed saksearre is. Hy speaket him de lea en komt oerein. Ridlik ûntheistere

troch tiids stoarmen ferriist dêr de machtige boarch fan it Keningsgambyt. Wat al ûnken, fretterich as in kliber molwrotten, binne ûnder dy sâltbebiten fondaminten troch gien. Wat al pleagen, roppich as in binde wolven, hawwe besocht om by dy fochtberinge muorren lâns yn te slûpen. Wat al rampen, fûl as in flecht gieren, binne iezjend oer dy wyngisele kantielen draaid. Allegearre omdoch.

Grutsk wiist de pyk fan de koperen ridder op de heechste toer, de donjon, nei it westen. De punt ôfkeard fan de reafingerige moarnsdage. Malkerich steane ruter en peard ôftekene tsjin de parlemoer-

nen loft. Se binne ûnskiedber, dy twa. Tegearre hawwe se it wikselsjend firmamint beriden. Stapfoets fan gouden himelstrannen nei blauwe lagunen, fjouwerjend troch flamjend jûnsrea, dravend oer de molkwei, stegerjend tsjin laaien wolkebergen mei wite tongerkoppen. Stânfêstich yn de ivige omgong fan de seizoenen. Fêstrustke oan de spil dêr't se om draaie moatte.

Yn de kelder fan it kastiel wachtsje twa ta-de-dea-wiisden op harren iepenbiere eksekusje. Dynte is skuldich befûn oan majesteitskeining, Nier oan kroanwapenberôving. Yn muorreringen fêstset, hingje se beide mear as dat se steane. It is roettsjuster. Ratten risselje har om 'e fuotten, de tinne sturten gliere har tusken de teannen troch. Lang hawwe se it pratende holden, mar no is alle kriich der-út. Djipper en djipper sakje se yn eangst en pine.

Foar it lêst ferbrekt Dynte it moardzjende stilswijen. In blinkje fan froulike nijsgjirrigens. 'Filtskoech sei, datsto earst in oar frommes by dy hiest. Wa wie dat?'

'Benedictine,' kreunt er út syn yngewant wei. 'Ik koe har net kwyt wurde.'

'Wie se moai?'

'Lidermoai.'

Dynte suchtet. It lijen riuwt har mei grouwéliger stekken yn.

Einlings rattelje kaaien. In slot klikt, in skoattel knerst, stuoelheaken kriezje. Boppe-oan de trap flikkert in toartse. Fuotstappen galmje tichterby, it skynsel dunet oer de muorren. Mokers bûtse de pinnen út de muorreringen. Bollepysten petse op rûngeare rêgen. Dynte en Nier stoarrelje it ljocht fan har rjochtdei temjitte.

Bûtendoarren skilderje swierbewapene fuotfeinten. In stekwein stiet ree. Dêrop wurde se útspeake fêstbûn. Elk oan in sydkant mei touwe om ankels en polzen, de holle troch in strûp. Oer de rattelbrêge giet it de stêd yn nei it galgefjild Blokhúsplein.

Dêr is it folk gearboske. Ornaris stjoert Pottelomme, neffens klasysk foarbyld, as er in redefiering hâlde sil, mannen mei readferve touwen tusken har yn troch de strjitten. Ider dy't him net nei it plak fan de gearkomste rept, kriget in feech ferwe op 'e klean en wurdt nei it martelhûs brocht. Mar dat hoecht diskear net. Der falle deaden en dan is it folk derby as de âlde roeken. Ek de tribunen

foar de eallju binne sittend fol. Efter it sprekkersstuolte tuorket in beamheech spandoek mei trije libbensgrutte krunen en in kolosaal slachswurd derop. Muzio hat eare fan syn wurk. Pottelomme sels bylket yn it brat op in rynsk beflagge balkon. Rjochts fan him Nano, lofts Herzfeld, mei in ferbân om it kin en in lape foar ien each.

De stekwein rydt it galgefjild op. It folk bûcht en tilt. Elkenien fergappet him oan Dynte. Oaren dy't har foargien binne, waarden altyd mei smoargens bekûgele. Sy net. Har sljochte seklinnense jûpe bliuwt smetteleas.

Nier kriget hast gjin omtinken. Inkeld ien rottich aai en in bûksike par spatte op syn deahimd stikken.

De wein hâldt foar it skafot. Even krije se de frijheid. Se kinne samar op de planken ferheging oerstappe. Dêr wurde se yn de boeiens slein en wer te kyk set. Dynte oan de peal fan de brânsteapel, Nier oan it houblok fan de boal. Dy stiet ûnferskillich neist syn bile, in knûst op it útein, in foet op de kop. De sneed dêrfan is bespattere. Ringsom binne mear as fjirtich drippende hollen op staken speetst. It hiele skuttersgild, fan Santsjes Panse oant en mei Don Quickshot. Ek de ûnthalze grytman Filtskoech gniist him dea. Hy is út 'e geunst rekke.

Noch hawwe Dynte en Nier it net hân. Earst in defilee fan de aldernijste strategyske wapens. It rôljend materieel is mei seilkleden bedutsen om spionnaazje foar te kommen. In leppelblide mei trije leppels, in slingerblide mei fiif skuon, in oestel mei seisentritich pylken, in springiel mei tolve sjithichten, in likeheech mei twa hânliften, in kattepûl mei sân lieren, in ballista mei fjouwer earms en in rammeie mei njoggen koppen. Wapens fan in allesferneatigjende krêft. Yn ien klap is dêrmei in peloton folslein út te rûgjen.

Dan is it wurd oan Pottelomme. Under tromroffeljen en klaroen-

sketterjen hiset er him yn it sprekkersstuolte, folge fan Lolli. As de muzyk swijt, ferstommet op slach it rûzjen fan dy ûnúteachbere minskesee. Pottelomme set in grutte trachter foar de mûle. Lolli hâldt it earste fan in hânfol rôltsjes perkamint ûnbeweechlik foar syn hear omheech. Dat falt net ta, want it waait rillich. Pottelomme lêst en sprekt:

‘Nommele lânslju! Foar’t de lêste kop hjoed falt en in libben fjoerwurk dizze gearkomste ôfslút, moat ik noch gewach meitsje fan in stikmannich steatswichtige saken. Fijjannen fan de demokrasy dêr yn it westen, yn Hollân, sille wer tinke dat ik gjin boadskip oan harren haw. Mar ik sis harren jïtris: Ik lit my net op ’e kop skite! Want Fryslân, de steat, dat bin ik! De ... nee, dat net, dat oare, dêrnjonken, dy net, okse, dy, ja, dy... Fryslân ferwachtet fan elke man, dat er syn plicht dwaan sil. Ik haw oars gjin tatyngje foar jim as bloed, swit en triennen. Noch ien sa’n nederlaach en ik haw oerwûn!

Troch it almachtige bestjoer fan hegerhân ... ferjamme, toe no, dy dêr, rjochts dêrfan, rjochts, nee, moalpûde, dêr, dy is it ... Nommele lânslju. Foar’t ... dizze ek net, grutte kloot, ha’k al hân, dêr is it, nee, dat, datte, ja, dat, net op ’e kop hâlde, oarsom, tichterby, noch in bytsje, ja, sa... De Upstalbeam groeit en bloeit, libbet as in hert. Fan Aurich yn it easten oant Bredstedt yn it noarden oant Ljouwert yn it westen hinget in izeren gerdyn. Ik fal oan, folgje my! Grut-Fryslân sil wer de kusten fan West-Europa behearskje! Fierders bin ik fan betinken dat De Haach ferneatige wurde moat.’

Pottelomme nimt in romerfol wyn út en ferfettet: ‘Dat wie de bûtenlânske polityk. No de binnenlânske saken. In ûnwierskynlik lok is ús naasje tafallen. Troch it almachtige bestjoer fan hegerhân weromskikt út finzenskip en dea, sitte hjir oan wjerskanten fan my myn ynleave suster Nano en myn djip betreure soan Herzfeld. Meikoarten sille se boaskje. In nije staach begjint út te botsjen. Dat

de oansteande trouwers noch lang libje meie om, as ik der net mear bin, myn wurk te foltôgjen ta lok en seine fan it Fryske folk. Hoera, hoera, hoera!’

Trije kear swaait Pottelomme de fûst omheech en alle oanwêzigen falle him yn syn heilwinsk by. Hy ferlit it sprekkersstuoelte en jout him tusken syn migen op it balkon. It folk rekhalzet nei it skafot. Sisa, dy taspraak is dien, no kin der wer bloed streame.

De boal kriget in bluodderige blyndoek fan it hou blok, makket Nier syn fuotten los en bringt him each yn each mei Pottelomme. ‘Noch wat te melden?’ brommet de tiran.

Nier syn lea skokke krampachtich. It stjerket him ek, mar troch de ljochtspatten hinne stiet it klear foar him. Hy ken Nano, sy is Benedictine!

‘Sjoch my oan ast antwurdest,’ graut Pottelomme.

‘Ik haw jo it libben rêden,’ ropt Nier mei in hege oerslaande stim Nano ta. ‘Helje my no foar de dea wei.’

Pottelomme sit fersteld. Hy polsket syn suster.

‘Is dat wier?’

Nano bûcht har fansiden. Pottelomme lit syn blomkoalear nei har hingje.

‘Interdum stultus opportuna loquitor,’ seit se súntsjes dêryn.

‘Moat ik him sparje?’ freget har broer.

Nano knikt. Pottelomme stekt de tomme omheech. De boal stallet him wat tebek. It folk lûkt in swiere sike fan teloarstelling.

Nier falt op ’e knibbels. ‘Gracia,’ prevelt er. Hy sil in smeekebea foar Dynte ta har rjochtsje, mar is te let. Nano sjocht him net mear. Se riist oerein en eaget oerside.

Dan kriget Dynte alle omtinken wer. Sels Pottelomme giet derby stean. O, hy genietet mei elke rizel fan dizze útsetter. It offerjen fan dit iene skoandere wezen lit syn machtposysje trefliker útkomme as

de eksekúsjes fan al dy oaren mei-inoar. Hy, Pottelomme, bringt in ôfgoadinne om, dy't temûk troch elke stjerling oanbidden wurdt. Syn hearskippij is ûnbegrinzge. Hy stekt in earm út en wiist. 'Sjoch dêr, in duvelinne yn ingelgedaante. In moaikert, lyk as Helena fan Troje lang ferlyn. Mar dizze kin net in oarloch útlokje, sa't har ferneamde foargongster dat koe. As dat it gefal wie, soe ik graasje oan har jaan. Nee, dizze kin inkeld sinnen begûchelje, gjin goeie wurken ferrjochtsje. Dêrom is se in hekse. Dêrom moat se libben ferbrând wurde.'

Hy jout de boal in teken. Dy lûkt in readgleone stêf út de fjoerpot. Nier swilet al syn moed en lûd gear.

'Ik wol mei har trouwe!' raast er oer alles hinne.

Pottelomme nokkert grimmitich. 'Dat wolle wy allegearre. Dêrom sil it net barre.'

De boal set op Dynte ta. Se kin gjin lonte mear jaan. Baaiend yn har eangstswit slacht se de eagen omheech. Se stjert yn skientme. In ruter strûst troch de weagen fan de minskesee. Syn hynder lit in skomspoar efter. It is ridder Salvio op de SHIRE TORNADO.

Hy swaait mei in brief en ropt oan ien wei: 'Se komme, se komme!' Pottelomme klattert by it balkontrepke del en platpoatet nei de râne fan it skafot. Salvio springt fan it hynder. 'In boade brocht dit, hear,' wynhapt er. 'Ik mocht yn jo ôfwêzen alle ynkommende post op it kastiel iepenmeitsje. Dit like my sa wichtich ta, dat ik it daliks oan jo bring.'

'Lit lêze, lit leze,' seit Pottelomme, ûngeduldich mei de fingers knippend. 'Boal, wachtsje noch even.'

Salvio langet it epistel oer.

- Ik, Willem IV, greve fan Hollân, Seelân, Henegouwen, ensfh. ensfh., fernommen hawwende fan kaptein Slaadfink, foar dea te Medemblik oanspield, dat Fryske terroristen syn skip foar Skeveningen kaperen,

him twongen myn Ingelske breid oer Amsterdam nei Fryslân te ferfarren, him en syn hiele bemanning op de Sudersee oerboard smieten; fan betinken wêzende dat Fryslân gjin miss wurdich is; yn omtinken nimmede dat ik foar de winter dochs al mei jo ôfweve woe; ferklearje jo hjirby de oarloch. Te Inkhuzen leit myn ynvaazjefloat ree mei mitselders, oppermannen, kalk en stiennen oan board, om twangboargen foar de Friezen te bouwen, sadat se my earbiedigje en myn gesach tjilde sille. Heechst persoanlik sil ik mei myn hearleger 26 septimber 1345 by it Reaklif oan lân komme en trochstjitte nei Warns. Mei gefoelens fan djippe ferachtinge, Willem IV, greve fan Hollân, Seelân, Henegouwen, ensfh. -

Noch wol de tiding net yn Pottelomme del. Hy moat jitris lêze. Dan beseft er, dat syn leafste winsk neikommen is. Hy wurdt ynienen alhiel hoera. Earst giet er nei de brânsteapel.

‘Do hast it klearspile,’ seit er net sûnder bewûndering tsjin Dynte, wylt er har eigenhandich losmakket. Hy lit troch de boal Nier derby helje.

‘Ik ferbalje jim tegearre nei Appelskea, dy Fryske enklave yn Stellingwerwer gebiet,’ beslist er. ‘As ik de slach win, binne jim frij.’ Foar de twadde kar hiset er him yn it sprekkersstuolte. Hy set de trachter foar de mûle, wappert mei de oarlochsferklearring boppe de holle en boldert optein: ‘Nommele lânslju! It giet oan! Oarloch yn ús tiid! De striid tsjin dy smoarge Hollanners kin einlings begjinne!’



